

DE LOF FAN DE HEALWIZENS

DESIDERIUS ERASMUS

MORIAE ENCOMIUM

dat is

DE LOF FAN DE HEALWIZENS

Oersetting: P.W. Brouwer

STIFTING ELEKTROANYSKE LETTEREN FRYSLÂN

*Útjân mei stipe fân:
– de provinsje Fryslân*

ISBN 90-71560-01-5.

ISBN INTERNET: 90-71560-02-3.

NUGI 612

© 2001 Piter Wibertus Brouwer, Rotterdam

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat der skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôf giet.

Foarmjouwing en setwurk: Bornmeer DTP, Wânswert

Printwurk: Wöhrmann Print Service, Sutfen

In útjefte fan de Stifting Elektroanyske Letteren Fryslân, www.elfelf.nl

OER ERASMUS EN DE “LOF FAN DE HEALWIZENS”

I. OER ERASMUS (1466 - 1536), DE PRINS FAN DE HUMANISTEN

Erasmus wie in man fan letteren en fan wittenskip, en ien fan de grutsten. Hy krige fan syn tiidgenoaten de earenamme taskikt: “de prins fan de humanisten”.

Syn kreative bertejier is net wis, mar hy libbe yn de tiid fan de Renaissance, in tiidrek dat akseptearre mieningen op nij besjoen en feroare waarden. It wie ek in tiid dat ideeën út de Grykske en Romeinske Aldheid wer wat de guit krigen, te’n koste fansels fan de Kristlike en Joadske ideeën dy’t de hegemony fan Bibel en Tsjerke meibrocht hie.

Troch syn ferneamdens sochten de machtigen fan de (Europeeske) ierde syn selskip: keningen en kardinalen, pausen en professoaren, baronnen en burokraten.

Syn bekendste wurk is *Encomium Moriae*, wat Gryksk is foar *De Lof fan de Healwizens*. It wurk is fierder yn it Latyn skreaun. It wurdt faak beskôge as in pamflet tsjin de misstannen yn de tsjerke, mar dat is eins net it haadtema. De Lof is in boek dat sjen lit hoe’t it reedlike en it absurde yn wrâldberin en yn libjen en tinken fan de minske ien grutte tizeboel foarmje. De Lof docht dat mei grutte humor.

Yn de njoggentjinde ieu waard Erasmus beskôge as in frijtinker en as in foarrinner fan Voltaire. Yn ús tiid sjocht men Erasmus earder as in geniaal stylist, mar net sasear as in frijtinker of in oarspronklik tinker.

Erasmus hat him fierder dwaande holden mei:

– de ferdigening fan it Latyn dat ommers as mienskiplik Europeeske skriuwtal it symboal fan kultuer, wittenskip en ynternasjonale alluere wie,

– it ferbetterjen fan kristlike tradysjes, har minskliker en helderder meitsje, tsjin alderhande byleauwe en de hannel yn ôflaten yn,
– it fernijen fan it ûnderwiissysteem troch it ferbetterjen fan metoaden fan ûnderwiis, it publisearjen fan tagonklikere grammatika's en it stiftsjen fan de “Trijetalige skoalle” te Leuven.

2. DE KAAIIDEEN FAN ERASMUS

Pasifisme

De man stinde om op de skriklike sosjale gefolgen fan oarloch, ferlykje ek de noed fan syn freon Thomas More dêroer lykas werjûn yn de *Utopia*. Hy besocht troch syn skriuwerij keningen en oare machtigen fan it belang fan frede te oertsjûgjen, almeast sûnder fertuten.

Tsjerkefernijing

De funksje fan de tsjerke is neffens Erasmus de befoardering fan it leauwe. De tsjerke moat net as in steat bestjoerd wurde. Troch dat stânpunt stie er faai foar de ôfkarring fan de tradysjonele teology en har misdiedige militêre wjergader, de Ynkwisysje. Lykwols woe Erasmus de tsjerke fan binnenút feroarje. Ofskieding seach er gjin heil yn.

Tollerânsje

Erasmus wie fan betinken dat men in oar syn ideeën net absolút feroardiele koe, fanwege it dûbele en dêrtroch relative aspekt fan alle minsklike saken: it wize is mongen mei it absurde, it reedlike mei it ûnreedlike. In minske syn gelyk is net ivich en net absolút. Dêrom woe er him net mei Luther encanaillearje.

Europeeske kulturele ienheid

Hy beskôge himsels as in boarger fan de wrâld, net ferknotte mei ien spesifyk lân, mar bern oan hûs yn alle Europeeske lannen dêr't kultuer en humanisme bloeiden.

3. IT FERHAAL FAN SYN LIBBEN: MEASTAL ÛNDERWEIS

Erasmus hat hiel wat ôfreizge, op syk nei aventoer, nei nije bibelske boarnen, seldsume manuskripten, ekskwize keunst, akademyske petearpartners, âlde freonen en finansjele stipe. Hy hie in enoarm netwurk fan tûke tinkers oeral yn Europa.

Hy waard berne op 27 oktober, fan nijsten yn 1466. Syn heit wie in priester en men tinkt dat er in bûtenechtlik bern wie.

Syn skoaljierren brocht er yn Hollân troch. Doe't er muonts yn it kleaster fan Steyn waard, learde er skriuwen, Latyn en teology en ûntjoech him syn kritysk tinkfermogen en syn wille fan skriuwen en debat.

Hy hat it letter betreurd dat er yn in kleaster gongen wie doe't er jong wie. Neffens himsels is er der yn praat. Hy is der al rillegau wer útstapt en letter hat er in dispensaasje fan Paus Leo de Tsiende krigen, dat er "yn de wrâld" bliuwe mocht.

Hy seach foar it earst wat fan de wrâld doe't er as sekretaris fan de bisskop fan Cambrai it hof fan de hartoch fan Boergonje besocht, en as wrâldfrjemde studint de universiteit fan Parys.

Yn Ingelân waarden de romrofte humanisten Thomas More en John Colet syn freonen. Hy wie studint en professor, al sa't it útkaam, op de kolleezjes fan de Universiteit fan Cambridge en hy genoat de beskerming fan kening Hendrik de Achtste. Hy naam lykwols nea in fêste betrekking oan, nei alle gedachten om't er fan reizgjen hold en sa min mooglik ferplichtingen oangean woe, dat er frij wêze soe om te skriuwen en te wittenskipjen sa't it him útkaam.

Yn Itaalje, tusken 1506 en 1509, seach er hillige en antike plakken, besocht er biblioteken, ûntwikkele syn kennis fan it Gryksk en mette er ferneamde gelearden. Wat him lykwols ôffoel wiene de moraal en hâlding fan de paus en syn klerikaal fermidden, bygelyks de sljochtens nei oarloch fan Julius de Twadde.

Syn prestaasjes makken him bekend en erkenning kaam doe't er adviseur fan Charles de Twadde foar de Lege Lannen waard. Yn dy hoedanichheid bereizge er Antwerpen, Brugge, Gent, Mechelen, Leuven, Brussel en Anderlecht.

De lêste jierren fan syn libben sette er him yn Bazel nei wenjen. Nei syn dea kaam syn wurk op de Yndeks fan ferbeane boeken. Yn de Katolike wrâld leit er op in minne namme om't er deselde kryptyk hie op de tsjerke as de herfoarmers.

4. JIMMEROAN WARBER: OER IT WURK FAN ERASMUS

4.1. Erasmus syn stijl

Hy koe hiel goed tradysjonele problemen op 'e nij delsette en se sa tichter by in oplossing bringe. Hy brocht de tekstwittenskip op in akseptabel wittenskiplik peil, dêr't men foarhinne fierhinne op autoriteitsargumenten en eksegeze fertroud hie. Erasmus argumentearre, liet sjen dat bepaalde teksten oantoanber net doogden, dat der ynterpolaasjes yn sieten fan lettere auteurs, en sa fuorthinne. Hy makke ek gebrûk fan humor om syn teksten meinnimmer te meitsjen en syn opponinten belachlik.

4.2. In warber briefskriuwer

Syn korrespondinsje hat nei alle gedachten bestien út sa'n tweintich tûzen brieven dêr't wy noch sa'n trije tûzen fan oer ha. Dy binne adresearre oan keningen en klerken en alles dêr tusken yn, fan Spanje oant en mei Polen. Guon dagen skreau er fjirtich brieven!

4.3. *Adagia of wol Sprekwurden*

Erasmus syn meast lêzen boek yn syn eigen tiid wie de *Adagia* (1500), in list fan sprekwurden en riejouwingen. By de sprekwurden sit ek wol sosjale krytyk, útlis fan filosofyske ideeën en sels brûken en wensten.

4.4. *Colloquia*

De *Colloquia* ûntstienen doe't Erasmus better lesmateriaal foar syn studinten Latyn makke as wat der foarhannen wie. It begûn as wat sitaten en dialogen yn 1497, mar yn de rin fan de tiid groeiden se hieltyd fierder út. De útjefte fan 1530 waard yn fjouwer jier tritich kear op 'e nij printe. Yn 1533 brocht Erasmus 60 dialogen op 'e merk dy't allike goed ferkochten. Yn de measten fan dy dialogen hat Erasmus deselde toan as yn *de Lof fan de Healwizens* (1509): aktueel, humoristysk en relativearjend. Wat begûn as lesmateriaal foar taalstudinten rûn út op literêre ferdivedaasje foar folwoeksenen. De karakters yn de dialogen binne dieven, keaplju, muontsen, priesters, skoalbern en passanten. Mar Erasmus syn populariteit waard minder doe't de tiid fan it frije tinken ophold, as in gefolch fan de striid tusken de katoliken en de herfoarmers. De *Colloquia* kaam op de paapske Yndeks fan ferbeane boeken yn 1554 en waard dêr pas let yn de njoggentjinde ieu (!) wer ôfhelle.

4.5. *Enchiridion en Institutio*

De *Enchiridion* (1503) is fan toan serieuzer as de *Colloquia*. It boek wurket in kristlike libbenshâlding út. It grutste kwea fan syn tiid wie, neffens Erasmus, in dom soort formalisme dat rekken hold mei wat de tsjerklike autoriteiten seinen, mar net mei wat de Kristus sels woe of bedoelde. De *Enchiridion* is yn feite in soarte fan preek. By de *Enchiridion* heart de *Institutio Principis Christiani* (1515), skreaun as in advys oan Carlos de Fyfte fan Spanje. Dêr

wurdt út de kristlike moraal in wrâldske moraal formulearre. It is in soarte fan libbensleare foar de kristlike prins, in pendant fan *De Prins* fan Niccolo Macchiavelli. De prins wurdt sjoen as in tsjinst-feint fan it folk, allyksa as by syn maat More yn dy syn *Utopia*.

4.6. *Bettere Bibeloersetting*

Syn grutste bydrage oan de Europeeske kultuer, nei de Lof, is in nije Latynske fertaling fan de Bibel út it Gryksk. Dêrmei wie er yn Ingelân al begûn. Mei de publikaasje fan de nije Bibel waard de âlde tekst fan St. Hieronymus, de Fulgaat, by de tiid brocht. Allegear flaters yn de âlde oersetting hat er ferbettere. De nije oersetting wie opdroegen oan Paus Leo de Tsiende. Nei de oersetting begûn Erasmus daalks oan in popularisearing fan de ynhâld, *de Parafrases*. Dy wie skreaun yn it Latyn, mar waard daalks yn ferskate Europeeske talen oerset.

4.7. *Wurk fan Erasmus yn it Nederlânsk*

Ofsjoen fan de Lof is der okkerlêst ek oar wurk fan Erasmus yn it Nederlânsk útkommen.

– *Oorlog*, (oorspronkelijke titel: Dulce Bellum inexpertis) vert. Nico van Suchtelen, uitg. Wereldbibliotheek vereniging, Amsterdam/Antwerpen 1969.

– *Over opvoeding en vrije wil*, inl. en annot. J. Sperna Weiland, uitg. Ambo, Baarn 1992.

– *De draagbare Erasmus*, inl. J. Trapman, uitg. Prometheus, Amsterdam 1993.

De ‘offisjele’ edysje fan Erasmus syn wurk is de Leidske edysje *Opera Omnia*.

5. OER DE LOF

Doe't er by syn freon Thomas More op besite wie yn 1509 skreau er de Lof fan de Healwizens (Moriae Encomium), syn bekendste en meast kontroversjele wurk. It has as foarbyld de Charon fan Lucianus. It is in lêzing jûn troch de personifikaasje fan de Healwizens. De Healwizens priizget iroanysk de sotte wanen fan de dei. De fertsjinsten fan de Lof is neffens de measte kritisy dat it de misstannen yn de tsjerke oanpakt. Wy leauwe net dat dat de reden fan de populariteit fan de Lof is. Ommers, der binne hûnderten pamfletten en boeken dy't misstannen yn de tsjerke oanpakke en net lêzen wurde. Yn feite is Erasmus syn moralisme yn de lof skyn: it is in reden ta ferdivedaasje. It moralisme wurdt brûkt om oare partijen lykas de minne muontsen of de domme minsken belachlik te meitsjen sûnder der lijk om te wurden. De Lof is de grutte treast foar alle superieure geasten by de waan fan de dei. It is it relativearjende aspekt fan de Lof dat frije geasten oansprekt. Erasmus sprekt yn syn boek as de healwizens sels. En dat jout al syn wurden in dûbele boaiem. As de healwizens by Erasmus wat ferstannichs seit (en dat is fakentiids it gefal) dan ûntstiet daalks in fariant fan de ligersparadoks. Alsa: "wat de healwizens seit moat wol ûnferstannich wêze; mar as it ferstannich is wat de healwizens seit, haw ik it dan mis as lêzer of is de healwizens eins wiisheid: hé, hoe sit it no?" En sa wurdt de lêzer oantrúnd en lit de fraachstikken oansnien troch de healwizens yn himsels omgean en feroarje hieltyd op 'e nij fan oardiel oer de healwizens oant er leart dat er syn eigen mieningen net fêst lizze moat (gjin absolút goed en kwea) en dat er bytiden better hielendal gjin miening ha kin. Mei de ûntdekking fan de feroarlikheid en de winsklikheid fan de feroarlikheid fan de eigen mieningen is Erasmus in foarrinner fan de ûntdekking fan de gaosteory. Der binne gjin etyske wierheden dy't ûnferoarlik binne. It relativisme dat

Erasmus yn de Lof sjen lit ha guon Roomske tinkers in protte argewaasje fan. Dat giet safier dat se sels op in wat ûnprofesjonele manier fan Erasmus kweasprekke (!). Wy siteare út in katolike ynternetensyklopedy:

“No one has defended him without reserve, his defects of character being too striking to make this possible. His vanity and egotism were boundless, and to gratify them he was ready to pursue former friends with defamation and invective; his flattery, where favour and material advantages were to be had, was often repulsive, and he lacked straightforward speech and decision in just those moments when both were necessary. ...His was an absolutely unspeculative brain, and he lacked entirely all power of acute philosophical definition; we need not wonder, therefore, that on the one hand, he was unable to grasp firmly ecclesiastical doctrine or deal justly with its scholastic formulation, while on the other he inveighed with extreme injustice against the institutions of the Church.”

(from J. Sauer, The Catholic Encyclopedia, Volume V, Online Edition, <http://www.newadvent.org/cathen/05510b.htm>. Remy Lafort, Censor, Imprimatur. John M. Farley, Archbishop of New York)

Sa sjogge wy dat de resepsje fan Erasmus binnen de katolike tsjerke net wakker posityf wie, faaks om't de pommeranten wol troch hiene dat it klassike relativisme en it frije tinken fan Erasmus potinsjeel in grut gefaar wiene foar de hegemony fan it morele twangjok fan de tsjerke.

6. OER DIZZE ÚTJEFTE

De oersetting is makke troch Piter Wibertus Brouwer út it Latyn wei en it Frysk is nochris neisjoen troch boppeskreaune. De oarspronklike fersje fan Brouwer is yn 1992 ferskynd yn in oplage fan 50 eksimplaren, printe troch de Dominikaner muontsen te Faals. De foar jo lizzende útjefte is printe yn in oplage fan 250 eksimplaren. Foar in ynterview mei Brouwer wurde jo trochferwiisd nei it tydskrift Kistwurk, nûmer 3 fan it jier 2001. Dizze útjefte is mooglik makke mei finansjele stipe fan:

– de provinsje Fryslân

It setwurk is dien troch magister Robert Seton, learre oan útjouwerij Bornmeer. Foar oare stipe en advizen betankje ik Eeltsje Hettinga en Goffe Jensma.

Eric Hoekstra
Ljouwert, 30 augustus 2001.

ERASMUS ROTERODAMUS THOMEA MORO SUO S.D.
Erasmus fan Rotterdam oan Thomas More de groetenisse.

Op myn lêste reis, werom fan Itaalje nei Ingelân, wie ik net fan doel alle tiid op de rêch fan in hynder, dy't de reis fan my fergje soe, samar te ferdwaan. Ik woe net de hiele dei mar wat eamelje, of wat ferdivedaasje sykje yn slop gejeuzel, mar leaver wat neitinke oer dingen, dêr't wy allebeide niget oan hawwe, en dy't ek ús freonen wille jouwe, lyk as ik merkbiten ha, doe't ik se allegearre yn Ingelân efterlitte moast. En Jo wiene de earste, dêr't ik doe oan tocht ha, myn bêste More. Ik ha altyd mei grutte wille oan Jo werom tocht, as wy fier fan inoar ôf wiene. En ik sis Jo mei alle klam, dat neat yn dit libben my mear wille jûn hat as Jo selskip.

En om't ik derfan oertsjûge wie, dat ik eat dwaan koe om de freonskip fuort te sterkjen, en de tiid fan reizgjen net gaadlik is foar earnstige oertinkingen, ha ik mar besletten, mysels de wille te jaan fan in Moriae Encomium, in priizgjen fan de healwizens. 'Hokker soarte goadinne Athene hat Jo dat yn 'e holle stutsen?' meie Jo my wol freegje. Op it foarste plak: it wie Jo namme, Jo frjemde mar aardige namme, dy't safolle liket op it Grykske wurd foar dwaasheid, Moria, safolle, as Jo der yn wierheid fier fan ôf steane, fan dy dwaasheid. Want eltsenien stimt my ta, dat nimmen der fierder fan ôf stiet, fan dy Moria, as Jo, Thomas More. Doe krige ik foar it ferstân, dat nimmen safolle wille hawwe soe mei dy gekjeierij fan myn kant as Jo, want Jo hawwe altyd safolle nocht oan grapkes fan dat soarte, dy grapkes dus, dêr't eltsenien noch wat fan leare kin ek. Want Jo hawwe altyd graach in Democritus boartsje wollen, in tinker, dy't fol grapkes sit, en yn dit stjerlike libben wolle wy soks graach mei Jo wêze. Jo binne sa yntelligent en sa orizjineel, dat Jo mieningen en oertsjûgingen fier ôf steane fan dy fan de gewoane man, mar Jo

komme sa freonlik en oannimlik by de minsken oer, om't Jo de o sa seldsume jefte hawwe om mei alle minsken altyd wer goed te wêzen, en Jo hawwe der wille fan ek.

Ik bin der wis fan, dat Jo dizze, myn lytse foardracht, graach oannimme wolle as in oantinken oan Jo freon, en dat Jo him ek ferdigenje wolle. Want hy is oan Jo opdroegen, dat no is er Jowes en mines net mear, en der sille wol aardich wat tipelsinnige lju op ôf komme, dy't besykje wolle it ôf te kreakjen, somliken troch te sizzen, dat myn brok ûnsin te oerdwealsk is foar in teolooch, en oaren, dy't sizze sille, dat it sarkasme, dat dêrút sprekt, net goed is foar it oansjen fan de Kristenen. Hja sille it ta de protters útskreauwe dat ik de âlde komeedzjeskriuwers as Lucianus wer ta libben brocht ha, en dat ik as in rudige hûn oeral yn bite wol. No, allegearre, dy't misledige binne troch los-sinnigens en grapkes yn in skôging as dizze, soene der ek ris oer tinke moatte, dat myn foardracht net it earste foarbyld fan sa'n skôging is. Wat ik doch is al folle earder dien troch skriuwers yn it ferline. Homerus hat him ieuwen ferlyn fermakke mei syn 'Oarloch tusken de kikkerts', Vergilius mei syn 'Langpoat yn it pôtiten', Ovidius mei syn nutebeam. Polycrates skreau in lofsang op de tyran Busiris, en Isocrates besocht him wer te ferbetterjen, Glauco hat de ûnrjochtfeardigens ferdigene, en Favorinus fan Thersites de trededeiske koarts. Synesius hie in protte wurdearring foar de kealens, en Lucianus hat skreaun oer de flie en de parasyt. Seneca hat grapkes makke oer de himelfeart fan keizer Claudius, en Plutarchus ek, yn syn petearen tusken Gryllus en Ulysses. Lucianus en Apuleius hawwe in sabeare earnstich stik skreaun oer in ezel, en immen, waans namme my ûntsketten is, oer de lêste wil fan in baarch, Knoarjende Knoar. En dat ferhaal stiet al by de Hillige Hieronymus.

As hja der nocht oan hawwe, kinne hja om my rêstich úthâlde, dat ik my al dy tiid mei wat kaperijtsjes dwaande hâlden ha, of

allinne mar myn eigen rydhynder beriden ha. Want it is winliken net earlik, om eltse minske syn eigen ferdivedaasje te litten, mar oan de gelearde minsken gjin inkeld tiidferdriuwing ta te stean, benammen net, as dy gekjeierij in ernstige eftergrûn hat, en de grapkes sa útwurke wurde, dat eltsenien, dy't der in bytsje trochhinne sjen kin, fansels foar it ferstân kriget, dat der mear yn sit as yn fernimstige of heechlearde skôgingen. Want as immen út allerhanne stikjes, dy't er hjir en dêr weihellet, in lofrede op de wolbespraaktens of de wysbegearte yninoar set, of in oar in hulde oan de regearders skriuwt, of in pamflet, dêr't er de Kristenen yn oantrúnt, in oarloch tsjin de Turken te begjinnen, of dêr't se de takomst yn foarsizze of oare folslein ûnbelangrike kwestjes yn oansnije, soe dat dan safolle better wêze? Lyk as der neat nuverder is as ernstige fragen mei neatsizzende grapkes út de wei te gean, sa is der ek neat sa fermaaklik as healwiis praat sa ernstich te behanneljen, dat it liket dat jo gjin grapkes ferneare kinne. Oft it my slagge is wol ik leaver sels net útmeitsje. Mar as myn eigenwaan my net hielendal te fiter hat, dan soe ik sizze wolle, dat myn lofsang op de healwizens noch sa healwiis net is. En oan de lju, dy't sizze, dat myn sarkasme te fûl trochbyt soe ik sizze wolle, dat it oan in skriuwer altyd tastien is, de gek te hawwen mei it dwaan en litten fan syn meiminsken, salang't er mar net echt grimmitich wurdt. Dêrom ha ik krekt yn ús tiid ek safolle earbied foar de hearen, dy't allinne noch mar plechtige taal ferneare kinne. Ja, der binne tsjintwurdich lju, dy't de godstsjinst sa op 'e kop sette, dat hja noch earder Kristus sels ernstich misledigje soene, of sokke misledigingen oanhearre woene, as dat hja de paus of de foarsten sokke misledigingen oanwriuwe litte woene, benammen as dat harren breakoer omskoppe soe. Mar kin men wol sizze, dat immen, dy't sûnder nammen te neamen, oer syn meiminsken wat skriuwt, de minsken byt? Of leart er se net earder, en lit er de minsken sjen,

hokker kant it útgean moat? En ha ik net fakernôch de gek mei mysels? En boppedat: as alle minsken yn soarten beskreaun wurde, dan is it dochs wol dúdlik, dat der allinne mar oer ûndeugden yn it algemien sprutsen wurdt, en net oer it hâlden en dragen fan immen yn it bysûnder.

Dat: as der ris immen opstiet, dy't ropt, dat er misledige is, lit him dan earst syn eigen gewisse mar ris neigean, of al least syn eangstme oer syn eigen hâlden en dragen. Ek de Hillige Hieronymus hat him al op dy wize ta de teannen út fermakke, en hy hat der fakentiids noch nammen by neamd ek. Ik ha der net allinne fan ôfsjoen ek mar ien namme te neamen, mar ik ha my ek yn taal en styl ynhâlden, dat de meilibjende lêzer sil as fansels begripe, dat it myn bedoeling west hat, de minsken wille te jaan, en net om se pine te besoargjen. Ek ha ik nearne, lyk as Juvenalis wol dien hat, omrierd yn dy geheime poel fan sûnden mar ik ha earder socht nei wat, dêr't om lake wurdt, as nei it skandlike. En as it no sa wêze soe, dat immen no noch in skalk each hat op wat ik allegearre skreaun ha, lit him dan betinke, dat it in grutte fertsjinste is troch de healwizens ferhúnd te wurden. Want ik ha alles wat folget de healwizens yn de mûle lein, en ik koe har net om de ien as oar ernstich prate litte.

Mar wêrom soe ik dat noch allegear tsjin Jo sizze moatte, Jo, dy't sa'n goeie advokaat binne, dat Jo ek by minne saakjes treflike ferdigeningen opsetten hawwe? Hâld Jo goed, rju learde More, en ferdigenje Jo Moria op Jo wize.

Ex rure, quinto idus iunias. / Op it lân, earne, 9 juny.

Taljochting fan de oersetter:

Yn de ynlieding is it noch net de healwizens, dy't sprekt, mar Erasmus sels, yn syn opdracht fan it boek oan Thomas More. Wol hellet er neffens de styl fan syn dagen foarbylden oan út de klassike âldheid. Sa binne neffens de klassike skriuwers alle godheden kommen út de holle fan de goadin Athene. En Democritus wie in filosoof út de fyfte ieu foar Kristus, dy't altiden laitsje moast as er de minske seach. Oare ferwizingen: Lucianus hat in lofsang op de flie skreaun, en in ferhearliking fan de parasyt. De oarloch tusken de kikkerts en de muzen is in parody op Homerus, út de fjirde ieu foar Kristus. En it testamint fan Knoarjende Knoar (Grunnius Corotta) wie in stik út in skoalleboek om trijehûndert hinne. Hieronymus, Erasmus hat al syn wurken útjûn, hat dat testamint al oanhelle.

Erasmus hat syn 'Declamatio' sels yn lytse haadstikjes ûnderferdiel en nûmere. Efter de foardracht hawwe wy lytse taljochtingen opnommen, oardere neffens de nûmers fan de haadstikjes, foarsafier as der oer sa'n haadstikje wat ta te ljochtsjen wie. Mear taljochting, en wat men fierder mar witte wol oer Erasmus en Thomas More is te finen yn fjouwer boeken, útjûn by útjouwerij Ad Donker yn Rotterdam:

Erasmus: *De lof der Zotheid*

Thomas More: *Utopia*

Johan Huizinga: *Erasmus*

Piet Brouwer: *Thomas More*

IN FOARDRACHT

TROCH

ERASMUS FAN ROTTERDAM.

I. DE FOARSTELLING BEGJINT.

Moria sprekt: Wat de minsken ek fan my sein hawwe— en ik wit o sa goed, dat de healwizens op in minne namme leit, sels by de folslein gekken — ik bin dochs de iennige, ja ik kin sizze de iennichste, dy't mei syn jeften de herten fan de goaden en de minsken bliid meitsje kin. Bewiis genôch is it feit, dat sa gau as ik nei foaren rûn om dizze goed besochte gearkomste ta te sprekken, in glimk fan blidens oer de gesichten gie, en alle tearen yn ien kear derút wei wiene. Jimme laken en klaptten mei sa'n opteinens dat, as ik om my hinne sjuch nei jim allegearre, om my hinne sammele, ik ek leauwe kinne soe, dat jimme dronken wiene fan nektar, lyk as de goaden op de Olympus, en dat dy der ek noch nepente yndien hawwe, in opwekkend middel, om eltsenien laitsje te litten. It liket wol, as binne al jim soargen weinommen, al seagen jimme der in pear minuten lyn noch út as wiene jimme noch mar krekt ûntkommen út de grot fan Trofonius. It wie lyk as it is, as de sinne syn leaflik oantlit riizgje lit oer de ierde, of lyk as nei in hurde winter de nije maitiid syn soele westenwyntsjes waaie lit en de nije kleuren en in soarte fan nije jonkheid werom komme. Sa hoege jimme allegearre my mar te sjen, om der ynienen folslein oars út te sjen. Grutte sprekkers moatte in protte tiid spansearje oan harren sprekkerijen, om dy ta te rieden, en dan hawwe hja it der noch swier mei, de oandacht fan de minsken al dy tiid fêst te hâlden, en de soargen en swierrichheden jimme út de holle te praten, mar ik doch soks daliks, en inkeld mar troch nei jimme te sjen.

2. MORIA : IN SOFIST.

Wêrom bin ik hjoed for jimme ferskynd yn dizze moaie klean?
Wel, dat sille jim hearre, as jimme der neat op tsjin hawwe, my de

earen te lienen. Nee, net de earen, dêr't jimme mei nei predikanten harkje, mar de earen, dy't jimme gewoanwei brûke op 'e merke, by de keaplju, de potsemakkers en de piassen, sok soarte fan earen dus, dy't yndertiid Midas brûkte om te harkjen nei Pan. Ik ha der nammentlik nocht oan, om by jimme de sofist te boartsjen, en dêr bedoel ik net mei ien fan dyjingen, dy't hjoed de dei wat ûnsin pompe yn de hollen fan skoalbern, en harren noch mear as de froulju it hjoed de dei ek al binne, eigenwiis meitsje yn har petearjen. Nee, ik sil de âldheid neifolgje, doe't de namme sofist allinne brûkt waard om de misledigjende namme fan filosoof of leafhawwer fan de wiisheid net brûke te hoegen. Harren doel en opdracht wie it, in lofrede te hâlden op goaden en helden. En it is in lofrede, dy't Jo no hearre sille, mar net ien op Hercules of Solon, it is in lofrede op mysels, Moria, de healwizens.

3. MORIA PRIIZGET HARSELS.

Ik bin net sa wiis as de wiisnoazen, dy't sizze, dat it de heechste foarm fan gekkichheid is, as immen opsprekt om himsels omheech te stekken, en dat soks gjin foech jout. It kin sa healwiis wêze as hja mar wolle, salang as hja mar tajaan wolle, dat it der by heart, by dy healwizens sels. Wat kin der nijsgjirriger wêze, as dat de healwizens har eigen fertjinsten oeral útbazunet, en har eigen lof sjongt? Wa kin my better úttekenje as iksels? Of it moast sa wêze, dat der immen is, dy't my better kin as ik mysels. En dochs tink ik, dat ik yn it algemien hiel wat beskiedener bin as de hiele kliber fan eallju en gelearden, dy't safier fan alle wiere geleardens ôfgroeid binne, dat hja in priissprekker of in rymler hiere, dy't foar in lyts foantsje sprekt, dichtet of wat jeuzelet. Dy lige dan mar wat, oer harren fertjinsten foar de keunst of de wittenskip, dy't hja net hawwe. En wilens sit sa'n o sa beskieden mantsje te pronkjen

as in pau as sa'n fliemske flaaier syn ûnbenullich persoantsje mei de goaden ferliket, en him oan de minsken foarspegelet as in toanbyld fan echte deugd. Mar de man sels wit mar al te goed, dat it allegearre ûnsin is, en nearne nei liket: de stil sittende krie hat fâlske fearen oankrigen, de Ethiopyske keamerling is wytwosken, en fan de flie is in oaljefant makke.

En dan wol ik graach meigean mei it sprekwurd, dat seit dat in man der goed oan docht himsels omheech te stekken, as der nimmen oars is, dy't soks docht. Hjirby, dit tusken heakken, moat ik my altyd wer fernuverje oer de ûntankberens fan de minsken. Want eltsenien is te bang of te loai om my de eare te jaan, en earlik ta te jaan, hokker woldieden as ik brocht ha. Troch de ieuwen hinne is der noch nimmen nei foaren kommen om in tankwurdsje te sizzen, en dêrmei de healwizens te priizgjen. Mar der binne genôch, dy't lampoalje en sliep opoffere ha, om harren lofredes út te arbeidzjen, om dêrmei tyrannen as Busiris en Falaris te earen, of de treddedeiske koarts of de kealens en dat soarte fan besikingen.

4. WAT HJA TINKT SEIT HJA.

Fan my sille jimme no in foardracht hearre, samar foar de fûst wei, en sûnder dat ik der lang op omstammere ha, mar dêrom ek tichter by de wierheid. En jimme moatte net tinke, dat ik dat sis, om sjen te litten hoe'n knappe sprekker as ik bin, lyk as de measten, dy't der krekt as ik foarsteane, dogge. Lyk as jimme witte, kinne hja mear as tritich jier opsette by in lofrede, dy't net ienris harres is, en dan in plechtige ied ôflizze, dat hja it as in grapke yn trije dagen skreaun hawwe, of dat hja alles samar hielendal út de holle opsizze. Ik foar mysels ha der altiten nocht oan hân om samar alles te sizzen, wat my foar de mûle komt. Tink

ek net, dat ik, lyk as de measte sprekkers dogge, earst útlizze sil, wa't ik krekt bin, en dan it ûnderwerp yndiele sil. Want beide dingen hawwe gjin inkelde sin: ik kin net omskriuwe wat my oermachtich en ûneindich is, en ik kin net yn ûnderdielen splisje wat troch de hiele wrâld as ien gehiel fereard wurdt. En wa is der mei tsjinne in byld te krijen fan mysels, as eltsenien my yn myn hiele hear en fear foar syn eagen sjen kin? Want ik bin, lyk as jimme allegearre sjen kinne, hja dy't alle wiere jeften jout, hja, dy't de Romeinen Stultitia en de Griken MORIA neame.

5. DE KAPE SEIT NEAT.

En wêrom noch sizze wa't ik bin, as eltsenien dat wol oan myn gesicht sjen kin, lyk as hja sizze, noch foar't ik myn mûle iepen dien ha? Eltsenien, dy't tinke soe, dat ik Minerva wie, of de wiisheid sels, kin maklik fan syn flater oertsjûge wurde allinne troch my goed oan te sjen, sels as ik noch gjin wurd sein ha, alhoewol't de wurden de bêste spegel fan de siel binne. Ik ha myn gesicht net opferve, ik ha gjin masker foardien, en wat yn myn herte libbet sis ik ek. Ik bliuw mysels, wêr't ik ek bin, en nimmen kin sizze, dat ik it net bin. Benammen dy minsken net, dy't der op steane it toanbyld fan de wiisheid te wêzen, ek al rinne se as apen yn poarper, en as ezels yn liuwefellen. Want wat hja ek dogge om it byld fan de wiisheid yn stân te hâlden, harren earen stekke derút, en litte ûs allegearre sjen, dat hja Midas binne. Der binne in hiele soad minsken lyk as ik. En ek hja, dy't net op my lykje wolle, kinne der net oan ûntkomme troch oaren as in learling fan my oantsjut te wurden. Hja binne hielendal net wiis fansels, en dochs wolle hja allegearre in Thales of in wiisgear wêze. Mar soe de bêste namme foar harren net 'morosoof', kenner en leafhawwer fan de healwizens, wêze?

6. DE DÛBELE TONGE.

Ek, sa liket it my ta, moat ik de grutte sprekkers fan ús dagen neifolgje, dy't fan harsels tinke, dat hja hast goaden binne, as hja lyk as de ierkloarkers mei twa tongen arbeidzje kinne, en it prachtich fine as hja mei in pear sleauwe Grykske wurden harren Latynske sprekkerijen opsnolkje kinne, al binne sokke wurden folslein oerstallich, en net op it goeie plak brûkt. En dan, as hja noch mear bûtenwenstige wurden nedich hawwe, djipje hja der in fjouwer as fiif op út âlde en fergetten hânskriften, âlde en net mear brûkte wurden, dy't de betsjutting fan wat hja sizze wolle yn it tsjuster litte, mar dy't tagelyk yndruk meitsje op de taharkers. De bedoeling is, neffens my, dat dyjingen, dy't se begripe, mear ynnommen binne mei harsels, en dat dy't se net begripe se mear bewûnderje nei't se der minder fan begripe. Want it heart ta de nocht en de wille fan ús soarte minsken om wat harren frjemd en ûnbegryplik foarkomt it meast te bewûnderjen. En de grutte sweeslaanders ûnder harren moatte laitsje en yn 'e hannen klappe en lyk as de ezels mei de lange earen flappe, dan kin eltsenien sjen, hoe goed as hja alles begrepen hawwe. No, dat wie it dan, no werom nei ús ûnderwerp.

7. MORIA : IN GOADINNE.

Jimme witte no, hoe't ik hjit. Mar hoe sil ik jimme oansprekke? Hoe oars as ûnwizelingen? Hokker oare of earfoller namme kin de goadinne Moria, de healwizens, oan har learlingen jaan? Mar foar alles wol ik, mei de stipe fan de Muzen, jim dúdlik meitsje, wêr't ik wei kom, en hoe't myn sibbe yninoar sit, want de measte minsken witte dat net.

Ik ha net Chaos of Orcus of Saturnus as heit, en likemin ien

fan dy ôftanke en ûnder de moude rekke goaden, mar Plutus sels, de god fan it kaptaal, de iennige god en heit fan goaden en minsken, wat Homerus en Hesiodus, ja sels Zeus sels der ek fan sizze meie. Hy hoecht inkeld mei syn holle te skodzjen, yn ús dagen likegoed as yn in skier ferline, om alles wat hillich of wat profaan is hielendal om te smiten. Oarloch, frede, regearing, konsily, rjochtspraak, gearkomste, houliken, kontrakten, ferdraggen, wetten, keunsten, grappen en swierrichheden – ik bin efter de pûst – yn ien wurd: alles, wat minsken dogge en fêstlizze, it wurdt alles regele neffens syn wil. Sûnder syn stipe soe de hiele bringst fan poëtyske godheden, ja, dat doar ik te sizzen, soe de Olympyske goadenkring sels hielendal net mear libje, of inkeld in hiel skriel libben hawwe mei it iten, dat hja sels yn 'e hûs hawwe. As immen Plutus net haget, kin sels Pallas Athene him net mear helpe. En as dêrfoaroer immen him meihat, dan kin er Zeus sels nei de barbysjes winskje, mei bliksem en donder en al.

Sjuch, op sa'n heit bin ik grutsk. En hy hat my net út syn holle komme litten, lyk as Zeus soks dien hat mei dy âlde en noartske Pallas Athene, mar hy hat my Jeugd as mem jûn, de leafste fan alle nimfen, en de geastichste ek. En Heit wie net oan Mem ferbûn yn in dreech en streksum houlik, lyk as de âlden fan dy mankjende smid, mar hy hat mei har de wiere leafde bedreaun, lyk as Homerus it seit. En benammen – fersin jimme net – myn Heit wie net de heal bline, útlibbe âlde Plutus, lyk as Aristophanes him beskriuwt, mar Plutus sels, doe't er noch jong wie, goed sûn, en noch mei al syn krêften, net allinne fanwege syn jonge jierren, mar benammen om de nektar, dy't er krekt dronken hie, doe't it barde, nektar, sterk en by it soad, op in gastmiel by de goaden.

8. DE BLIERE BERTE.

As jimme ek it plak witte wolle, dêr't ik berne bin, want de minsken tinke hjoed de dei as hja oer in eale berte prate, dat it in bulte útmakket, wêr't in bern syn earste skreau útgjalpt, ik bin net berne op it driuwende Delos, en net út de weagen fan de see, ek net yn in hoale of in grot, mar op dy fiere eilannen fan de silligen, dêr't alles fansels opwaakst. Arbeidzje hoecht men dêr net, der is gjin syktme en gjin âldheid, der steane gjin stikels op it lân, hoaspoddeblêd, surch, brannettels of hokker túch ek, mar oeral sjucht men moly, panacea, nepente, marjolein, ambrosyn, lotus, roazen, fioeltsjes en hyasinten. It binne allegearre túntsjes fan Adonis, dêr't each en noas te gast gean kinne. Tusken al dy nju en wille bin ik berne, en it seit himsels, dat ik myn libben net mei in gjalp begûn bin, mar dat myn earste wie in glimk nei myn mem. En ik fergun de machtige soan fan Kronos de geit net, dy't him tate jûn hat, want twa nutele nimfen hawwe my oan it boarst hân: Methe, de dronkenens, de dochter fan Bacchus, en Apeadia, de ûnkunde, de dochter fan Pan. Jimme kinne se allebeide sjen yn myn gefolch, mar as jimme de nammen fan allegearre myn hoflingen witte wolle, dy kin ik jimme allinne mar yn it Gryksk fertelle.

9. DE TSJINSTFAMMEN.

Dizze hjir, dy't de wynbrauwen omheech stean hat, is fansels Philautia, de eigenwaan. Dy oare, dy't eltsenien knypeachjes jout, en mei safolle wille yn 'e hannen klapt, is Kolakia, de flaai-kerij. Dy slûge, dy't mar heal wakker liket, is Lethe, de dûzigen. Dy dêr, dy't de holle op de earms lein hat, is Misoponia, de loai-

ens. En dy oare is Hedonia, it geniet. Se hat in roas yn it hier, en se hat der wol foar soarge, dat se der goed útsjucht. En dy dêre, dy't har eagen net stil hâlde kin, is de oerdwealskens, Anoaia. Dy heurige en fleurige wurdt Tryphe neamd, de glandigens. Jimme sjogge ek twa lytse godsjes, jongfeinten noch, tusken de froulju. De iene hjit fan Komos, feest, de oare Negretos Hypnos, sûs. Dat heart allegearre by myn húshâlding. Mei harren bring ik de hiele wrâld ûnder myn macht, sa, dat ek de grutste regearders foar myn regear bûgje moatte.

IO. DE EARSTE FAN DE GOADEN.

No't jim heard hawwe oer myn berte, myn bernejierren en myn freonen, wol ik earst wol sizze, dat it der net op lykje moat, dat ik de namme fan in goadinne hawwe wol, sûnder dat dêr reden foar is. Dêrom: harkje no goed, dan hearre jimme hokker grutte foardielen ik bring oan goaden en minsken, en hoefier as myn godlikens giet. Want as god wêze betsjut de sterkste minsken helpe, lyk as immen sa treflik skreaun hat, en as dyjingen, dy't de minsken wyn of nôt jûn hat, of wat oars, dêr't de minsken wille fan hawwe, as sa immen yn de rie fan de goaden opnommen is, wêrom soe ik dan net mei alle reden de Alpha fan de goaden neamd wurde meie, as ik alle goede jeften oan allegearre tagelyk útpartsje?

II. HJA JOUT ALLE LIBBEN.

Alderearst: Wat kin der swieter en kostberder wêze as it libben sels? En is eltsenien der net fan oertsjûge, dat it libben syn begjin oan my te tankjen hat? Want it is net de lâns fan Pallas, de

dochter fan de ferfaarlige Zeus, of it skild fan de wolkensamler sels, dy't de minsken ûntstean lit, en dy't it minskdom fierder libje lit. De heit fan goaden en minsken, dy't de hiele Olympus beevje lit, as hy de holle mar bûcht, moat syn trijetoskige bliksemskicht del lizze, en dat grimmitige titanegesicht, dêr't er alle goaden en goadinnen om him hinne mei kjel meitsje kin, glimkje litte, en himsels safier weismite, dat er as in toanielspylder in masker foar dwaan moat, as hy dwaan wol, wat er altyd docht: in bern oansette.

En de Stoisijnen, dy't, sa't wy allegearre witte, fan harsels tinke, dat hja ticht by de goaden steane, jou my in man, dy't in trije-, fjouwer-, of om myn part in seishûndertfâldige Stoisijn is, sels hy, al hat er in burd as teken fan syn wiisheid (in geit hat ek sa'n burd), hy sil syn grutskens ôflizze moatte, syn gesicht út de ploai helje, syn hurde begjinsels ferjitte, en hy sil in skoft fereale en healwiis wêze moatte, en him frjemd oanstelle. Wiswier: As in wiisgear heit wurde wol sil er my deryn behelje moatte. En ik kin noch mear planút sizze, wêr't it op stiet, as ik al plichte: Wat is it, freegje ik jimme, dat goaden en minsken ûntstean lit? Is it de holle, it antlit, it boarst, de hannen, it ear, allegearre sjoen as earbere lichemsdielen? Nee, neffens my. De fuortsetter, de oansetter fan it minskdom is dat lichemsdiel, dat sa dwaas en nuver is, dat wy it net neame kinne sûnder te laitsjen. Dat is de heimsinnige boarne, dêr't eltsenien syn bestean oan te tankjen hat, en net oan it quaternion fan Pythagoras. En fertel my no ris: hokker man soe syn nek bûgje wolle ûnder it jok fan it houlik, as er tefoaren dwaan soe wat wize mannen altyd earst dogge, foar't hja earne oan begjinne, en de foar- en neidielen fan it libben as trouw man ôfweagje? Of hokker frou soe noch in man nimme wolle, as hja witte soe, of inkeld mar tinke kinne soe oan de pine en de gefaren fan it op 'e wrâld bringen fan bern, en oan alle wurk by it grutbringen fan dy bern? Dat: ek as jimme jim libben

oan in houlik te tankjen hawwe, moatte jimme it feit fan dat houlik taskriuwe oan myn assistinte Anoa. En hokker frou, dy't it allegearre al ris meimakke hat, soe it noch ris belibje wolle, as net de godlike stipe fan Lethe der wie, dy't har alles ferjitte lit? Venus sels, wat Lucretius der ek fan seit, sil nea ûntstride dat sy neat yn te bringen hie, en neat klear krije soe, as myn godlikens har net skewielde. Sa komme út myn omgean mei de minsken, hoe nuver en gekjeierich as it ek is, de strange wiisgears fan alear, dy't men no muontsen neamt, mar ek de keningen yn poarper, de fromme prysters, en de trijefâldich hillige biskoppen. En ek noch de hiele kliber fan dichterlike goaden, dêr't safolle fan binne dat de hiele Olympus, hoe grut ek, se mar amper befetsje kin.

12. ALLES HAT SE JÛN.

Mar ik soe der net tefolle oer prate wolle, dat ik de boarne en it ûntstean fan it libben bin, as ik net bewize koe, dat wat der ek yn dit libben oan wille te belibjen is, it allegearre fan my komt. Wat soe dit libben wêze, ja, soe it wol libben neamd wurde meie, as der gjin wille yn it libben wêze soe? Ik hear jimme klappen, en wierliken, ik ha der altiten wis fan west, dat nimmen fan jimme sa wiis, of sa healwiis, nee, ik bedoel sa wiis wie, dat er tinke soe dat dat koe. Sels de Stoisijnen wize de wille net ôf, alhoewol't hja derop út binne om wat hja wierliken fiele te ferbergjen, en al skuorre hja de wille fan de minsken graach oan stikken, om, as hja eltsenien syn wille ôfnommen hawwe, der sels mear fan genietsje te kinnen. Ik soe harren my graach ris fertelle litte wolle, oft der wol eat yn it libben is, dat net tryst, mankelyk, aaklik, sûnder kraak of smaak, dwaas en walchlik wêze soe, as jo der net wat trochhinne mjukse soene: it piper en sâlt fan

de healwizens. Ik ha genôch bewiis fûn by Sofokles, in dichter, dy't nea genôch priizge wurde kin, en dy't my in prachtige hulde brocht hat mei dizze iene rigel: 'De ûnwittenens lit eltsenien folslein lokkich libje'. Mar lit ús no alle feiten ris efter elkoar sette.

13. BERN EN YN DE BERNSKENS.

As earste: eltsenien wit, dat de earste jierren fan elts minske fierwei de lokkichste binne, foar eltsenien ek fol nju. Wat is der dochs mei tatebern, dat eltsenien der gek op is, se út de widze hellet en der op om tutet, en se knobbet en noddet? Sels de fûlste fijân sil de lytse bern sparje. En wêrom? Hja binne troch de natuer seinige mei de leaflikens fan de dwaasheid, en sa kinne hja wat wille werom jaan as lean oan harren, dy't safolle wurk deroan hawwe om se grut te bringen, en hja kinne sa ek de herten stelle fan harren, dy't nei harren omsjen moatte. Dan komt de jonkheid, dy't eltsenien sa noflik fynt, dy't eltsenien ek tajûget en bemoediget. Eltsenien wol der ek graach oan meihelpe de jongerein foarút te bringen. No, wêr komt de leaflikheid fan de jonkheid wei? Fan my fansels, fan wa oars? Ik ha der foar soarge, dat de jonkheid mar sa'n bytsje wiisheid hat, en dochs o sa blier is. It is dochs in feit, dat sa gau as de jonge lju opgroeie, en se wat libbenswiisheid opbouwe troch ûnderfining en troch wat hja leard hawwe, dat dan de glâns der ôf giet, de opteinens der net mear is, en de bliere blidens ferdwûn. Hja doare ek safolle net mear oan. Hoe fierder oft se dan stadichoan fan my ôfgroeie, hoe minder oft se eigentlik noch libje, oant de swierre jierren komme, dat is de âldheid mei syn swierrichheden, en hja net allinne oaren ta lêst binne, mar benammen harsels. Dat alles soe foar in minske net te dragen wêze as ik der net wie, om dêrby in hântaast te helpen. En lyk as de goaden fan de

dichters de stjerrenden bytiden helpe troch harren fan gedaante feroarje te litten, sa rop ik de minsken, dy't op 'e râne fan it grêf steane, sa fier as it mar kin nei harren bernejierren werom. Dêrom sizze de minsken ek: hy of sy is wer yn syn of har bernskens. En as der immen is, dy't graach witte wol hoe't ik soks doch: ik wol it jimme graach útlizze. De boarne, dy't opbuorretet by myn freondinne Lethe, leit op it eilân fan de loksilligen, en rint dan as in lyts streamke troch de ûnderwrâld. Dan nim ik him oer, en wa't ienris dronken hat mei grutte swolgen fan dat wetter fan ferjitnis sjucht ek, hoe't alle soargen weiwosken binne, en de jonkheid werom komt. Ik wit wol, dat hja sleau en healwiis neamd wurde, en hja binne it ek, mar dat is no krekt wat it betsjut op 'e nij in bern te wêzen. Want wat is de jonkheid oars as noch nuer prate, en healwiis wêze? Krekt it net oanwêzich wêzen fan wiisheid en ynsjuch fine wy sa oantreklik oan dy jierren. Eltsenien hat in hekel oan in ierryt bern, hat it mier oan in âlde holle op jonge skouders. Dêrfan tsjûget ek wat men safolle seit: Ik moat neat hawwe fan in bern, dat te wiis is foar syn jierren. En wa soe der oer kinne, om saken te dwaan of ferkeare te moatten mei in âld man, dy't oeral ferstân fan hat, in hiel libben fan ûnderfining efter him hat, en dêrby noch o sa helder en tûk is? Dêrom soargje ik derfoar, dat in âld man net mear alles wit, en dat makket him op 'e tiid frij fan al dy skriklike eangsten en soargen, dy't in man yn 'e bloei fan syn libben teheisterje kinne. In âld man is ek treflik selskip by in buorreletsje, hy docht dan net oft alles yn it libben him oer en tefolle is, wat minsken yn 'e folle krêft sa fakentiids dogge. Bytiden liket sa'n man wol op de âlde man, dêr't Plautus oer skriuwt: hy wit noch mar ien trijeletterwurd: AMO, en hy soe folslein ûngelokkich wêze, as er noch hielendal ferantwurdlik wêze soe foar al syn dieden. Mar no, tank sy alles wat ik foar him dien ha, is hy lokkich, achtenearre by syn freonen, en oeral

wolkom om wat libben yn 'e brouwerij te bringen. By Homerus is de taspraak fan de âlde Nestor sa swiet as hunich, wylst dy fan Achilles o sa bitter is, en ek fan de âlde Iju op 'e wallen fan Troje seit Homerus, dat hja swiet fan tonge binne. Wat dat oanbelanget ha de âlde Iju it better as de bern, want dy prate meastentiids ûnfersteanber, en sa misse dy it populêrste fermeits yn it libben: prate en nochris prate. En set dêr noch by, dat âlde minsken altyd in protte nocht hawwe oan lytse bern, en lytse bern oan harren, want de goaden bringe altyd byinoar, wat op inoar liket. En der is winliken gjin inkeld ûnderskied tusken harren, allinne de ronfels by de âldman, en it tal jierren, dat er telt. Mar fierder binne se folslein gelyk: wite hierren, gjin tosken yn 'e mûle, lyts stâl, hja hâlde fan molke, se jeuzelje, stammerje, binne ûnrêdsum, ferjitte alles, tinke net nei, alles is gelyk dus. Hoe âlder as de minsken wurde, hoe mear as hja lykje op bern, oant de tiid komt, dat hja fan it libben skiede moatte, en, wer krekt as by bern, sûnder te witten wat der bart út it libben stappe.

14. MORIA EN DE JONGEREIN.

Eltsenien, dy't der nocht oan hat, kin no hinnegean en ferlykje dat mei wat de oare goaden de minsken oandogge. Wat hja dogge as hja lilc binne sil ik harren net oanrekkenje, mar ek as hja in tige goed sin hawwe, en neat op de minsken tsjin hawwe, binne hja by steat en feroarje se yn in beam, in fûgel, in yntsje, of sels yn in slang, krekt as soe folslein wat oars wurde wat oars wêze as stjerre. Mar ik bring in man ûnferoare werom ta de bêste tiid fan syn libben, doe't er folslein lokkich wie. En as de minsken no fierder mar gjin gedoente hawwe soene mei wiisheid, en alle tiid, dy't hja hawwe, mei my troch bringe soene,

dan soe der gjin âlderdom mear wêze, mar dan soene hja lokkich wêze mei in altydduorjende jonkheid.

Jim hiene se sjen moatten, en jim sille se wol sjoen hawwe, dy fersuorre swiersettige tinkers, dy't har hiele libben mei filosofyske fraachstikken of oare ernstige saken dwaande west hawwe: hja binne âld foar de tiid, ja, hja hawwe winliken nea jong west. Ik tink, dat dat komt om't it altyd mar wer omstinnen op alderhanne fraachstikken te folle ferget fan harren geast en harren liif. Mar de minsken, dy't my efternei rinne, sjogge der geef en patint út, hja lykje op de Arcanyske barchjes, en hja sille de ûngemakken fan de âldheid nea fiele, behalven dan, wêr't hast nimmen oan ûntkomt, as hja dochs ris tsjin in wiis man oanrinne. Mar ja, immen kin no ienris net syn hiele libben lokkich wêze.

Der sit ek wol wat yn it sprekward: 'Healwizens is it iennige, dat de minske jong hâldt en de âldheid net komme lit'. En ik doar ek wol oan te heljen, wat fan de Brabanners sein wurdt: Oare minsken wurde wizer at se âlder wurde, mar hja wurde hieltyd healwizer at se âlder wurde. En tagelyk binne der gjin minsken, dy't sa noflik binne om mei om te gean, en dy't sa'n bytsje lêst hawwe fan it feit dat hja stadichoan allegearre dochs âlder wurde. De lju, dy't ticht by harren wenje, en dy't ek wol wat op harren lykje, de Hollanners, myn Hollanners binne it. Wêrom soe ik se net myn Hollanners neame meie? Hja binne myn meast tawijde folgers, en hja hawwe dêrom in goeie omskriuwing fertsjinne, dêr't hja mei rjocht en reden grutsk op binne.

Gean dan hinne, stjerlike dwazen dat jimme binne, en besykje in Medea, in Circe, in Venus en in Aurora te finen, en in soarte fan boarne, dy't hja hawwe soene om jimme de ivige jonkheid te jaan! Ik allinne kin soks dwaan, en ik doch it ek. Yn myn hannen ha ik de tsjoendersdrank, dêr't Mennons dochter de jonkheid fan har pake Thitonus langer mei makke hat, ik bin de Venus,

dy't mei har geunsten Phaon wer jong makke hat. En dêrtroch is Sappho op him fereale wurden. Fan my binne de krûden – as dy der binne – de tsjoendersspreuken en de tsjoendersdranken, de boarnen en wat der oars mar wêze mei, dy't net allinne de jonkheid werom bringe kinne, mar dy ek fêsthâlde foar altyd. En as jimme it allegearre iens binne mei myn biedwurd, dat neat sa moai is as de jonkheid en neat sa ôfgrysluk as de âlderdom, dan sille jimme, tink ik, wol ynsjen hoefolle as jimme oan my te tankjen hawwe, dat ik safolle seine foar jim bewarre ha, en safolle kwea foar jim ferdreaun.

15. MORIA MAKKET DE GOADEN.

Mar wêrom soe ik noch trochprate oer stjerliken? Sjoch leaver nei de himel, en dan kin eltsenien my foar healwizing útmeitsje, as hy ek mar ien god fine kin, dy't net ûnoannimlik en ferspijd wêze soe, as myn godlike machten der net wiene. Wêrom is Bacchus altiten in jonge man mei lang kroeltsjehier? Dochs om't er nearne foar stean wol, en dronken is, en syn hiele libben dertroch bringt mei iten en drinken, mei dûnsjen, sjongen en fretterij, en neat te krijen hawwe wol mei Pallas. Hy hat der sa'n bytsje belang by dat de minsken him wiis neame sille, dat er it hielendal net slim fynt alhiel net wiis neamd te wurden, op syn Gryksk: Morychus moreteros: noch ûnwizer as Morychos. Syn namme is ta mines (Moriae) ferdraaid, want de minsken fan bûtenút plichten syn byld mei wynsinskel en figen te besmarren ('morussein'). En hoe waard er net hune yn de âlde toanielstikken? 'Healwize god' seine hja, 'krekt ien fan it soarte, dat út in bil berne is'. En dochs: wa soe net leaver dy fleurige healwizing wêze, dy't altyd blier en jong omrint en wille en fleurigens bringt, as dy glûpske Zeus, foar wa't eltsenien bang

is, of dy âlde Pan, dy't eltsenien kjel makket mei syn geskreau, of dy ûnder de jiske sittende Vulcanus, altiten smoarch fan syn smidswurk, of Pallas sels, dy't mei har lâns en Gorgon-holle de minsken oansjucht, bang makket, en altyd mar noartsk foar har útsjocht?

Wêrom wurdt Cupido altiden as in boike ôfbylde? Wêrom oars as om't er in praatsjemakker is, en nea neitinkt of wat ferstan-nichs docht? Wêrom hat dy skientme fan de gouden Venus nea de glâns fan de jonkheid ferlern? Dat moat wol wêze om't hja famylje fan my is, en fan myn Heite' kant dy gouden kleur hat. Dêrom neamt Homerus har ek de gouden Aphrodite. En bop-pedat: hja glimket altiten, as wy de dichters leauwe meie, of de byldhouwers, dy't alles útbyldzje. Hokker goadinne hawwe de Romeinen mear fereare as Flora, de mem fan alles wat libbet? En as immen it op him nimt om by Homerus of de oare dichters ris nei te freegjen hoe't de ernstiger goaden libbe hawwe, dan sil er dochs oeral de healwizens werom fine. Ik tink net, dat ik oer it libben fan dy oare goaden noch wat hoech te sizzen: jimme witte alles fan de leafdesferhalen en de útstapkes fan Zeus, de bliksemsmiter, sels. Jimme witte ek, dat de earbere Diana, dy't har frou-wêzen fergetten wie, en har hert oan de jacht jûn hie, dochs fereale wurde koe op Endymion. Ik soe leaver Momus de goaden bekritisearje litte, dy't dat oars altyd die. Mar dat kin net mear, sûnt hja harren nocht fan him krigen, en him mei syn freon Até, de ferblining, út de himel weismieten. Want hy hie de goaden lilk makke, troch syn stikelsetterijen en syn ynterruptsjes. En gjin inkelde stjerling tinkt der ek mar oan him gastfrijens oan te bieden yn syn ballingskip. Ut noch yn net, der is benam-men gjin plak foar him yn de kastielen fan de keningen, want dêr wol myn hofdame, de Flaaikerij, it foarste plak hâlde. En sy kin net mear begjinne mei Momus as de wolf mei it laam. En no't de goaden Momus kwyt rekke binne hawwe hja folle mear wille en

frijheid fûn. No hawwe hja, lyk as Homerus al seit, winliken in maklik libbentsje, no't nimmen harren mear yn it fizier hâldt. En is der ien fyt, dat dy ûnbehouwen Priapus net úthelje wol? Ek Mercurius wit alles fan ferrifelderij en stelderij mei syn gryp-fingers. Vulcanus hinget o sa graach de pias út by de iterijsjes fan de goaden, en fleuret it selskip op mei syn hinkpartijen, syn pleagjen en syn narjen, en de gekke dingen, dy't er seit. En dan is der noch dy âlde frouljusgek Silenus, dy't altiten mar dûnsje wol, en mei Polympus, dy't de maat oanjout, de nimfen op bleate fuotten dûnsje lit. De Satyrs op bokkepoaten, hja binne heal om heal bok en god, dûnsje de Atelaanske mearkes, Pan lit eltsenien laitsje mei syn hopeleas besykjen om te sjongen, en de goaden harkje leaver nei him as nei de Muzen sels, benammen as hja tefolle nektar dronken hawwe. Mar ik hoech dochs net te sizzen, wat de goaden dogge as hja iten en dronken hawwe? Healwizichheden, dêr't sels ik net sûnder te laitsjen nei sjen kin. Ik kin no better de namme Harpocrates neame, en fierder neat sizze, want oars soe in Coryaanske god my ôfharkje kinne, en my oanbringe, as ik dingen sis, dy't sels Momus net samar sizze mocht.

16. MORIA : ALTYD EN OERAL.

Mar no is it tiid om de goaden yn de himel sitte te litten, en neffens it foarbyld fan Homerus omleech te gean nei de ierde. Ek dêr sille wy neat fan lok of nju sjen kinne, as ik der net by bin. En benammen as jo sjogge hoe wiis as mem natuer, de grûn en yn stân hâlder fan alle libben en fan it minskdom, der foar soarge hat dat der nearne in tekoart fan de iene as oare soarte fan healwizens te finen is. Want as it sa is, lyk as de Stoisijnen sein hawwe, dat wiisheid oars neat is as alles regelje te litten

troch it ferstân, en healwizens om alles regelje te litten troch de hertstocht, dan hat Zeus, dy't net woe dat de minsken in tryst en mankelyk libben hawwe soene, soarge foar mear hertstocht as ferstân, sis mar tweintich tsjin ien. Boppedat: hy hat it ferstân beheind ta in úthoeke fan de holle en de oare hoeken fan it lichem oan de hertstochten oerlitten. En doe hat er twa krêftige tyrannen setten tsjin dy iene oer, dy fan it ferstân. De grime nammentlik, dy't syn plak fynt yn it boarst, en it hert regelet, en de lust, dy't syn ryk hat yn de oare dielen fan it lichem, fan boppen nei ûnderen, oant it geslachtsdiel. Hoefier't it ferstân gean kin foar dy twa machten oer, dy't in ferbûn sletten hawwe, kinne wy yn it libben fan al-den-dei fakernôch sjen. It ferstân kin him allinne mar de kiel heas skreauwe troch altyd mar wer te roppen, wat deugd en fatsoen is, mar dy oare twa litte him mar prate en skreauwe der op syn heechst noch wat hurder tsjin yn, oant te lange lêsten it ferstân wurch is en it oerjout.

17. TSJEPPE FROULJU.

Mar om't de man berne is om lieding te jaan, en oeral de lieding yn hannen te nimmen, dêrom hat er in bytsje, in hiel lyts bytsje, ferstân méar nedich. En om dat foarinoar te krijen hat de natuer in berop op my dien, lyk as dy natuer dat sa gauris dien hat. En ik ha de natuer goerie jûn, in goerie, dy't hielendal mei myn wêzen oerienkomt: ik ha de natuer ynjûn om njonken de man in frou del te setten, tajûn: in dom en ûnwiis dier, mar dochs in noflik en freonlik selskip. Dy soe syn libben meimeitsje moatte, en syn hurde en noartske aard troch har healwizens weiprate, en him liede. Want Plato's dúdlike twifel oft de frou no in dier mei ferstân of allinne mar in wyld bist is, hat allinne mar as doel har ûnferstân, har healwizens oan te jaan. En sels as in frou wiis

wêze wol, dan bewiist se dêrmei inkeld, dat se dûbeld healwiis is. Lyk as immen, dy't yn de arena in ko fjuchtsje litte wol, der inkeld, lyk as de lju dan sizze, op hoopje kin dat Minerva him stipet, en nimmen oars.

Ommers: it tekoart wurdt ferdûbele as immen besiket in bewyske fan deugd oer himsels te lizzen en him oars foar te dwaan as er berne is. Lyk as de Griken it al sein hawwe: in aap bliuwt in aap, ek as er yn poarper klaaid is, en in frou bliuwt altiten in frou, hokker momkape as hja ek draacht. Mar tink no mar net, dat de froulju lik wurde, as ik harren healwizens taskriuw. Want hja sjogge tagelyk, dat ik de healwizens sels bin, en ek in frou. As hja op de goede wize de saken besjoen hawwe, moatte hja tajaan, dat it allegearre oan my te tankjen is, dat hja oer alle boegen better út binne as de manlju. Op it foarste plak: hja hawwe de jefte fan de skientme, dêr't hja mei alle rjocht en reden mear wearde op lizze as op wat ek yn 'e wrâld, want dy jout harren macht om tyran te wêzen oer de tyrannen. En boppedat: dat ûnsjoch oantlit, dat ronfelich fel, dy rouwe burd en alle tekens fan de âlderdom, dat kin allinne mar komme troch it bedjêr troch de wiisheid. Want froulju hâlde har hiele libben sêfte wangen, in helder en heech lûd, in glânzgjend fel, en in antlit, dat ivich jong liket. En twad: wat wolle froulju yn dit libben noch mear as, safolle at se mar kinne, wille jaan oan de man? Is dat net it doel fan alle oandacht, dy't hja oan har eigen persoan besteegje, fan al dy opmakkerij, dat baaien, hierkroljen, al dy oalje en parfum, en sa mannich oerke knip- en plakwurk, smarsel en ferve op en om it antlit, de eagen en de hûd? En is der eat, dat mear meihelpt om manlju te feroverjen as harren healwizens? Der is neat, dat de manlju de froulju net tastean wolle, en hja hoege der neat foar werom te hawwen as in bytsje wille, mar it is de healwizens fan de froulju, dy't der foar soarget, dat hja mannen leaf fine. Nimmen sil ûntstride, dat it wier is, dat

in man ûnsin praat tsjin in frou, en dat er de sleauwste dingen seit en docht, as er genietsje wol fan it plesier, dat hja him jaan kin. Dêr hawwe jo dus de boarne fan it earste en it bêste fermeits yn it libben.

18. MORIA PIMPELET ALTYD MEI.

Der binne lykwols ek manlju, en benammen âlde manlju, dy't mear nocht hawwe oan wyn as oan froulju, en dy't de measte wille hawwe by pimpelderij. Oft sa'n pimpelderij slagje kin sûnder dat der in frou by is, moatte oaren mar útmeitsje. Mar ien ding bin ik wis fan: sa'n pimpelderij wurdt neat sûnder healwizens. Wiswier: as der nimmen is om de minsken oan it laitsjen te meitsjen mei syn healwizichheden, echte of sabeare, dan wurdt der foar jild immen ynhelle, of der wurdt in waarmielrinder útnoege, dêr't eltsenien fan wit dat syn stikelichheden of syn kluchten de stiltme ferdriuwe sille en it hiele selskip laitsje litte. Want wat hat it foar sin de mage fol te laden mei taart, pastei en oare lekkere hapkes, as de eagen en earen net tagelyk te gast gean kinne oan grapkes, bizich praat en gekjeierij? Mar as sok soarte fan snobberijen oanbean wurdt bin ik de iennige goeie kok. En boppedat: wat der meastentiids by dat soarte fan iterijkes bart, it lotsjen wa't der seremoanjemaster wurde moat, it dobbeljen, it drinken op immens sûnens, it sjen wa't it measte drinke kin, it sjongen ûnder de myrte-tûke, it dûnsjen en it foardragen: neat fan dat alles is útfûn troch de Sân Wizen fan de Griken, mar alles komt fan my. It is no ienkear de natuer fan alle dingen fan sok soarte dat, wat mear dwaasheid as dy ynhawwe, wat mear at se it libben fan de minsken ferrykjje kinne, want as yn it libben gjin wille belibbe wurde kin liket it net de muoite wurdich, om it noch libben te neamen. En

de trystens moat altyd wer weinommen wurde, en hoe soe dat oars kinne as troch de ferfeelsumens te ferdriuwen mei de ferdivedaasje, dy't ik niis neamd ha?

19. DE WIERE FREONSKIP.

Mar der binne faaks noch minsken, dy't neat fan dy ferdivedaasje hawwe moatte, en dy't mear hechtsje oan freonskip en sibskip, en dy't sizze, dat wiere freonskip foar alles komt, en boppe alles útgiet. Dy hat mear wearde as loft, fjoer en wetter, en as de freonskip út ús libben weinommen wurde soe, dan soe it wêze, as wie de sinne sels weinommen. Ek, as dat noch fan belang wêze soe, de wiisgearen tinke der sa oer. Hjir kin ik ek wer sjen litte, dat ik fan dy grutte seine it begjin bin en de ein. En ik sil dat dúdlik meitsje, net troch it ferhaaltsje fan de krokodil, de nôtheap en de hoarndrager, of fan ien fan dy oare ôfwaaide praatsjes fan dat soarte, nee, troch wat it sûne ferstân neamd wurdt sil ik it bewize.

Tink hjir ris oan: krekt dwaan oft jo de flaters fan jo freon net sjogge, dy sûnder mear oersljochtsje, ja, se bewûnderje en se ta deugden útroppe, deugden, dêr't eltsenien achting en wurdearing foar hawwe moat, wat is dat oars as healwizens? De iene man tutet mar wat om op de spoeketaast fan syn freondinne, de oare is hielendal fereale op de polipen yn de noas fan syn Lamkje, in heit seit oer syn skillige soan dat syn iene each in bytsje ôfwykt, wat is dat allegearre oars as healwizens? Lit my it noch mar ris sizze, twaris, trijeris, en fjouwer kear efterinoar: it is healwizens, en it is deselde healwizens, dy't freonen makket, en dy't de freonskip bestean lit.

Ik praat oer stjerlike minsken, en dêrfan is nimmen berne sûnder lek of brek, en de bêsten hawwe allinne mar wat minder lek-

ken en brekken. En dêrom is tusken dy Stoisijnske healgoaden óf hielendal gjin freonskip, óf in freonskip, dy't soer en rou is, op syn heechst mei hiel lytse bytsjes. Ik doar net te sizzen, dat soks hielendal net bestean kin, want de measte lju hawwe wol ris in healwize rite, of, oars sein, eltsenien is wol foar in lyts part healwiis, en de freonskip siket syn gelikens. Mar sels al soe der oer en wer wat goeds komme en wat moais opbloei tusken dy hurde minsken, it kin wis net bliuwend wêze, en it sil net lang duorje, as jo betinke, dat se sa sinnich binne en sa skerp alle flaters fan harren freonen yn 'e kikert hawwe. Hja sjogge dan skerper as de earn of as de slange fan Epidaurus as dy harren proai beluorkje. Fansels binne hja folslein blyn foar harren eigen lekken en brekken, en hja sjogge gewoanwei net dat hja sels derûnder sitte. It is no ien kear de natuer fan de minske, dat der nimmen fûn wurde kin, dy't net frij is fan grutte brekken. Der binne wis in protte fâriaasjes yn oanlis en yn doelen, der wurde flaters makke, en de lju fersinne harren fakernôch yn dit ierdske libben. De freugden fan de freonskip soene dus net lang bestean kinne ûnder sok folk, dat mei Argus' eagen om harren hinne sjocht, as der neat wêze soe fan wat de Griken euheteia neame, en dêr't men net fan wit, oft men it mei healwizens as mei maklikens oersetse moat. En dan: is Cupido sels, dy't ferantwurdlik steld wurde moat foar alle relaasjes tusken de minsken, net folslein blyn, sa blyn, dat foar him de ûntsjeppens der as skientme útsjocht? Sa hat er der foar soarge, dat elts fan jimme de skientme sjucht yn wat er hat. De âlde man hâldt fan syn hieltyd âlder wiif lyk as in jonge fan syn fanke. Dat bart oeral, en de minsken glimkje derom, mar dochs is it in soarte fan healwizens, dy't de mienskip byinoar hâldt, en lok en seine bringt yn it libben.

20. TROUWEN IS HEALWIIS.

Wat ik sein ha oer de freonskip jildt noch folle mear foar it houlik, dat oars neat is as in bân tusken twa minsken foar it hiele libben. Himel noch oan ta, wat soene der in skiedingen, en noch folle slimmer dingen, barre as de relaasjes tusken man en frou net optilden fan, en droegen waarden troch flaaikjen, gekjeierij, ynskiklikens, ferrifelderij en bedroch, dy't allegearre myn folgelingen binne. Wat sis ik: ferskate houliken soene net ienris sletten wurden wêze, as de brêgeman ris wat hoeden neigongen hie, wat dat keine en kekene fanke allegearre úthelle hie, lang foar it houlik. En net minder houliken, ienkear begûn, soene net lang duorje as it hâlden en dragen fan de frou wat better hjitfolge wurde soe troch har man, dy't no meastentiids dêr te ûnferskillich of te dom foar is. En dat kin allegearre maklik taskreaun wurde oan de healwizens, want dêr komt it troch, dat in frou bekoarlik is foar har man, en in man foar syn frou, en dat der frede is yn de hûzen, en dat hja byinoar bliuwe. De minsken laitsje om in man, dy't de triennen fan syn ûntrou wiif weitutet, neame him in okse, in omkoal en wit ik al wat mear, mar dochs: wat is better foar syn lok en syn libben, dat er op dy wize foar de gek holden wurdt, of dat er mei jaloersk erchtinken syn eigen libben bedjert, en oeral in trageedzje fan makket?

21. MIENSKIP MEI MORIA.

Koartsein: Gjinn inkele mienskip en gjinn inkel selskip kin lokkich wêze, of sels mar bestean bliuwe, sûnder my. De minsken kinne net oer in bestjoerder, de master net oer syn tsjinner, de frou net oer har tsjinstfaam, in ûnderwizer net oer syn learlingen, in freon net oer syn freon, in frou net oer har man, in lânheare net

oer syn pachtboeren, in soldaat net oer syn maat, in gasthear net oer syn gast, sûnder dat hja yllúzjes hawwe oer inoar, elkoarren flaaikje, de eagen tichtknipe, en it libben swiet meitsje foar inoar, mei de hunich fan de healwizens. Jim tinke, dat ik it wichtichste no al sein ha, mar der komt noch mear.

22. HAR SUSTER EIGENLEAFDE.

Fertel my noris: kin immen hâlde fan in oar as er himsels hatet? Kin er it iens wêze mei in oar, as er yn himsels ferdiel is? Kin er in oar wille besoargje, as er it swier hat mei himsels, en himsels ta lêst is? Nimmen sil sizze, dat soks kin, of hy moast noch healwizer wêze as de healwizens sels. As ik der net wêze soe, soe nimmen goed mei syn buorlju kinne, elkenien soe sels yn syn eigen noasters stjonke, en alles by himsels al ferfeelsum, ja walchlik fine. De reden is, dat mem natuer, dy't fakernôch in styfmem is, foar eltsenien, mar benammen foar de lju, dy't in fin mear hawwe as in bears, de ynbylding skepen hat, dy't se tinke lit, dat in oar it better hat as sy it hawwe. En dêrtroch wurdt alles, wat der moai en goed wêze koe yn it libben oant yn 'e grûn bedoarn. Wat hat de skientme, de grutste jefte fan de goaden, foar sin, as in moai antlit bedoarn wurdt troch de kanker fan de oergeunst? Of wat hat immen oan syn jeugd, as er dy fersuorje lit troch de sinnigens fan de jeld? En is der by eintsjebeslút wol ien plicht yn hiel it libben, dy't jo mei wille útfiere kinne (want de wille, dy't jo hawwe yn wat jo dwaan moatte is dochs o sa wichtich) as der net de Philautia, de leafde foar josels, wêze soe, om jo ta stipe te wêzen, de leafde foar josels, dy't myn suster is, dy't sa faak myn taak oernimt? Wat is der sa healwiis as selsfoldwaning en selsferhearliking? Mar ek: wat kinne jo mei wille, nocht en nju dwaan, as jo net tefreden binne mei josels? Tink dy krûderij út

it libben wei, en daliks sil de sprekker syn eigen grutte gebearten mar nuver fine, de muzikant sil gjin wille mear hawwe fan syn wyskes, de toanielspylder sil fan it toaniel ôfreage wurde, de dichter sil mei syn muze útlake wurde, de skilder en syn wurk sil neat mear wurdich wêze en de dokter sil omkomme tusken syn medisinen. Koartsein: jo sille der útsjen as dy ûntsjeppje Thersites en dy âlde Nero, en net as dy knappe Nereus en dy jonge Phaon, jo sille mear op in baarch lykje as op Minerva, mear op in bern as op in sprekker, mear op in boer as op in stêdsman. Sa nedich is it, dat eltsenien himsels omheech stekt, himsels wat sjerp on 'e mûle smart, himsels yn 'e hichte stekt, foar't hy ferwachtsje kin, dat oaren soks dogge. En om't foar de measten lok is wêze wolle wat jo binne, hat myn plakferfanger, de leafde foar josels, it sa ynrjuchte, dat eltsenien mei syn eigen antlit, mei syn eigen aard, syn komôf, syn plak yn it libben aardich tefreden is. En dêrom is der gjin Ier, dy't Italiaan wurde wol, likemin as in Thraciër in Athener wêze wol, of in Skyth wenje wol op it eilân fan de loksilligen. En wat hat de natuer it moai ynrjochte, dat by alle ferskillen tusken de minsken hja allegearre dy healwizens hawwe. En dêr't hja de minsken wat minder jeften jûn hat, dêr hat se der meastentiids foar soarge dat de minsken wat mear eigenleafde hawwe. En winliken kin men dan net iennis sizze, dat se dan de minsken wat minder skonken hat, om't de eigenleafde de grutste jefte fan de natuer is, lyk as jo no witte. Ik sil der no mar neat fan sizze, dat der nea grutte dieden dien wurde sûnder dat ik dêr de hân yn hân ha, en dat der neat oan nijs útfûn is, sûnder dat ik dêr mandélich oan wie.

23. OARLOCH : FOLSLEIN HEALWIIS.

Nim no bygelyks de oarloch. Is der wol eat te neamen, dêr't de lju dy't dêr oan diel nimme mear om priizge wurde? Mar

wat is der healwizer, as om de iene as oare reden sa'n striid te begjinnen, dy't altyd mear kwea as goed oanbringt oan allebeide de siden? Want hja, dy't falle yn de striid telle net mear mei, likemin as de mannen fan Megara. Mar goed, as de bepânsere slachtrigen foar inoar oer steane en de trompetten it sein foar de oanfal jûn hawwe, wat ha je dan noch oan dy wiisgearen, dy't troch de stúdzje útrûpele binne, en dy't mar amper yn libben bliuwe kinne, no't har bloed sa tin en sa kâld wurden is? Dan binne dochs grouwe en pûstige mannen nedich, dy't wat oandoare, en dy't net al te folle harsens hawwe. Of soe der immen wêze, dy't leaver soldaten hat lyk as Demostenes, dy't op de goerie fan Archilochus de fijân noch mar amper sjoen hie, of hy hie syn skild al weismiten en wie hurd weirûn, like lêf yn 'e oarloch as er goed wie yn it sprekken? Mar, sa wurdt der wol sein, ek yn de oarloch moat it ferstân brûkt wurde. Dat jou ik ta, foar de oanfierders op syn minst, mar dat is in útspraak fan de soldaten, en net fan de wiisgearen. En fierders dogge de omstippers, rôvers, moardners, plunderers, boeren, omkoalen, bankrotslaggers en mear fan dat útskot harren wurk by ljochtskynde, wylst de wiisgearen nachts by in oaljelampke sitte te skriuwen.

24. WIISHEID JOUT NEAT.

As in foarbyld fan hoe ûnnut as de wiisgearen binne yn it gewoane libben fan al-den-dei kin Sokrates neamd wurde, de iennige wize man neffens it oardiel fan it orakel fan Delphi, al kin dat orakel net sa wiis achte wurde. Doe't hy ris besocht in ûnderwerp yn it iepenbier te besprekken, moast er der mei ophâlde om't de minsken him útgniisden. Mar yn ien ding wie dy man wol wiis: hy woe de namme wiis net drage, want dy

namme wie inkeld foar de goaden weilein. Hy wie ek fan betinken, dat in wiis man him net yn litte moast mei polityk. Mar hy soe noch fierder gean moatten ha, en eltse man ôfriele him yn te litten mei wiisheid. Want wat oars as syn wiisheid hat him derta brocht de gifbeker te drinken nei syn feroardieling? Want doe't er dwaande wie mei syn wiisheid oer wolken en ideeën, doe't er de lingte fan de poat fan in flie útrekkene hie, en syn bewûndering utere oer it gûnzjen fan de miggen hat er him net dwaande holden mei wat yn it gewoane libben wier wichtich is. En doe't it foar it gerjocht om syn libben gie kaam syn learling Plato as in treflik advokaat nei foaren om syn master by te stean. Mar hy waard troch it geskreau fan de kliber oerstimd, dat hy koe amper in pear wurden útbringe. En wat sil ik sizze fan Theofrastus? Doe't er nei foaren kaam om te sprekken koe er fan kjellens de mûle net iepen dwaan, it wie as hie er in wearwolf sjoen. Dat soe in moaie oanfierder west hawwe yn de oarloch! Isocrates wie sa skruten, dat er nea in mûle iepen dien hat. Cicero, de heit fan de Romeinske wolsprekkendheid, waard altyd pleage fan de senuwen, as er begûn te sprekken, en dat leit Fabius dan noch út as in bewiis fan de earnest fan dizze sprekker, dy't wit, wêr't er oer praat.

Mar seit er dan net tagelyk, yn it iepenbier sels, dat wiisheid in behindering is, om wat mei sukses te dwaan? Want as dy minsken al heal dea binne fan eangstme as hja inkeld mei wurden fjuchtsje moatte, wat sille hja dan dwaan as it swurd brûkt wurde moat yn it plak fan it wurd? En dochs, hoe is it yn 'e godsnamme mooglik, wurdt noch altyd dat ferneamde wurd fan Plato oanhelle: Lokkich de steaten dêr't de wiisgearen keningen binne, of de keningen wiisgearen. Mar as jo sjogge nei de skiednis, dan sille jo sjen, dat der nea in steat west hat, dy't sa'n lêst hân hat fan syn bestjoerders as doe't de macht yn hannen kommen wie fan bestjoerders, dy't pielden mei wiisheid of skrif-

tekennisse. De beide Cato's binne dêr neffens my it bewiis fan: de earste dwersbongele de Republyk troch syn healwiis klikysteem, en de oare hat syn wiisheid sjen litten troch de frijheid fan it Romeinske folk te ferdigenjen, mar krekt dêrtroch dy frijheid folslein wei te nimmen. Tink dêrby ek noch ris oan Brutus, Cassius, de Grachen en Cicero sels, dy't as lieder net minder in pest wie foar de Romeinen as Demosthenes it wie foar de Atheners.

En wat Marcus Aurelius oanbelanget: wy moatte wol oannimme, dat er in goed keizer west hat, al soe ik ek dêr wol wat oer sizze kinne, krekt om't er in wiisgear wie, en dat ek dêrom syn ûnderdienen is grutte hekel oan him hiene, ek om't er sa'n strang hearsker wie. Mar goed, lit ús oannimme, dat er in goed keizer wie, dan is it noch dúdlik, dat er Rome ûneindich folle mear skea dien hat troch sa'n soan nei te litten, as dat er de Romeinen foardiel brocht hat troch syn bestjoer. Oer it gineraal binne sokke lju, dy't de hiele dei mei wiisheid dwaande binne, net al te lokkich mei oare dingen, en benammen net as it der op oan komt bern yn 'e wrâld te setten. Ik tink, dat soks komt om't de natuer it kwea fan de wiisheid lyts hâlde wol, en net talit, dat it him fierder ferspriedt troch it minskdom. Sa stiet it ek wol fêst, dat de jonge Cicero in útskaaide soan hie, en dat de bern fan de grutte Sokrates mear fan harren mem hiene as fan harren heit, lyk as immen, dy't net it slimste fan harren sizze woe it sein hat, mar dy't bedoelde: it wiene healwizelingen.

25. WIZEN BINNE NET TE BRÛKEN.

Dat soe allegearre noch sa slim net wêze, as dy wiisgearen inkeld yn de polityk harren hâlde soene as de ezel, dy't op de harpe spilet, mar de hannen steane harren foar alles ferkeard. Freegje

mar ris in wiis man op it iten: hy sil eltsenien likk meitsje troch syn stúmskens of syn ferfeelsum freegjen. Lit him meidwaan oan it dûnsjen: hy sil omspringe as in kaniel. Nim him mei nei de skouboarch: hy sil troch syn soer gesicht de oare minsken alle wille ûntnimme. Ja, hy sil, krekt as Cato yn syn tiid, de skouboarch útstjoerd wurde, om't er hieltyd mei tearen yn 'e holle om him hinne sit te sjen. As er yn in petear behelle wurdt makket er der daliks in ein oan, lyk as de wolf yn de fabel. As der wat kocht wurde moat, of der moat wat ôfpraat wurde, sa't soks hûndert kear op in dei dien wurdt, dan soe men him earder in blok hout as in minske neame. It is hielendal ûnmooglik foar him om ek mar in bytsje fan nut te wêzen foar himsels, foar syn sibben of foar syn lân, want hy wit neat fan de meast gewoane dingen, hy stiet fier ôf fan eltse normale wize fan tinken en fan wat der ornaris barre moat yn it libben. En dêrom wolle de measte minsken ek neat mei him te krijen hawwe, fanwege de dúdlike kleau, dy't der is tusken it gewoane libben en it tinken fan sok soarte lju. Want der bart no ien kear neat yn dizze wrâld, dat net fol healwizens is, opset troch healwizelingen foar healwizelingen. As immen as ienling foar allegearre oerstean bliuwe wol moat er Timon neifolgje, dy't iensum en allinne wenje woe, om allinne fan syn eigen wiisheid genietsje te kinnen.

26. UNSIN REGEARET ALLES.

Mar lit ús by ús ûnderwerp werom komme: hokker oare macht hat de wylde en rouwe minsken, dy't wy wylden neame soene, gearbrocht yn in beskaafde mienskip, hokker oare macht as it flaaikjen? Dat wurdt dan ek bedoeld troch de leginde fan Amphion en Orpheus mei harren liere. Wat hat de Romeinske binden werom brocht ta in libben, dat wer steek hâlde koe, doe't

it dêr de grutste reboelje wie? De sprekkerij fan in wiisgear? Yn 'e fierste fierte net. It wie in sleau ferhaaltsje oer de mage en de oare dielen fan it lichem. En krekt sa'n ferhaaltsje oer in fokse en in stikelbaarch hat itselde úthelle. Gjûn redenaasje fan in wiisgear hat ea op de minsken sa'n yndruk makke as de ligerij fan Sertorius oer syn wiersizzend hart, of dat fan de Lakoniër oer syn twa hûnen, of dat oer it lûken fan in hier út de sturt fan in hynder. En lit ús dan mar hielendal neat sizze oer Minos en Numa, dy't allebeide de healwize mannichten mei allerhanne fabeltsjes stil krije koene. Mei sok soarte fan dwylsinnichheden lit him dat grutte meunster dat 'publyk' hjit yn 'e mist fiere.

27. STEATSLJU EINIGJE YN BRÛNS.

Mar hokker steat hat syn wetten ea helle út wat Plato, Aristoteles of Socrates ús leard hawwe? Wat hat Decius en syn hiele hús-hâlding derta brocht om de dea foar kar te nimmen, of Quintus Curtius om fan de berch ôf de djippte yn te springen, wat oars as de leafste fan alle Sirenes, dy't troch alle wiisgearen ferspein wurdt? Want neat is sa dwaas, sizze hja, foar in man, dy't wat foar de minsken betsjutte wol yn de polityk, neat is sa dwaas as de mannichte te flaaikjen om stimmen te krijen, ynstimming te krijen troch geskinke oan te bieden, it hantsjeklappen fan al dy minsken op te roppen, en selsfoldienens te fielen as hja allegearre byfal betsjûgje, en dan, as der wat tafallich slagge is, as in byld oeral fertoand te wurden en by eintsjebeslút yn brûns op 'e merke stean te wollen. En dan wurde harren nammen fakernôch feroare, dan wurdt der hast godlike eare brocht oan immen, dy't winliken nimmen is, en it godlikste earbet oan wurdt brocht oan tyrannen, dy't de grutste misdiedigers binne. Dat alles is folslein healwiis, en der is mear as ien Democrites

nedich om dêrom te laitsjen. Wa sil der nee op sizze? En dochs is de selsferhearliking de boarne, dêr't de heldendieden út fuortkommen binne en dêr't somliken om de himel yn priizge binne. Op de healwizens is de steat boud en it bestjoer, de godstsjinst en de rjochtspraak, ja alles, wat yn it minskelibben is, is altyd de ien of oare foarm fan healwizens.

28. KEUNST? HEALWIIS!!

Lit ús it no ris oer de keunsten hawwe. Wat oars hat de minsken mei talinten der ta brocht om út te wurkjen en oan it neigeslacht troch te jaan wat hja wichtich fûnen, as it net wie de toarst nei rom? Mei al harren wurk en swit en sliepleaze nachten hawwe dy minsken tocht, dat hja in goeie namme fertsjinje soene, en krekt dêrby hawwe hja harsels as de grutste healwizelingen holden. Mar dêrom is it dochs mar de healwizens, dêr't jo safolle goede dingen yn dit libben oan te tankjen hawwe, en it moaiste is, dat jo in oar syn healwizens tankje moatte foar alle wille, dy't jo der no fan hawwe.

29. IT LIBBEN IS TOANIEL.

Ik ha no wol bewiisd, dat my de eare takomt foar safolle moed en warberens, mar ik sil no ek de wiisheid opeaskje moatte. Dan kinne jo krektlikegoed wetter en fjoer trochinoar mjukse, hear ik somliken fan jimme no al sizzen. Mar ek hjirre bin ik der wis fan, dat it my slagje sil, as jimme noch fierder nei my harkje wolle.

Earst: As wiisheid is it fermogen om fan alle dingen in goed gebrûk te meitsjen, wa kin dan mei rjocht en reden earder wiis

neamd wurde: de wize man, dy't neat berikke kin, foar in part om't er te skrutel is, om wat fêst te lizzen, dêr't er net hielendal wis fan is, en foar in part, om't er it net oandoart, of de healwizeling, dy't fan hoedenens gjin aan hat en dy't net kjel wurdt fan dingen, dêr't er noch nea oer neitocht hat? De wize man hâldt him by syn boeken en leart dêrút, hoe moai en hoe goed as de âlde skriuwers it al sein hawwe. Mar de healwizeling besiket alles, giet de gefaren net út de wei en komt, dêr't er wêze wol. Dat is wat Homerus sjoen hat, al wie er ek blyn, doe't er sein hat, dat sels in healwizeling wiis is, as alles bard is.

Want der binne twa opstakels op de wei om wierliken wiis te wurden: de twifel, dy't ús net sa hurd ta in oardiel komme litte wol, en de skrutenens, dy't ús der fan ôfhâlde wol, om earne oan te begjinnen, as wy der noch gefaren yn sjogge. Mar krekt de healwizens makket ús fan beide frij. Der binne mar in pear stjerlike minsken, dy't goed foar it ferstân hawwe, hoefolle foardiël as it jout om nea te twifeljen en alles oan te doaren. Mar as minsken wiisheid omskriuwe wolle as it fermogen om oer alles in goed oardiel te hawwen, hear dan no ris ta, hoe't hja dy't harren op harren eigen wiisheid beroppe, dêr yn wierheid fakernôch fier fan ôf steane. Op it foarste plak: it is wol dúdlik, dat alle dingen binne as de ôfbyldingen fan Silenus lyk as Alcibiades dy beskreaun hat. Se hawwe twa kanten: wat op it earste gesicht dea liket is libben, en, omkeard, libben is dea. Itselde jildt foar skientme en lilken, rykdom en earmoed, beruchtens en ferneamdens, geleardheid en dommens, krêft en swakkens, eallju en ferskoppelingen, lokkich en ûngelokkich, freon en fijân, sûn en ferkeard, jo sille it allegearre omkeard werom fine, as jo Silenus iepen meitsje. It kin wêze, dat somliken tinke, dat ik no tefolle oan it wiispraten bin, no dan sil ik it yn rûne wurden útlizze om hielendal dúdlik te wêzen: wy binne it der allegearre oer iens, dat in kening ryk en machtich is, mar as er nearne

begryp foar hat, en nea genôch krije kin, dan is er wiswier de earmste fan alle minsken. En as er dêrby noch in grutte macht ûndeugden hat, dan is er net mear as in goedkeape slaaf. Wy kinne oer oaren likernôch itselde sizze, mar ien foarbyld sil wol genôch wêze.

Wat wolle Jo no winliken sizze, tinke jimme faaks. Harkje ta, en it sil dúdlik wurde. As immen besiket it masker wei te nimmen fan de toanielspylders as hja dwaande binne op it toaniel en harren eigentlike gesicht sjen lit oan de minsken, dy't derby binne, dan sil er it hiele spul yn 'e bulten jeie en fertsjinje, dat er der útsmiten wurdt as in dwylsinnige. Want alles op it toaniel soe ynienen folslein oars wurde, as in frou in man blykt te wêzen, in jonge man in griiskop, dy't earst in kening wie is no Dama, in slaaf, en in god is ynienen in lyts mantsje. As de yllúzje weinomen is, is it hiele spul bedoarn, want it is no krekt de yllúzje en it bedroch, dy't de minsken nei it toaniel lutsen hawwe. No, en wat is it libben fan de minske oars as ien lang toanielstik? De spylders komme op mei harren eigen masker, hja spylje wat hja spylje moatte, oant de regisseur harren wer fan it toaniel ôfstjoert. En dy lit fakernôch deselde man in oare rol spylje, no ris in kening, dan wer in slaaf. It is allegearre mar sabeare, mar it is de iennige kâns om oan it toanielstik mei te dwaan.

En tink no ris, dat der ynienen in wiis man út de himel delkomt, dy't ús dúdlik makket, dat immen, dy't troch eltsenien as in god en in master beskôge wurdt, de namme fan minske net ienris wurdich is, om't er as in bist troch syn hertstochten bestjoerd wurdt, en net mear is as de minste slaaf, om't er alhielendal frijwillich safolle kweade masters tsjinnet? In oarenien, dy't treuret om it ferstjerren fan syn heit sil er laitsje litte, om't er him dúdlik makket, dat de deade man no einliks pas goed libbet. No hat er sjoen, dat it libben hjirre oars neat is as in soarte fan dea. En in oare man, dy't oan it opskeppen is oer syn eale sibbe sil er

in bastert neame en in man fan lege berte, om't er sa fier ôfstiet fan de deugden, dy't de iennige boarne fan de ealens binne. En as er oer eltsenien sok soarte fan dingen sizze soe, wat soe der dan barre? Wy soene him allegearre in nuvere dwaas neame. Neat is sa healwiis as wiisheid op it ferkearde plak. In man is mis yn syn hâlden en dragen as er him net oanpast oan de dingen lyk as dy binne, as er net de kâns oangrypt as er dy krijt, as er him net oan de opdracht: 'drink of gean nei hûs' hâldt, en by wize fan grap freget mei de grap op te hâlden. Mar oan de oare kant: it is in teken fan de wiere wiisheid om net wizer te wêzen as in stjerlik minske wêze kin, om ree te wêzen oer de holle te sjen, wat troch de hiele wrâld oer de holle sjoen wurdt, en mei in goed gewisse mei yllúzjes te libjen. De minsken sizze, dat soks yn wierheid in teken fan healwizens is, en ik bin net fan doel it oars te sizzen, as hja dan mar tajaan wolle, dat dat de wize is om it toanielstik fan it libben te spyljen.

30. HARKJE NET NEI DE WIZEN.

En no it folgjende punt. Unstjerlike goaden, sil ik trochprate, of sil ik my mar stil hâlde? Mar wêrom my stil hâlde, as eat mear wier is as de wierheid? Al soe it faaks better wêze, by in saak fan safolle gewicht de Muzen fan de Helicon der by te heljen, dy't de dichters altyd bysteane, ek by de flauste ûnsin. Kom dan efkes, dochters fan Jupiter, as ik sjen litte wol, dat nimmen yn de hege burcht fan de wiisheid trochkringe kin as de Healwizens him net de wei wiisd hat. Foarearst om't, lyk as eltsenien tajout, de hertstochten by de healwizens hearre. En dat is it ûnderskied tusken de wize en de healwize: de earste wurdt stjoerd troch syn ferstân, de twadde troch syn hertstochten. Dêrom wolle de Stoisijnen, dat de wize man alle hertstochten út de wei giet, as

wiene it besmetlike sykten. Mar yn feite binne dy hertstochten net allinne de paadwizer foar dyjingen, dy't nei it wenplak fan de goaden ûnderweis binne, mar hja binne yn de praktyk ek de oantrún en de prikkel foar alle goede dieden. Fansels wurdt dat mei alle klam ûntstriden troch dy dûbelde Stoisijn Seneca, dy't oan de wize alle hertstochten ûntsizze wol. Mar sa bliuwt der fan de minske neat oer, en makket hy yn syn plak in nij soarte fan god, dy't nea bestien hat en ek nea bestean sil. Ja, as ik frij prate kin: wat hy makke hat is in soarte fan moarmeren byld fan in man, dy't neat fielt, en dy't neat minskliks mear hat.

Dêrom, at se der nocht oan hawwe, meie se om my bliid wêze mei sa'n wize man, en fan him hâlde, mei him libje as yn Plato's republyk, of yn it keninkryk fan de ideeën, as hja dat leaver wolle, of yn de tunen fan Tantalus. Wa soe net hurd weirinne fan sa'n man, dêr't eltsenien kjel fan wurdt, in man, dy't blyn en dôf is foar alle gefoelens, dy't de minsken eigen binne? In man, dy't him nea liede lit troch leafde of meilijen of oare gefoelens, as wie er sa hurd as in stien út de Marpesyske rotsen. Hy docht neat ferkeards, hy fersint him nea, mar – lyk as Lynceus – wit er altyd krekt, wat er dwaan moat. Hy sjucht alles krekt sa't it is, en hoecht him nearne foar te ûntskuldigjen. Altyd is er o sa mei himsels ynnommen, altyd docht er alles goed, hy is de iennige man, dy't mei rjocht en reden sûn en ryk is. In kening is er, en in frij man, folslein allinne yn syn soarte, hy hat gjin freonen nedich, en is ek nimmens freon, hy skrillet der net foar tebek om de goaden nei de duvel te winskjen. Alles, wat him oerkomt yn it libben fynt er mar nuver, hy hat der gjin goed wurd foar oer, en moat der allinne mar om laitsje. Sok soarte fan dier is no de folslein wize man. Ik freegje jo: as immen hjir oer kedize koe hokker steat soe sa'n man dan as bestjoerder wolle? Hokker leger as generaal? Hokker frou soe sa'n ien as man wolle, hokker tsjinner woe sa'n master hawwe? Eltsenien woe leaver ien hawwe

út it gewoane rychje healwizelingen, immen, dy't by steat is oare healwizelingen te lieden, of him troch harren liede te litten, immen, dy't wille mei harren hawwe kin, om't hja binne as hy, dat is as de measte minsken. En hy soe leaf wêze foar syn frou, en noflik foar syn freonen. Hy soe in gast wêze, dêr't mei te praten is op in goed miel en goed selskip as jo earne wat drinke wolle. In man, dy't tinkt, dat alles wat de minsken oanbelanget ek him oanbelanget. De wize man is ferfeelsum, ik hie jierren lyn al mear as genôch fan him, en dêrom sil ik myn foardracht no mar op wat aardiger saken rjochtsje.

31. SÛNDER MORIA IS NET TE LIBJEN.

Lit ús ús no ris foarstelle, dat immen fan grutte hichte op it libben fan de minske delsjen koe, lyk as Jupiter soks, neffens de dichters, kin, hoefolle rampen soe er dan op him ôfkommen sjen? De berte fan in minske is fol pine en ûnsmaaklik, it grut-bringen is fol soargen, de bernetiid fol gefaren. Yn syn jonge jierren wurdt der in protte fan him ferge, de âlde dei is in lêst, en de dea in needlot, dat er net út de wei gean kin. In leger fan kwalen groeit om him hinne, ûngelokken lizze op him te wachtsjen, mislearringen steane altyd foar him ree. Der is neat sûnder in smaak fan bitterens, noch ôfsjoen fan it kwea, dat de iene minske de oare oandocht, lyk as it bringen ta earmoed, finzenis, kwealaster, ûntearing, tamtearring, ferrie, mislediging, spul en bedroch. It hat in soad fan it tellen fan sânkerrels, sa slim is it. Wat de minske dien hat om sa'n lot te fertsjinjen, of hokker grimmitige god makke hat dat hy foar al dat lijen berne wurde moast, dat kin ik jim hjoed noch net sizze. Mar eltsenien dy't in bytsje neitinkt sil wol begryp hawwe foar it foarbyld dat de famkes út Milete ús jûn hawwe, hoe ellindich as dat foarbyld ek

wie. Mar hokker minsken hawwe de dea socht om't it libben harren oer en tefolle wie? Wiene hja net allegearre o sa fêst oan de wiisheid bûn? Ik sil op dit plak en stuit neat sizze oer minsken as Diogenes, Xenocrates, Cato, Cassius en Brutus, mar inkeld prate oer Chiron, dy't de kâns krigen hie ûnstjerlik te wurden, as er de dea net foar kar nommen hie. Dat sil jimme sjen litte, tocht ik sa, wat der barre soe as de wiisheid oeral ûnder de minsken foar master opslaan soe: wy hiene nochris safolle klaai nedich hân, en in twadde Prometheus om har stâl en foarm te jaan. Mar lokkigernôch bin ik der, en ik meitsje in mingsel fan net-witten en net-oer-tinke-wollen, en mei in gau fergetten fan de minne dagen, of mei wat hope, dat der bettere komme sille, en mei in sprinkeljen fan in bytsje hunich yn de plezierkes fan al-de-dei. En sa soargje ik derfoar, dat de minsken it úthâlde kinne yn al dy ellinde. En ik doch soks mei safolle sukses, dat de minsken tsjinakselje, as hja út it libben stappe moatte, ek al is harren libbenstrie ôfrûn, en hat it libben harren winliken al sitte litten. Hoe minder reden as hja hawwe om noch yn libben bliuwe te wollen, hoe mear as hja oan it libben hechtsje, sa fier binne hja al ôfgroeid fan de wiere wurdearring fan it libben.

It is dus allegearre myn jefte, dat jim oeral noch minsken tsjin komme, dy't de jierren fan Nestor hawwe, der amper mear as minsken útsjogge, mommelje, yn de bernskens binne, griis of keal, gjin toskan mear yn 'e mûle hawwe. Hja binne lyk as Aristophanes it seit: fersmoarge, kromgroeid, earm, fol rimpels, sûnder hierren of toskan, gleon op froulju. Mar dochs wolle hja perfoarst meidwaan oan it libben en binne hja oergeunstich op de jongerein. En dêrom fervet de iene syn wite hierren swart, in oarenien set in prúk op syn keale holle, in oar lient toskan, faaks fan in baarch, wer in oar is fereale op in jong fanke en stelt him noch mear oan as in jonge man yn syn leafdesferklearringen. Want der binne nochal wat griiskoppen tsjintwurdich, mei ien

foet yn it grêf, dy't in nutel jong wyfke as frou nimme, al hat se gjin sint meikrigen, en ek al is se altyd ree om oaren te wille te wêzen en oaren har wille jaan te litten: it wurdt oeral dien, en it jout de âlde mantsjes alteast eat om oer op te skeppen.

Mar noch folle aardiger is it nei âlde froulju te sjen, dy't noch mar amper it gewicht fan harren jierren drage kinne, en derút sjogge as liven, dy't krekt út de deaden opstien binne. Hja rinne noch, en sizze dat it libben goed is, hja sykje noch immen om mei te libjen, as in maartske kat, lyk as de Griken it sizze, en hja ferliede in jonge Phaon mei in moai slompke jild. Hja hawwe it hiele gesicht opsnoelke mei smarsel en steane de hiele dei foar de spegel om oerstallige hierkes út te lûken, litte eltsenien harren âlde en útdroege boarsten sjen, en besykje de begearte fan de mannen op te roppen mei wat heech gekoer, wylst hja drinke, dûnsje mei de jonge famkes, en wat leafdesbrieven skriuwe. Wat kin men oars as laitsjend tajaan, dat dit is wat it is: folsleine healwizens? Mar wilens binne hja op it skik mei harsels, hawwe hja de measte wille yn it libben, mei troch de leaflikste fantastes-rijkes, en hja tankje alle lok oan my.

De minsken, dy't dat allegearre te slim fine om der allinne mar oer te laitsjen moatte der mar ris oer neitinke wat hja ferstan-niger fine: in libben foar kar nimme, dat mei sok soarte fan healwizens noch in bytsje draachlik is, of de balke sykje (lyk as it sein wurdt) om har oan op te hingjen. En dat de minsken harren hâlden en dragen nuver fine, achtsje myn dwazen alhielendal net slim, want òf hja hawwe net yn 'e gaten dat der wat ferkeards oan is òf hja fine it better, der mar gjin notysje fan te nimmen. As der in stien op jo holle falt dat fiele jo dat wol, mar skamte, wangeunst, ferwiten en misledigingen dogge allinne mar sear as jo je der wat fan oanlûke. As jo dat net dogge fiele jo neat. En wat hawwe jo der foar hinder fan as eltsenien jo útlaket as jo josels taklappe? En allinne de Healwizens makket soks mooglik.

32. WITTENSKIP IS LÊSTICH.

No liket it wol, dat ik de wiisgearen hearre kin mei harren protesten tsjin myn stelling. Hja sizze, dat it allinne mar ien grutte ellinde wêze kin as jo libje yn healwizens, yllúzjes, fersin-nen en ûnwittendheid. Mar dat allinne is echt minsklik! Ik kin net ynsjen, wêrom't hja it in ellinde neame, as wy allegearre neffens dat patroan berne, foarme en opgroeid binne en as dat it wenstige lot is fan alle minsken. Der is perfoarst gjin ellinde by as de minske bliuwt sa't er is, of it moast wêze dat immen tinkt dat de minske ellindich is om't er net fleane kin as in fûgel, of net hurd op fjouwer poaten fuort komme kin, lyk as de oare dieren, en gjin hoarnen hat lyk as in bolle. Op dy manier kinne jo ek it moaiste hynder ûngelokkich neame omdat dat gjin spraakkeunst leare kin en gjin gebak te iten krijt, of in grouwe bolle, om't er net meidwaan kin mei de gymnastyk. Mar in hynder, dat neat fan de spraakkeunst wit, is net ûngelokkich, en de healwize minske is net te bekleien, om't er no ien kear sa is as syn aard is.

Mar no geane dy letterfeinten wer tsjin my yn. 'De minske', sa sizze hja, 'hat dochs de jefte krigen om de wittenskippen te begripen, en sa kin er dochs beskikke oer wat de natuer him ûntsein hat?' As soe de natuer, dy't sa goed en sa soarchsum wie foar miggen, krûden en blommen ynienen yn sliep fallen wêze, doe't se mei de minsken teset soe, en dat dêrom de minske de wittenskippen nedich hawwe soe. Dy binne lykwols troch Theutus, de fûlste fijân fan it minskdom, útfûn om de minske yn it ferdjêr te fieren. Wittenskippen binne alhielendal net te brûken om de minsken lok te bringen, hja binne winliken de grutste tûkelteammen op 'e wei nei it doel, dêr't hja neffens de wiisgearen foar útfûn binne. Sa hat Plato it al sein, doe't er syn alles sa goed betinkende kening útlizze liet, hoe't de letters

útfûn binne. Sa binne alle wittenskippen trochkrongen yn alle ûnderdielen fan minskene libben. Hja binne ús brocht troch deselde kweade geasten, dy't ferantwurdlik binne foar alle oare ûngemakken, nammentlik de demoanen, dy't dy namme krigen hawwe omdat dy namme de wize mannen betsjut yn it Gryksk. Want de gewoane man út de Grykske gouden ieu hie hielendal gjin wittenskip om mei en foar te libjen, mar de minsken koene doe allinne mar libje neffens harren natuer. Wêrom soene hja in spraakkeunst nedich wêze, as hja dochs allegearre deselde taal praten, en it iennige doel fan de taal wie mei in oar yn kontakt te kommen? Hja hoegden ek gjin redenearteunst te learen, want der wiene dochs gjin mieningen, dy't foarinoar oer stiene. Der wie ek gjin plak foar wiidweidige pleitredes, want nimmen wie der op út om spul te sykjen mei syn buorman. Der wie ek noch gjin rjochtsspraak, want der wiene gjin kweade gewoantes, en dy moatte der earst wêze, foar't der goede wetten makke wurde kinne. En hja wiene ek te godstsjinstich om mei al te folle benijdens de wetten fan de natuer útsykje te wollen, de stjerren nei te gean, harren beweging út te rekkenjen en de ynfloed dy't de stjerren hawwe, en sa de ferburgen dingen yn it hielal nei te gean. De dwaasheid fan alles witte te wollen wat der efter de himel is, is nea yn harren hollen opkommen.

Mar doe't de ûnskuld fan de gouden ieu stadichoan ferdwûn wie doe waard de wittenskip útfûn troch de kweade geasten, dy't ik al neamd ha. Yn it begjin wiene der noch mar in pear wittenskippen, en dêr wiene noch mar in pear minsken mei dwaande, mar letter, troch it byleauwe fan de Chaldeeën en de idelens fan de Griken, binne der wol hûndert bykommen, as in krús foar de minsken. Ommers, allinne al it systeem fan de spraakkeunst is in kwelling foar ús allegearre.

33. RJOCHTEN : OANFALLICH HEALWIIS.

Alhoewol: ûnder al dy wittenskippen steane dy it heechst oanskreun dy't it tichtst by de healwizens komme. De teologen hawwe altiten hunger, de wiisgearen wurde skoudere, de stjerrekundigen wurde útlake, en de dialectisy, dêr harket nimmen nei. Allinne de dokter, dy is de minsken fan mear wearde as al dy oaren byinoar. En hoe minder as er wit, hoe dommer en gedachteleazer as er docht, namste mear stiet er yn oansjen, sels by de heechste prinsen. De genêskeunst, lyk as dy no tapast wurdt troch safolle lju, is winliken oars neat as in foarm fan flaaikjen, lyk as de retoryk. Dêrom steane ek de juristen yn oansjen njonken de dokters, mar wol op it twadde plak. Faaks soene hja op it foarste plak stean moatte, mar de wiisgearen sizze altyd, dat rjochten in fak is foar ezels, en hja laitsje allinne mar om de rjochtsgelearden, en dêr wol ik perfoarst net oan meidwaan. Mar dochs kinne dy ezels saken grut en lyts meitsje, as hja ien kear it wurd hawwe, en hja wurde der sels altyd folle better fan, wylst dy earne teologen, dy't allerhanne boeken fan it begjin oant de ein trochlêzen hawwe om de godlike geheimen better te bedjipjen, noch gjin stik bôle te iten hawwe en de hiele dei fjochtsje moatte mei miggen en luzen.

Sa is it wol dúdlik dat de lokkige tûke mannen fan de wittenskip dy binne, dy't it tichtst by de healwizens steane, en dat de lokkichste minsken dy binne, dy't hielendal gjin gedoente hawwe mei alle soarten fan geleardens en inkeld mar de natuer hoege nei te rinnen. Wy sille dy wittenskippen nea en te ninter nedich hawwe, as wy it mar net yn 'e plasse krije om de grinzen fan ús stjerlikens oer te stekken. De natuer hat in grutte hate foar alle keunstmjittigens oer, en as der nimmen yngrypt giet alles altyd it bêste.

34. BISTEN BINNE IT BÊSTE ÔF.

Jimme kinne dochts ek sels sjen, dat alle oare skepsels lokkich binne yn it libben, en dat dy skepsels it lokkichst binne, dy't gjin minske as master hawwe yn it libben, en harren allinne troch de natuer liede litte? Hokker skepsels binne lokkiger of wûnderliker as de bijen? En alle sintugen hawwe hja net ienris. Dochts is der gjin architekt, dy't sa goed bouwe kin, en gjin wiisgear, dy't sa'n lokkich libben liede kin. Set der mar ris in hynder foar oer, dy't sawat minsklik is yn syn fielen en eigenskippen. Dy moat dielnimme oan it libben fan de minske, en dus ek oan al syn ûngelok. In hynder fielt him beskamme as er in hurdriderij ferliest, en dêrom rint er troch oant er der by delfalt. En as er yn de oarloch besiket te winnen moat er fakernôch yn it stof bite mei syn berider. En dan sis ik noch neat fan al dy lytse lêsten: it byt tusken de tosken, de spoaren yn de side, de stâl as in finzenis, de swipe, de karwats, it halster, de ruter op 'e rêch, koartsein: de hiele ellinde fan de tsjinstberens, de tsjinstberens oan de minske. En dat alles hat in hynder op him nommen út eigen frije wil, om syn fijân, it hart, de baas bliuwe te kinnen.

Dan soe ik leaver it libben fan in mich of in fûgeltsje foar kar nimme, dy't beide fan it iene moment yn it oare libje, en alles oan de natuer oerlitte, foarsafier't de minske soks talit. At se ienkear yn in koai sitte en leare moatte in minsklike stim nei te dwaan, dat is alle natuerlike wille derút helle, want wat yn de natuer bart is altiten aardiger as alle keunst. Dêrom kin ik dy hoanne fan Pythagoras net genôch priizgje, dy't, nei't er fan alles west hie, wiisgear, man, frou, kening, boarger, fisk, hynder, kikkert, en sels, as ik my net fersin, spûns, dochts fan betinken wie dat de minske de ûngelokkichste wie fan alle dieren, allinne al dêrom, om't alle oaren tefreden wiene mei wat de natuer harren jûn hie, wylst de minske altyd mar wer besiket om oer dy grins hinne te kommen.

35. MEI DE GEK BESLEIN.

Jitris: as it allinne om de minsken giet dan set dy hoanne de neat-witters boppe de gelearden en de grutte hearen. Gryllus wie dêrom ek folle wizer as de grutte Odysseus, om't Gryllus leaver yn syn bargehok siet en wat gnoarre as dat er, as Odysseus, de gefaren fan safolle nuodlike tochten op him nimme woe. It liket my ta dat Homerus, de heit fan de fabeltsjedichters, it mei my iens is, as er de stjerlike minsken bidders en slaven neamt, en fakernôch Ulysses, it toanbyld fan wiisheid, as ûngelokkich beskriuwt, wat er nea dien hat mei Paris, Ajax of Achilles. En wêrom net? Is it net, om't dy listige en betûfte Ulysses neat die sûnder earst Pallas Athene oan te roppen en dêrom sa wiis wie, dat er him nea troch de natuer liede liet? Sa binne ûnder de stjerlike minsken hja, dy't stribje nei wiisheid, it ûngelokkichst. Hja binne winliken dûbeld ûnwiis, om't hja fergetten binne, dat hja as minsken berne binne en dochs besykje it libben fan in ûnstjerlike god op har te nimmen. En: hja wolle, lyk as de reuzen fan eartiids, tsjin de natuer yngean mei de wapens fan de wittenskippen. En it minst ûngelokkich binne dy minsken, dy't it tichtst komme by de natuerlike dwaasheid fan de stomme dieren, en neat oanhelje dat de krêften fan de minsken te boppen giet. Ik sil dat no net wer mei in pear Stoisijnske stellingen dúdlik meitsje, mar in simpel foartbyld jaan.

By de ûnstjerlike goaden: is net de lokkichste minskekliber dy keppel, dy't idioaten, gekken, olferts, ienfâldigen, neamd wurde, allegearre prachtige nammen neffens my. Faaks liket it op it earste gesicht dwaas en healwiis wat ik sis, mar it is in djippe wierheid. Earst: dy minsken binne net bang foar de dea. Twad: hja meitsje harren der ek net drok oer, oft hja no goed of kwea dien hawwe. Ferhaaltsjes oer spoekerij meitsje harren net kjel, hja binne ek net bang foar geasten of ferskiningen. Hja sitte net

yn noed oer rampen, dy't komme kinne, hja binne ek net bliid oer wat faaks hielendal net komt. Yn it koart: hja hawwe gjin lêst fan de tûzenen soargen en noeden, dêr't ús libben sa fol fan is. Hja witte neat fan skamte of bangens, fan ambysje, oergeunst of leafde. En dan: om't hja tichter by de bisten libje troch de ûnmooglikheid om harren ferstân te brûken, sizze de teologen oer harren, dat hja gjin sûnde dwaan kinne. En set dêr no ris foar oer, healwize wize, al de nachten en dagen dat jo siel pleage wurdt troch eangstmten, set alle lêsten út it libben op in rychje nêst inoar, dan begripe jo wol wat de lêsten binne, dêr't ik myn healwizelingen foar sparre ha. En set dêr dan by, dat hja altyd bliid binne, boartsje, sjonge, laitsje yn harsels, en wêr't hja ek hinne geane oeral bringe hja wille en blierens. Eltsenien moat laitsje, as hiene de goaden harren de jefte jûn om alle drôvens by de minsken wei te nimmen. Dat bringt ek mei, dat, hoefier de minsken ek útinoar rinne meie op oare gebieten, de healwizen oeral talitten wurde, hja wurde útkeazen, krije oeral iten, wurde neirûn, eltsenien is freonlik foar harren, hja wurde it earst holpen as der earne need is, en hja kinne alles sizze en dwaan, sûnder dat hja harren hoege te skamjen. Nimmen tinkt der ek mar oer om harren kwea te dwaan, sels de wylde bisten lykje eat te fielen fan harren ûnskuld, en se dogge harren neat. Hja steane wiswier ûnder de beskerming fan de goaden, en noch it measte ûnder myn soarch en hoede, en krekt dêrom wurde hja troch eltsenien yn eare hâlden.

36. DE WIERHEID YN DE DWAASHEID.

Hja steane ek yn de geunst by keningen, safier sels dat ferskate grutte hearen gjin hap ite kinne, of gjin stap sette, of ek mar ien oere trochbringe, sûnder de eigen potsemakker, dy't hja heger

achtsje as de sleauwe riedslju, dy't hja foar it fatsoen der wol op nei hâlde moatte. En wêrom't hja de healwizen safolle leaver hawwe is my dúdlikernôch: de wize riedslju riede ommers neat as ellindige dingen oan, en om't hja sa goed witte dat hja sa wiis binne, sizze hja de kening de hurde wierheid, dy't him sear docht oan de earen. Mar de potsemakkers sizze de keningen wat se graach hearre wolle, grapkes, dingen, dy't har bliid meitsje kinne en dy't har oan it laitsjen meitsje. En, lit ik it jim mar sizze, healwizelingen hawwe noch in oare jefte, dy't net ferspein wurde mei: hja binne de iennichsten, dy't planút de wierheid sizze kinne, en wat is der better as de wierheid? Want alhoewol't Alcibiades by Plato úthâldt dat de wierheid heart by lytse bern en dronken minsken, dochs moat ik allinne om harren wurden priizge wurde, lyk as Euripides it al sein hat yn dy iene treflike sin: 'De healwize hat healwiis praat'.

Wat de healwize yn 'e holle hat is op syn gesicht te sjen, en dat seit er lyk as it him foar de mûle komt. Mar de wize man hat twa tongen, lyk as Euripides it ek sein hat: ien om de wierheid te sizzen, en ien om te sizzen, wat hjir en no sein wurde moat. Hy makket der in gewoante fan om wyt te feroarjen yn swart, en kâlde en waarme loft út te blazen yn ien azem, en der is in grut ûnderskie tusken wat er foar himsels hâldt en wat er ûnder wurden bringt. En by al it lok, dat hja hawwe lykje de foarsten my dochs tige ûngelokkich ta, om't hja nimmen hawwe, dy't harren de wierheid seit, en hja sa nei flaaikers hearre moatte en dy as harren freonen beskôgje. Dan kinne jo wol sizze, dat de earen fan de foarsten de wierheid net hearre wolle, en dat hja dêrom gjin wize mannen om harren hinne hawwe wolle, om't hja der bang foar binne, dat ien fan dy wizen it oandoare sil en sis eat, dat wol wier is, mar dat hja net hearre wolle. Ja, jo hawwe gelyk: de wierheid hawwe de foarsten net sa heech. Mar dat komt no krekt goed út foar myn healwizelingen. Want hja

kinne de wierheid sizze, en sels de fûlste misledigingen uterje, en hja wurde dochts beharke mei in soad wille, ja, de wurden dy't in wiis man it libben kostje soene wurde mei in protte wille beharke at se komme fan in potsemakker. Want de wierheid hat út himsels de macht om alle minsken wille te jaan, at se mar net de minsken op it sear komt. En de macht om sûnder immen op it sear te kommen de wierheid te sizzen hawwe de goaden oan de healwizen jûn. Dêrom jouwe froulju ek it meast om healwizelingen, want hja binne, safolle mear as manlju, rjochte op wille en genietsjen. En dêrom: wat dy healwizelingen ek mei harren dogge, it kin altyd útlein wurde as boarterij en healwizichheid. Sa binne froulju no ienris: goed yn it útfinen fan ferlechjes.

37. WA HAT IT BÊSTE LIBBEN?

Mar lit ús noch ien kear werom komme op it lok fan de healwizelingen. Nei in libben fol wille, sûnder dat se earne bang foar west hawwe, ferhúzje se daliks nei de Elysyske fjilden om dêr ek de sielen, dy't fan harren rêst genietsje, bliid te meitsjen. Lit ús dêrmei no ris it lot fan in wiis man fergelykje. Nim no ris sa'n fertsjintwurdiger fan de wiisheid, immen, dy't syn hiele libben bedoarn hat mei stúdzje, dy't it moaiste part fan syn libben bedoarn hat mei nachten sûnder sliep, arbeidzjend, learend, boppe alle mjitte út. Altyd wie er sunich en earm, hy hat him nea in dei om wille te meitsjen gund, hy wie in lêst foar himsels en foar oaren, hy hie altiten bloedearmoede, wie meager en skilich, âld en griis foar syn tiid, syn hiele libben wie ien lijen. Ja, wat makket it foar sa'n man út as er dea giet? Hy hat nea libbe. En dêr hawwe jo no krekt it portret fan in wiis man.

38. MORIA : DE FÛL BEGEARDE FROU.

Mar hjir hawwe dy kweakjende kikkerts fansels wat oer te kweakjen. Neat, sizze hja, is sa jammerdearlik as dwylsinnigens, en healwizens is ticht by dwylsinnigens, en kin ek sa neamd wurde. Dwylsinnigens betsjut inkeld, dat jo net goed mei de holle binne, mar healwizens is eat fan de hiele minske, sa sizze hja. Mar wês mar net bang, as de Muzen my helpe dan sil ik ek fan dat syllogisme net folle oerlitte. Lyk as by Plato Socrates sjen lit, hoe't ien Venus en ien Cupido yn twaën ferdiel wurde, sa soene dy masters fan de redenearteunst ek twa foarmen fan dwylsinnigens ûnderskiede moatte as hja wierliken goed lykje wolle. Want net eltse foarm fan dwylsinnigens is in ramp, oars soe Horatius net frege hawwe: 'Wie it in beminlike dwylsin dy't my te fiter hie?', en oars soe Plato de útskroevenens fan dichters, profeten en leafhawwers net ta de heechste wearden yn it libben rekkene hawwe. En allikemin soe de Sybille it grutte ûndernimmen fan Aeneas dwylsinnich neamd hawwe.

Wiswier: der binne twa soarten dwylsinnigens. De iene komt út de hel, as de wraaksuchtige furys harren slangen loslitte en ophyskje tsjin de herten fan minsken, dy't de oarloch wolle, of dy't in net te dwêsten toarst hawwe nei goud, of nei ferbeane leafde, heitemoard, yncest, hillichskeinderij en sok soarte fan misdieden, of as hja de skuldige, troch wroeging pinige siele teheisterje mei har wraakgeast en skrikflammen. Mar de oare dwylsin liket dêr hielendal net op, dy is better as alle oare dingen, en dy komt fan my. Dy komt as de ien as oare lokkige geastlike ôfwiking de geast frijmakket fan syn ernstige soargen en tagelyk dyselde geast bliid makket troch in protte nju en wille. Dat is in soarte fan dwylsin dy't Cicero foar in grutte jefte fan de goaden hâldt. Hy skriuwt dat yn in brief oan Atticus, en hy wiist der dan ek op, dat krekt dy dwylsin de minsken

ûngefoelich makket foar in bulte lijen. Dat hat dy man út Argos ek sa field, dy't mar yn ien ding healwiis wie: hy siet de hiele dei yn it theater, lake en klappe en hie in bulte wille yn himsels, want hy leaude, dat dêr de prachtichste toanielstikken opfierd waarden, wylst der yn feite neat barde. Yn alles wat er dwaan moast, syn hiele libben lang, hat er him goed holden: hy wie freonlik foar syn freonen, leaf foar syn frou, en hy waard net poer as ien fan syn slaven in fles wyn iepen makke hie. Doe't syn sibben harren der mei bemuoiden en him middels jûn hiene om better te wurden, doe sei er tsjin syn freon: 'Wiswier, jimme hawwe my feroare en net holpen. Dat is gjin better meitsjen, dat is my dea meitsje troch my myn wille ôf te nimmen, en ik hie der sa'n wille fan, fan dy ôfwiking, dy't ik hie.' En de man hie folslein gelyk. Net hy mar syn freonen wiene medisinen nedich, om 't hja fan betinken wiene dat er fan sa'n noflikke en lokkichmeitsjende dwylsin genêzen wurde moast, as wie it in sykte, dy't er ûnder de lea hie.

Mar dêrmei ha ik noch net bewiisd, dat eltse geastlike of ferstanlike ôfwiking de namme dwylsin fertsjinnet. As in steksjoch man in ezel foar in hynder oansjocht, of in rymstikje foar in treflik gedicht, dan hoecht sa'n man noch net dwylsinnich te wêzen. Mar as in man de dingen ferkeard sjocht en ferkeard beoardielet, en as er dat altyd docht en it gewoan fynt, dan neam ik it wol dwylsin. Tink bygelyks oan in man, dy't in ezel heart en tinkt dat er moaie muzyk heart, of oan in earme skoaier, dy't tinkt, dat er Croesus is, de kening fan Lydia. Sok soarte fan dwylsin is noflik, en bringt sa folle wille oan dyjingen, dy't der lêst fan hawwe as oan dejingen, dy't der tsjûge fan binne en der sels gjin lêst fan hawwe. En soks komt folle faker foar as de minsken tinke. De iene healwizeling laket om de oare, en beide hawwe hja wille om inoar. En fakernôch hat de grutste gek de measte wille om de lytste.

39. JAGERS, BOUWERS EN DOBBELDERS.

Hoe mear fariaasje as der is yn de healwizens fan in minske, hoe lokkiger er neffens my, de Healwizens sels, is. As er mar bliuwt by de foarmen fan healwizens, dy't ik niiskrektsa beskreaun ha, en dy't sa algemien binne, dat ik der oan twifelje, dat der op de hiele ierde wol immen is, dy't sa wiis is, dat er syn hiele libben troch net te lijen hân hat fan de iene as oare foarm fan healwizens. Der is fansels wol ûnderskie: Wa't in klabats foar in frou oansjocht giet troch foar in healwize, om't soks net folle bart. Mar as in man swart dat in frou dy't er diele moat mei in bulte oare leafhawwers trouwer is as Penelope, en o sa bliid is mei wat inkeld in sleauwe dwaling is, dan neamt nimmen him healwiis, want soks bart yn ferskate houliken, oeral en altyd.

Dyselde soarte healwizens libbet ek by harren, dy't graach jeie en dy't sizze, dat hja dochs sa'n wille hawwe as hja de skrilke klanken fan de jachthoarns hearre en it jankjen fan de hûnen. Hûnekeutels rûke as kaniel foar harren. En wat hawwe hja in wille, as it bist ferdield wurdt. Sljochtwei hinne minsken kinne fansels wol in okse of in skiep slachtsje, mar allinne in man fan adel hat it rjocht om in stik wyld te ferpartsjen. Mei de bleate holle en op 'e knibbels, en mei in apart swurd, want it soe hillichskeining wêze in oar swurd te brûken, mei itige gebearten, yn de fêststelde oarder snijt er plechtich de fêststelde stikken ôf, wylst de hiele kliber yn stilte om him hinne stiet en it skouspul bewûnderet. In skouspul, dat se al mear as tûzend kear meimakke hawwe, mar no wer belibje as wie it folslein nij. En as immen dan sa lokkich is dat er in flink stik meikriget, dan tinkt er dat er de bêste dei fan syn libben meimakke hat. Mar alles wat hja berikke mei dy wyldjeierij en mei it opfretten fan al dat wyld is harren eigen degeneraasje. Hja wurde winliken stadichoan sels wylde bisten, al tinke hja, dat hja in libben liede dat inkeld foar keningen weilein is.

Der is in slachte fan minsken dat wol wat op harren liket. Dat binne de lju, dy't der mar net mei ophâlde kinne te bouwen. Dy't wat rûn is fjouwerkant hawwe wolle en wat fjouwerkant is rûn, altyd mar troch, oant hja gjin sint mear oer hawwe en net ienris mear witte, wêr't hja fan libje moatte. Mar wat soe dat? Hja hawwe in pear prachtige jierren hân, fol wille, en dy hawwe hja dan dochs mar hân. Deun by harren woe ik de lju sette dy't der altyd mar wer op út binne de natuer te feroarjen troch nije en geheime keunsten, en dy't de ierde en de see ôfsykje nei in fyfte elemint. Hja wurde laat troch de swiete hope dat hja wierliken wat nijs fine kinne, en dêrom hawwe hja der in bulte wurk en jild foar oer. En hja geane troch mei harren selsbedroch oant hja de lêste sint útjûn hawwe en net ienris mear in lyts fornúske brâne litte kinne. En dan geane hja noch troch mei moaie dreamen te dreamen en hja dogge wat hja kinne om oaren itselde lok diele te litten. En as op it lêst alle hope ferdwûn is, dan hawwe hja noch ien spreuk as treast: 'Yn grutte dingen is inkeld it wollen al genôch.' En hja wite it oan de koartens fan it libben, dy't harren behindere hat harren grutte opjefte op dat mêd út te fieren.

Ik bin der net wis fan oft it wol goed is ek de dobbelers yn ús krite te beheljen. Mar in grut part fan harren litte ús dochs wat healwizens sjen om ús laitsje te litten. Hja binne sa fer-knotte mei harren spultsje dat it hert harren hurder slacht en de pols hurder giet as hja inkeld mar de dobbelstiennen kletterjen hearre. En as harren hope op winst harren te lider slein hat op de rotsen fan de dobbelstiennen, as harren skip fêstrûn is op rotsen, dy't gefaarliker binne as dy fan kaap Malea en hja út it wetter krûpe moatte sûnder in himd oan it gat, dan binne hja by steat om eltsenien te berôvjen, mei útsûndering fan de winner, want soks docht men net ûnder minsken fan ear. En as hja âld binne, en noch mar amper wat sjen kinne, geane hja dochs te spyljen, mei de bril op, en as harren de hannen krom steane fan

de rimmetyk dan nimme hja in feint mei om de dobbelstiennen op te goaien.

Wis: dobbeljen soe in aardich tiidferdriuw wêze kinne, as it mar net útrinne soe op spul en heftige emoasjes, en dêrom heart it mear by de Furys as by my.

40. IT WÛNDERLEAUWE.

Mar hjir bestiet gjin twifel oer: by de healwizelingen hearre alle-gearre, dy't o sa graach wat hearre wolle oer mirakels en earne oars útfûne wûnders, en dy't dêr o sa graach oer prate. Hja krije nea genôch fan sokke praatsjes, as der mar wat ferteld wurde kin oer geasten, spoeken, ferskinningen, deaden, de ûnderwrâld en alle ferhaaltsjes dêr om hinne. Hoe fierder as dy fan de wierheid ôfsteanne hoe earder at se leaud wurde en hoe leaver as de minsken se hearre wolle. Sokke saken binne net inkeld goedernôch om de minsken wat hearre te litten dêr't se oer huverje kinne, mar hja wurde ek graach brûkt troch sprekkers en predikanten, dy't der faaks ek better fan wurde. Ticht by harren steane ek de minsken, dy't tinke, dat harren neat barre kin op de dei dat hja in byld of in skildering sjoen hawwe fan dy grutte Polyfemus Christoforus. Of as immen in byld fan Barbara ferearet op de foarskreaune wize dat er dan sûn en geef út de oarloch werom komt. Ek tinke hja dat at se Erasmus op de goede dei mei it krechte tal kearsen en de goede gebedens fereare hawwe, dat hja dan gau ryk wurde sille. Hja hawwe al in twadde Hippolytus fûn, mar yn St. Joris hawwe hja ek in oare Hercules. Hja hawwe ek syn hynder mei alderhanne geskinen en medaljes ops nolke, ja hja oanbidde dat bist sawat. De geunst fan de baas wurdt socht troch nije geskinen, en in ied by syn izeren helm is sels jildich foar in kening.

En wat moat ik noch sizze oer dyjingen, dy't harsels te fiter hawwe mei de sabeare ferjeffenis fan harren sûnden? Hja hawwe de tiid fan harren takomstich ferbliuw yn it feiefjoer ôfmjitten as koe dat mei in wetterklok of soksawat, en hja telle de ieuwen, jierren, moannen, dagen en oeren, as hiene hja in grutte tabel om it allegearre krekt út te rekkenjen. Dan binne der minsken, dy't harren liede litte troch bepaalde wûnderlike tekens en gebedens, troch de iene as oare fromme útfiner optocht foar eigen wille of om der better fan te wurden, en dy't harsels dêr dan fan alles fan ûnthjitte: sûnens, eare, nju, oerfloed, gjin kwalen, in lang libben, in moaie âlde dei en dan in sit njonken Kristus yn de himel. Sa is bygelyks de earste de bêste keapman, soldaat of rjochter der fan oertsjûge dat er mar in lyts muntstikje hoecht te jaan út de grutte skat, dy't er byinoar rôve hat om yn ien kear en foargoed los te kommen út it Lernekaanse moeras, dat er fan syn libben makke hat. Al syn fâlske ieden, al syn wollust, dronkenskap, spul, moarden, bedroch, falskens en ferrie, sa tinkt er, kin op de ien as oare manier wize ôfbetelle wurde, sa ôfbetelle, dat er frij is om mei in nij libben fan sûnde te begjinnen.

Kin der eat wêze dat sa healwiis, ik bedoel dan fansels dat sa lokkich is, as dat der lju binne dy't harsels it ivich libben ûnthjitten hawwe as hja alle dagen dy sân koarte ferzen út de psalmen opsizze, dy't neffens harren leauwe de duvel oan St. Bernard oanwiisd hat? Hy hat mar in grapke makke, sûnder mis, mar net al te tûk, want hy waard yn syn eigen grapke fêstsetten, om't de hillige alle dagen alle psalmen opsein hat. Sokke dingen binne sa healwiis dat ik my der sels hast foar skamje soe, mar dochs wurde hja by it soad neifolge, en dat net allinne troch de grutte kliber fan sabeare leauwigen, mar ek troch de lju, dy't fan de godstsjinst harren berop makke hawwe.

Like dwaas is it dat eltse krite der in eigen hillige op nei hâldt, en dat oan al dy hilligen eigen machten taskreaun wurde, en dat

eltse hillige syn eigen ferearders hat. It giet dan sa dat de iene wat ferlichting jout by pine yn 'e mûle, in oarenien de memmen bystiet as hja yn 'e kream moatte, in tredde-nien stellen saken werom bringt, in fjirdenien him fertoant as in rêder by skipbrek, in oarenien beskermt de skieppekeppels, en sa kin ik noch wol in hiel skoft trochgean. Der binne ek noch in pear hilligen, dy't oeral oer te kedizen hawwe, benammen de Maagd en Mem fan God, oan wa't de gewoane man noch folle mear wûnders taskriuwt as Har Soan dien hat.

41. NUVERAARDICH BYLEAUWE.

Mar wat hawwe de minsken rûnom fan dy hilligen frege, wat oars as healwizichheden? Sjongge jimme tusken al dy tankgeskin-ken, dêr't somlike tsjerken hast ta it plafond mei fol hongen binne wol ris ien fan immen, dy't fan syn healwizens ferlost is, en wat mear wiisheid krigen hat? Welnee, de iene man is út it wetter rêden, de oare is hurd weirûn yn de striid en hat it sa oerlibbe, in oar is samar (lokkich) weirûn fan it slachfjild en hat it oan syn maten oerlitten om troch te striden. In oar is fan de galge ôfgliden mei de stipe fan de ien as oare hillige, dy't de freon is fan de dieven, en de man is trochgien mei in bulte minsken ôf te helpen fan harren jild en besittingen. Dy is losbrutsen út de finzenis, dy oare is better wurden nei de koarts ta ferwûndering fan syn dokters, in oar hat fergif ynnommen, mar dat hat syn liif iepen makke, en it hat him goed dien en gjin kwea, ynstee fan him dea te meitsjen. Jildfergriemerij dus foar syn wiif, dat der hielendal net bliid om wie. In oar waard fan syn wein ôfslingere, mar koe syn hynders goed thús krije, wer in oar koe der libben útkomme, doe't syn hûs yninoar foel. In oarenien waard betrape, doe't er in oarmans frou benei komme woe, mar hy

koe oan de poerrazende man ûntkomme. Mar nimmen is tankber om't er frij kommen is fan de healwizens, en it is sa aardich foar my, dat de stjerlike minsken der om bidde om oeral fan frijmakke te wurden, útsein dan fan my. Mar wêrom soe ik noch trochswimme, troch dy see fan byleauwe? Hie ik hûndert tongen, hûndert mûlen, in stim fan izer, ik koe de soarten healwizens net telle, en de nammen net opneame fan alle soarten.

It gewoane libben fan de kristen, oeral op de wrâld, rint oer fan fariaasjes fan sleauwens, en dy wurde mar wat graach yn stân holden troch dy prysters, dy't net fiis binne fan de winst, dy't se dêrby meitsje kinne. En tink no ris, dat de ien as oare wize man, dy't it hjir net mei iens is, opstean soe en der tusken komme soe mei in redeneering dy't wier is: 'Jo sille gjin kwea ûnderfine as jo stjerre as jo goed libbe hawwe. Jo kinne frij komme fan jo sûnden, net allinne troch boete te dwaan foar jo misse dieden, troch triennen, weitsjen, bidden, fêstjen, mar benammen troch it feroarjen fan jo hiele libben, en troch in hiel oar libben te liden as it koarte libben, dat jo oant no ta laat hawwe. De hillige sil jo helpe, as jo besykje te libjen lyk as hy libbe hat.' As er, sis ik noch ris, dy net wolkomme wierheden ferkundiget, dan sille jo ris sjen, hoe gau as de frede yn dizze wrâld weinommen is, en de minsken net mear witte, hoe't hja har hâlde en drage moatte.

By itselde selskip fan healwizen hearre ek de minsken, dy't by harren libben al krekt fêstlein hawwe wat der barre moat as hja begroeven wurde. It tal kearsen is al fêstlein, de swarte klaaing, de sangers en de balters, dy't der by wêze moatte. It is as soene hja der wille fan hawwe at se derby wêze koene, of as soene de deaden beskamme wurde at se net in prachtige útfert hawwe soene. It liket wol, oft hja yn in wichtich amt keazen wurde wolle, en dêr grutte feesten foar opsette wolle, sa krekt hawwe hja alles regele.

42. EALLJU? HEALWIIS!

Ik moat trochgean, want ik ha it winliken net oan tiid, mar ik kin dochs net fierder sûnder dat ik in wurd sis oer dyjingen, dy't net better binne as in gewoane arbeider, mar dy't der bûtenwenstich grutsk op binne dat hja fan eallju ôfstamme, en dat harren sibbe werom giet op Aeneas, op Brutus of op Acturus. Hja sette oeral de bylden of skilderijen fan harren foarâlden del, fan harren pakes en oerpakes, hja kinne alle nammen fan de hiele sibbe út de holle, hoewol't hja der net sa fier mear fan ôf binne sels in stom byld te wêzen, en der lang net sa goed útsjogge as de bylden, dy't hja rûnom delsetten hawwe. En dochs, troch de swiete Eigenleafde, binne hja altyd tige lokkich, en der binne altiten hiele kloften minsken, dy't heech by sokken opsjogge, as wiene hja de iene as oare god.

Mar ik hoech dochs net de iene nei de oare soarte fan minsken op te neamen, as der rûnom safolle minsken sa ûneindich lokkich binne troch de Philautia, de Eigenleafde allinne? Hjir rint in man om, net om oan te sjen: in aap sjocht der folle better út. Mar yn syn eigen eagen is er moaier as Nereus. En dêr rint in oarenien, dy't mar trije sirkels makke hat, en him better achtet as Euclides. En dan is der noch in oarenien, dy't op syn lier spilet as in ezel, dy't sjongt mei in stim as in âld hoanne dy't kraait, mar dy't fan himsels tinkt, dat er better sjongt as Hermogenes.

En fierwei de bêste foarm fan healwizens is dy, dy't de minsken grutsk wêze lit op talinten, dy't se hielendal net hawwe, mar dy't se fan in oar oernimme, en krekt dogge oft se fan harren binne. Sa de rike man, dêr't Seneca oer fertelt. Hy hie altyd in pear slaven deun by him stean, dy't him alles foarsizze moasten as er wat fertelle woe, en al hie er gjin krêft mear om in fûst te meitsjen, dochs naam er mei alle wille in útnoeging oan om mei

in oar te fjochtsjen, want hy wist wol dat er slaven genôch hie dy't soks foar him waarnimme koene.

En wat sil ik dan noch sizze oer de minsken dy't har dwaande hâlde mei keunst? Hja hawwe allegearre har eigen foarm fan Eigenleafde, en hja sille earder al it lân dat hja urven hawwe en al harren besit opjaan, as dat se tajaan soene dat in oar ek mar in bytsje better is yn de keunst, dêr't hja harren mei dwaande hâlde. Dat jildt benammen foar toanielspylders, sangers, sprekkers en dichters: hoe minder as hja witte en kinne hoe mear as hja harsels yn 'e hichte stekke, opsnije, swetse, poffe en blaze. En hoe sleuwer as eat brocht wurdt namste mear as it bewûndere wurdt. Wat it minste is wurdt altyd it meast bewûndere, want de measte minsken binne, lyk as ik al sein ha, hearrich oan de healwizens. Boppedat: as in toanielspylder of in oare keunstner mear wille hat mei himsels as er minder fan syn keunst terjochte bringt, wêrom soe er der dan op út wêze om syn fak better te learen? It sil him in bulte fan syn tiid freegje, him senuweftich meitsje en bang, en hy soe noch minder minsken echte wille jaan ek.

43. DE MIENSKIPLIKE EIGENLEAFDE.

En lyk as de natuer de Eigenleafde plante hat yn eltse persoan sa hat de natuer, neffens my, ek in mienskiplike eigendunk ynplante yn eltse naasje en yn eltse stêd. Dêrom tinke de Britten, dat hja yn ferskate dingen bûtenwenstich goed binne, benammen yn tsjeppens, moaie muzyk en goed iten. De Skotten binne grutsk op harren adel, op de âldheid fan harren keningshûs en op harren redeneurkeunst, de Frânsen sizze dat hja sokke goede manieren hawwe, en de teologen út Parys wolle der altyd mar wer op út, dat hja better binne as de oaren, as

alle oaren yn 'e wrâld. De Italianen sizze dat alle kultuer en sprekkeunst harres is, en hja winskje inoaren lok dêrmei dat hja it iennige beskaafde folk op 'e hiele wrâld binne. En yn dat lok geane de Romeinen foaroan, hja dreame noch altyd oer de allang ferfleine gloarje fan Rome, wylst de Venetianen harren eigen dreamen hawwe oer harren eale ôfkomst, en dêr o sa lokkich mei binne. Underwilens tinke de Griken as de minsken, dêr't de keunst weikomt, dat hja diele moatte yn alle eare, dy't jûn wurdt oan de grutte helden út harren ferline, wylst de Turken en de hiele barbaarske rosomos no ynienen earbied freegje foar harren godstsjinst en de Kristenen útgnize om harren byleauwe. En de Joaden geane noch fierder: hja wachtsje noch altiten op harren Messias, en hja hâlde oant hjoed de dei ta noch altyd mei alle klam fêst oan Moses. De Spanjerts tinke dat nimmen mear ear en gloarje út de oarloch helle hat as sy, en de Dútskers skeppe op oer harren grut postuer en harren swarte keunsten.

44. FLAAIKJEN ALTYD HEALWIIS.

Sa kinne jimme wol sjen hoe folle wille as de Eigenleafde de minsken bringt, allinne of as mienskip, en har suster, de Flaaikerij, bringt hast likefolle. Want Philautia, Eigenleafde, is inkeld selsflaaikerij, en allinne as jo it dogge by in oar hjit it fan Kolakia, Flaaikerij. Soks leit net op in bêste namme tsjintwurdich, mar dan allinne by dy minsken, dy't mear ferstân hawwe fan nammen as fan wat der wierliken bart. Want hja tinke, dat flaaikerij en trou net lyk opgean kinne, mar de foarbylden út de dierewrâld litte wol sjen, dat se dêr mis mei binne. Gjinn dier kin sa flaaikje as in hûn, mar ek gjinn dier is sa trou. En gjinn dier lit him sa maklik oanhelje as in iikhoarn, en kinne jo in gruttere freon foar de minske fine? Of tinke jo soms, dat wylde liuwen,

wrede tigers of gefaarlike panters bettere freonen binne foar de minske? Der is wol in soarte fan flaaikjen dat gefaarlik is, en ferskate smychten brûke dy foarm ek, om harren slachtoffers noch fierder yn it ferdjêr te fieren, mar de foarm, dy't ik brûk komt út in soarte fan goedhertigens. Dy stiet folle tichter by de deugdsumens as it tsjinoerstelde: de ûnbehouwens en de lompenens, lyk as Horatius se neamt. De flaaikerij, dy't ik bedoel, fleuret de tebeksette minsken wer wat op, jout treast oan de bedroefden, stikelet de sleauwen, stipet de dommen, lit de delslinen wer opstean, makket de hurdhertigen wat sêftsinniger, bringt de leafhawwenden by inoar en hâldt se byinoar. Om koart te gean: myn flaaikerij makket eltsenien better te fernearen foar himsels, en dat is it wichtichste ûnderdiel fan alle foarmen fan lok. Hawwe twa mûlezels ek net de grutste wille troch tsjin inoar oan te skeukjen? En no sis ik noch mar neat dêroer, hokker grut plak as de flaaikerij ynnimt yn jim ferneamde elokwentia, de keunst fan de moaisprekkerij. En noch in grutter part nimt er yn yn de genêskeunst, en it grutste part yn de dichtkeunst. Mar lit ús dan by eintsjebeslút sizze meie, dat dy flaaikerij de hunich en de krûderij is foar de hiele minsklike mienskip.

45. FERRIFELJE DE WRÂLD!

Mar it is dochs min, sizze de minsken, om te fiter nommen te wurden? Rjocht oarsom: it is min as jo net te fiter nommen wurde. Hja hawwe it hielendal ferkeard, de lju dy't tinke dat it lok fan de minsken ôfhinget fan de feiten. Lok hinget allinne ôf fan wat de minske tinkt. Want de feiten om de minsken hinne binne sa tsjuster en yngewikkeld dat jo der nea wis fan wêze kinne. Dat hawwe myn freonen fan de Akademy al sein, de meast dimmenen ûnder de wiisgearen. En as jo wiswier wat

fan de feiten witte, dan is soks fakentiids in beswier om lokkich libje te kinnen. It is no ienkear sa, dat minskene geast der mear op rjochte is it fâlske oan te nimmen as dat er rjochte is op de wierheid, en dy allinne oannimme wol. As immen dêr in goed foarbyld fan hawwe wol, dan moat er ris nei tsjerke gean op 'e tiid fan de preek, as eltsenien sliept of slommet of gappet of him ferfeelt, sa lang as der ernstich praat wurdt, op basis fan arguminten. Mar sa gau as de predikant – en dat docht er gauris – in âldewiveferhaaltsje fertelt, dan harket eltsenien, en sit mei iepen mûle nei him op te sjen. Jitris: as er in fabeltsje fertelt oer de ien as oare hillige, tink oan St.Joris, of Christofoor, of Barbara as jo in foarbyld hawwe wolle, dan sille jo sjen dat de minsken from nei him harkje, frommer as dat hja harkje soene nei Petrus of Paulus, ja nei Kristus sels. Mar dêr hawwe wy it no net oer.

No kostet de fermeardering fan it lok bûten feit en wierheid om mar in bytsje, wylst it in bulte tiid en wurk kostet om dy twa kennen te learen, ek al giet it mar om eat dat winliken gjin belang hat, lyk as bygelyks de spraakkeunst. Mar in losse miening is o sa maklik foarme en bringt jin krekt sa maklik it lok, ja folle makliker. Tink jin ris yn dat in man in bedoarne fisk yt, dy't sa stjonkt dat in oar der net oer kin, mar it smakket him as hunich, wat soe dat dan? En as immen in ôfgriis hat fan kaviaar, wat makket dat út foar syn lok? As immen in ûnsjoch wiif hat, mar hy sjocht der in ferbettere Venus yn, is soks foar him net krekt itselde as wie se yn wurklikheid o sa tsjep? As immen in plank oan de muorre hat, opferve yn read en giel, en hy sjocht der fol bewûndering nei, oertsjûge dat it in skilderij is fan Apelles of Zeuxis, dan sil er der dochs mear wille fan hawwe as immen dy't in slompe jild betelle hat foar in echt wurk fan dy skilders, mar gjin niget hat om der nei te sjen? Ik kin immen, waans namme op dy fan my liket, dy't syn breid in pear

prachtige pearls joech, dy't net echt wiene, mar om't er sa goed prate koe, en fan in grapke hold, koe er har der fan oertsjûgje net allinne dat se echt wiene, mar ek dat se iennich wiene yn harren soarte en dat se in slompe jild koste hiene. No freegje ik jimme: wat hat it foar dy jonge frou útmakke dat se fereale wie op in pear stikjes glês en dy mei alle soarch opburgen hat yn har eigen keamer as wiene it grutte skatten, wylst har man net allinne syn jild yn 'e bûse hâlde koe, mar ek noch wille hie, dat syn jonge frou alles sa moai fûn, en him sa tankber wie, om't hja tocht dat hy har eat jûn hie dat in fermogen wurdich wie?

Hokker ûnderskie is der, tinke jo, tusken de lju yn de grot fan Plato, dy't allinne mar sjen kinne nei de skaadbylden fan de ferskate dingen, oannommen dat hja dêr tefreden mei wiene om't hja net wisten wat se misten en de wiisgear, dy't de grot útrûn is en de wurklikheid sjen kin? As Mycillus by Lucianus syn dream fan altyd mar ryk te wêzen mar trochsetten hawwe mocht, dan soe er gjin reden hân hawwe in oar lok te begearen. Der is dus gjin ûnderskie tusken dy twa: dream of wurklikheid, en as der al in ûnderskie wêze soe dan kinne jo better de dream foar kar nimme, it lok fan de healwizelingen. Earstens om't harren lok net mear kostet as in bytsje ynbylding, en twad om't hja harren lok diele mei in grut part fan de minsken.

46. DE SEINE OER ALLEGARRE.

Fansels: gjin inkeld lok jout wille as der nimmen is om it mei te dielen. Dêrom, sa't wy witte, binne der ek net folle wizen, as der al earne ien te finen is. Yn alle ieuwen kinne de Griken der mar sân fine, en as immen der in bytsje better nei sjocht, dan bin ik der wis fan, dat er noch net ien, noch net in tredde of in fjirdel wize werom fynt.

Under de ferskate goede dingen, dy't oan Bacchus taskreaun wurde stiet mei alle rjocht en reden foaroan dat er ús geast frijmakket fan alle soarch. It duorret fansels mar efkes, want as jo jo rûs útsliept hawwe komme al jo soargen wer mei faasje werom. Is dan de seine, dy't ik útpartsje, net folle ealer en better? Ik folje de geasten mei in soarte fan bliuwende rûs, mei gefoelens fan bliidskip en ferljochting, en sûnder dat hja der ek mar eat ûnder te lijen hawwe. En ik lit gjin inkeld minske bûten myn goederjouskens. Mar de jeften fan de oare goaden binne net sa earlik ferdiel. Net eltse krite leveret de goede wyn, dy't de soargen weinimme kin en de minsken bliid meitsje. Mar in pear minsken hawwe fan Venus in tsjep gesicht krigen en noch minder fan Mercurius in aardich dofke jild. Hercules hat net al te folle minsken sûnens brocht, en de Jupiter fan Homerus hat de macht mar ûnder in pear minsken ferdiel. Fakernôch lit Mars de lju mar wat oanfjochtsje, en ferskaten komme teloarsteld werom fan Apollo's orakel. Saturnus bliksemt tefolle en de plagen fan Phoebus wurde te faken op de minsken ôfstjoerd. En Neptunus ferwoastiget mear libbens as dat er sparret. Om dan mar net te praten oer de Vejovissen, Pluto's, Ates, Poenassen, Furys en harren soarte, dy't neffens my gjin goaden mar boalen binne. Ik, de healwizens, bin de iennige fan de hiele goadewinkel dy't oan allegearre op gelikense wize de seine jou.

47. IK FREEGJE HAST NEAT.

Ik ferwachtsje gjin geskinen en wurd net grimmitich as immen in ûnderdiel fan de seremoanjes fergetten hat. Ik skreau himel en ierde net byinoar as immen de oare goaden wol útnoege hat en my net, al krij ik dan gjin noasfol fan de swiertrook fan de offers, dy't ferbaarnd wurde. De oare goaden binne sa sinnich

wat dat oanbelanget, dat it better is harren te ferkomme te litten as harren te ferearjen. En der binne ek minsken sa tipelsinnich en sa gau misledige, dat it better is hielendal gjin gedoente mei harren te hawwen as mei harren as freonen om te gean.

Mar nimmen bringt dochs offers oan de healwizens sille jim sizze, en nimmen bout dochs in timpel foar har? No ja, ik ha my dêr ek al oer fernuvere, lyk as ik al sein ha, mar ik bin nochal maklik yn dy dingen, ik nim it nimmen kwea ôf. Wêrom soe ik noch in skep wijreek hawwe moatte, in offermiel, in geit of in baarch? De stjerliken oer de hiele wrâld fereare my sa wol, en de teologen binne it dêr allegearre folslein mei iens. Soe ik Diana fergunne moatte dat har minskebloed offere wurdt? Ik bin derfan oertsjûge, dat ik it bêste fereare wurd as eltsenien my kuozzet yn syn herte, my neifolget yn syn gewoantes en in foarbyld oan my nimt yn syn libben, lyk at se allegearre al dogge. Dy foarm fan ferearing is seldsum, ek by Kristenen. Tink mar ris oan de mannichten, dy't in kears opstekke foar de Maagd en Mem fan God, sels op ljochtskynde, as it hielendal net nedich is, mar dy't der net oan tinke om har libben fan suverens, fan dimmenens en fan leafde foar de dingen fan de himel nei te folgjen. Wylst dat ommers de iennige echte manier is om te earjen wa't men ferearje wol, en dy't yn de himel ek it meast op priis steld wurdt.

En dan: wêrom soe ik ferlet hawwe fan in timpel? De hiele wrâld is myn timpel, en noch in bêstenien ek. En as ik my net fersin ha ik nea in prystertekoart hân, en sil ik dat ek net hawwe salang as der minsken binne. En ik bin ek net sa dwaas, dat ik bylden ha wol, úthakke yn stien en opsnoelke mei ferve. Want dy dogge fakentiids skea oan ús, goaden en goadinnen, as de domme en bloarrige minsken de bylden fereare yn stee fan de godheden, dy't se foarstelle. En bytiden wurde wy der bang foar dat wy ferkrongen wurde troch de bylden, dy't de minsken fan ús makke

hawwe. Ik tink mar sa, dat ik safolle bylden fan my telle kin as der minsken binne, dy't myn libben byld yn harren oantlit sjen litte, at se wolle as net. En dêrom ha ik ek gjin inkelde reden om oergeunstich te wêzen op de oare goaden, om't dy allinne mar fereard wurde op in lyts stikje fan de ierde, en allinne mar op oanwiisde dagen. Lyk as Apolle bygelyks op Rhodes, Venus op Cyprus, Juno yn Argos. Minerva yn Athene, Jupiter op de Olympus, Neptunus yn Tarente, en Priapus in Lapsacus! Nee, my bringt de hiele wrâld folle mear en folle djoerdere offers, sûnder der ea mei op te hâlden, oeral en altyd, en as ien man.

48. MORIA HAT IN PROTTE KLEAN.

Mocht der immen wêze, dy't fynt dat ik no tefolle oan it opsprekken bin en dat ik dat allegearre net wier meitsje kin, lit him dan ris efkes om him hinne sjen, hoe't de minsken libje, en dan sil him dúdlik wêze hoefolle as de minsken oan my te tankjen hawwe, en hoefolle eare at se my bringe, oft it no wichtige, grutte mannen binne of hiele gewoane, lytse. Wy sille net alle soarten libben neigean, dat soe tefolle tiid fergje. Wy sille der wat dúdlike foarbylden útnimme, en sa sil it ek maklik wêze in oardiel te jaan oer wat der oerbliuwt. It hat gjin sin en praat oer de grutte mannichte en oer it gewoane folk, want dy hearre allegearre by my, dêr hoecht net oer praat te wurden. Hja binne allegearre sa goed healwiis, en dêr komme alle dagen safolle healwizelingen by, dat tûzend Democritussen soene noch tefolle stof hawwe om te laitsjen. Ja, dy soene der mei har allen noch op syn minst ien man by hawwe wolle.

It is hast net te leauwen hoefolle wille, nju en nocht as jimme, earne stjerlike minsken, de goaden alle dagen wer jaan kinne. Want hja besteegeje harren sobere oeren de moarns om te hotte-

fyljen en om nei de gebedens fan de minsken te hearren. Mar as de nektar útparte is hawwe hja gjin nocht mear oan it earnstige wurk, en dan komme hja byinoar op de ien as oare himelske útsjochpost en hja sjogge út op minskene hannel en wannel, en dêr hawwe hja alle dagen wer in soad wille fan. Wat in blijspul is dat, neat is better of aardiger. Ik wit der alles fan, want ik sykje ek wol ris in plak tusken al dy goaden. Sjoch ris ta: Hjir in man, dy't fereale is op in jong fanke, en hoe mear as hja him ôfstjit hoe fûlder as er har leafhat. En dêr trout immen it jild, en net de breid. En dêr: dêr lit in man syn frou de baan op gean om jild te fertsjinjen, mar efkes fierder dêr is der ien dy't as Argus syn frou yn 'e kikert hâldt. Dêr is immen swier yn 'e rou, en och hearken, wat seit er dochs allegearre en wat docht er nuver: hy hat in keppeltsje toanielspylders ynhierd, om in drôvich toanielstik te spyljen. En dêr gûlt immen by it grêf fan syn styfmem. Wat fierderop is der immen dwaande syn mage op 'e least te setten, hy stoppet der alles yn wat er krije kin, mar aanst hat er dochs wer skroei. En dêr is immen dy't syn lok fûn hat yn sliepen en loaikjen, de hiele dei troch. Der binne minsken, dy't de hiele dei dwaande binne mei oarmans saken, en de eigen saken op 'e non rinne litte. Oaren rekkenje harren ryk troch te lienen en jild op te nimmen, mar hja binne bankrot. En sjoch, dêr is der ien, dy fynt it noflik om as in earme te libjen, om letter syn erfgenamten ryk te meitsjen. En sjoch dêr: immen dy't de see ôffart om in meager en ûnwis foardiel, en wilens syn libben weaget yn de wyn en op de weagen, in libben, dat er foar jild net werom keapje kin. En in oarenien besiket syn fortún te meitsjen yn de oarloch, om dêr thús rêstich en yn frede fan te libjen. Oaren tinke, dat hja in maklike wei ta de rykdom fûn hawwe, troch rike âlde mannen sûnder bern yn 'e hûs te nimmen, en oaren besykje itselde, troch leaf te dwaan tsjin âlde froulju. En de goaden hawwe dan fierwei de measte wille as hja, dy't

oaren te fiter nimme wolle, sels te fiter nommen wurde. En de meast healwizen fan allegearre, de grutste spitsen, lykje my de hiele kliber keaplju ta, want hja hannelje yn de minste soarte fan saken op de minste wize, en al wit eltsenien, dat hja allinne mar lige, foar de gek hâlde, stelle, te fiter nimme en teloarstelle kinne, dochs rekkenje hja harsels útkard boppe alle oaren, om't hja safolle gouden ringen oan 'e fingers hawwe. Der binne fansels kleasterbruorren by de rûs, dy't rûnom sizze wolle hoe goed as dy keaplju wol binne, en dy't harren graach mei 'Rju Eale Hear' oansprekke, yn 'e hope fansels, dat sy sels in part fan it mei bedroch byinoar brochte jild trochskood krije.

Ek binne der op ferskate plakken oanhingers fan Pythagoras syn leare te sjen, dy't tinke dat it mienskiplik besit, dêr't hja mei al harren krêften yn leauwe, sa fier giet, dat hja alles, dêr't nimmen tafersjoch op hâldt, samar meinimme kinne, sa rêstich as hiene hja it urven. Oaren binne ryk yn harren tinzen, en libje inkeld yn harren dreamen fan nju en wille, en binne lokkich. Wer oaren wolle nei bûten ta skine litte, dat hja ryk binne, wylst hja yn 'e hûs omkomme fan de hongere. De ien smyt sa gau as er jild hat eltse stuver oer de balke, wylst de oar alles byinoar klaut wat er krije kin, oft it earlik is as net. De ien rint de hiele dei om in iepenbier amt yn hannen te krijen, de oar sit leafst thús foar de kachel. Ferskate minsken litte pleitsje foar de rjochtbank yn prosessen sûnder ein, en hja soargje der allinne mar foar dat de advocaten en de rjochters der goed fan libje kinne. De ien wol revolúsje meitsje, de oar noch gruttere dingen foarinoar krije. En noch in oaren ien lit frou en bern thús en giet as pylger nei Jerusalem of nei Rome, of nei it grêf fan St. Jacobus, dêr't er neat te krijen hat.

Koartsein: as immen lyk as Menippus yndertiid fan de moanne ôf omleech sjen koe nei it wrimel-wramel fan al dy minsken, dan soe er tinke dat er in swaarm miggen seach, of gnobben,

dwaande mei spulsikerij, mei oarloch, mei fjochtsjen, mei ferri-feljen, stellen, boartsjen, leafhawwen, berne wurden, âld wurden en stjerren. Jo kinne jo hast net yntinke hoefolle ûngemak en trystens as dy lytse skepsels byinoar bringe kinne yn harren koarte libbens, en bytiden kin der dan noch in oarloch of in sykte útbrekke, dy't se by tûzenen tagelyk weinimt.

49. DE SKOALMASTERS.

Mar ik soe sels folslein dwylsinnich wêze en der foar soargje, dat Democritus oan it laitsjen bliuwe koe, as ik besykje soe alle foarmen fan healwizens en gekkichheid byinoar te setten. Lit ús it dêrom mar hâlde op dyjingen dy't as bysûnder wiis jilde wolle en de gouden tûke yn hannen hawwe, lyk as hja it sels sizze. Hja soene sûnder mis de ûngelokkichsten en de ellindichsten ûnder de minsken wêze, en troch de goaden it fûlst ferspein wêze, as ik de hurdens fan harren jammerdearlik bestean net wat belúnje soe troch in allernoflikste foarm fan healwizens. Want hja hawwe net allinne gâns te lijen fan de fiif ferflokkingen, dat binne de fiif, dy't de Griken al neamd hawwe, mar fan de seishûndert, dy't der noch bijkomme. Altyd hongerslaapkjend as hja binne, en smoarch, mids de grutte klibers jonges yn harren skoalle, wat sis ik, skoallen, ik soe better sizze kinne, learhokken, of noch better, twangplakken en pynbanken. Dêr wurde hja âld, tusken de kloften bern, dôf fan it geskreau, en hja komme om yn de stank en de smoargens. Mar troch my binne hja yn har eigen eagen de earsten ûnder de minsken, en hja fiele harren geweldich, as hja de beevjende kloft kjel meitsje kinne mei harren lûd, of inkeld troch harren oan te sjen. Of hja kinne de earne bern derûnder hâlde mei stôk, gjirde en plak. Hja libje harren dan folslein út, as wiene hja de ezel fan Cumae. En

wilens komt it smoarge hok, dêr't hja yn libje moatte, harren as it hichtepunt fan kreazens foar, de skitende bern rûke nei marjolein, en dat allegearre om't harren nearzich slavebestean harren as it bestean fan in allinnehearsker foarkomt, sadat hja harren tyranny net roalje wolle mei dy fan Phalaris of Dionysius. En dochs helje se noch mear wille út harren derútkipend leauwe yn harren eigen learmetoades. Want wylst hja dwaande binne de bern oars neat as ûnsin by te bringen tinke hja dat hja better binne as Palaemon of Donatus. En troch in lyts bytsje tûkens krije hja it klear de âlden leauwe te litten, de healwize memmen en de ûnwittende heiten, dat hja de treflike minsken binne, dy't hja neffens harren eigen sizzen sa graach belykje wolle. En as immen dan yn in snústerich hânskrift de namme fan Anchises fûn hat, of in pear wurden, dy't de gewoane man net begrypt, lyk as bubsequam, bovinator of mantculator, of as immen in diggel fûn hat mei in stikje fan in ynskripsje, hearken, hearken wat in oerwinning. Wat in freugdesangen. Wat in byfal. It liket wol oft hja Afrika ferovere hawwe, of Babylon ynnommen. En dan: as hja der yn slagge binne in pear ferskes yninoar te setten, ferskes, dy't hja sels makke hawwe, en dêr't dêrom yn in bulte wurden neat yn stiet, dan tinke hja dat de geast fan Vergilius harren ynnommen hat. Mar it nijsgjirrichst wurdt it, as der oer en wer komplimintsjes en wurdearringsblykjes útwiksele wurde, en as hja dan oer en wer harren de rêch jokje. En dochs, as de ien as oare útglydt oer ien lyts wurdje en ien fan syn spoeksjogge maten krijt dat yn 'e smizen, o guien wat in drama, wat in fjochtsjen, wat in striid oant de dea ta, wat in oantigingen, wat in misbegryp. De hiele wrâld fan skoalmaster-skriuwers kin oer my hinne falle as ik liich.

Ik kin sa'n alles witter, in man fan goed sechtich, dy't les jûn hat, en treflik les jûn hat, yn Gryksk, Latyn, wiskunde, wysbegearte, medisinen, en dy't dat allearre opjûn hat en tweintich jier der

troch brocht hat mei himsels te narjen en te treiterjen mei de spraakkeunst. Hy tinkt, dat er folslein lokkich wurde sil as it him slagget om krekt fêst te lizzen, hoe't de acht wurdsoarten ûnder-skieden wurde kinne, eat dêr't oant no ta gjin inkeld geskrift fan in Romein of in Gryk yn slagge is. En as immen dan in bynwurd brûkt as bywurd dan is soks oanlieding genôch om in oarloch te begjinnen. En dêrom, hoewol't der likefolle spraakkeunsten binne as spraakkundigen, of sels mear sûnt de tiid dat myn freon Aldus allinne mear as fiif spraakkeunsten útbrocht hat, is der net ien, hoe min en ûnbegryplik skreaun ek, dy't ús boppeneamde freon net fan de earste oant en mei de lêste side neisjoen hat. En wilens sjocht er mei grutte freze om him hinne, oft der ek immen is dy't op dat mêd eat ferskine lit, want hy is o sa bang, dat immen wat earder is as hy, en dat al syn wurk fan al dy jierren om 'e nocht wêze sil. Wolle jo soks dwylsin neame of healwizens? It makket foar my gjin ferskil, as jo mar tajaan wolle dat it inkeld oan my te tankjen is dat immen, dy't oars it ûngelokkichste dier op ierde wêze soe, ik bedoel fansels de skoalmaster, himsels no ta sa'n steat fan lok opfiere kin, dat er net roalje wol mei de kening fan Perzië.

50. DICHTERS EN SKRIUWERS.

De dichters hawwe net safolle oan my te tankjen, hoewol't hja wol hielendal by myn oanhingers hearre, fanwege wat neamd wurdt de dichterlike frijheid. Dochs is ek harren wurk der op rjochte de earen fan de healwizen bliid te meitsjen mei klearbare ûnsin en swiete teltsjes. It is wat nuver sizzen, mar hja rekkenje derop dat hja dêrtroch harsels ûnstjerlik makke hawwe sa't de goaden dat binne, en hja ûnthjitte dy ûnstjerlikens ek oan oaren. Philautia en Kolakia, de Eigenleafde en de Flaakerij,

binne harren sibste freonen, en gjin minskesoarte ferearet my sa en is my sa tawijd.

Dan binne der de leararen yn wolsprekkendheid. Hja steane njonken de wiisgaren en hja wolle winliken net mei harren healwiis achte wurde, mar hja hearre dochs wierliken by my. Dat kinne jo, ûnder oaren, sjen oan it feit, dat hja by alle ûnsin dy't se skreaun hawwe ek aardich wat ôfskreaun hawwe oer hoe't de saken mei de gek beslein wurde kinne. En dêrom hat de man, wa't it ek wêze mei, dy't syn keunst fan de wolsprekkendheid oan Herenius opdroegen hat de healwizens ûnderbrocht by de geastichheden. En Quintilianus, fierwei de grutste ûnder de tûke sprekkers, hat in haadstik oer it laitsjen skreaun dat langer is as de Ilias. Hja sette in soad op by de healwizens, om't hja leauwe dat wat net bybrocht wurde kin mei arguminten faaks wol bybrocht wurdt troch spotternij. Soks kloppet neffens my ek, of immen soe fan betinken wêze moatte dat de feardichheid om minsken laitsje te litten troch jo wurden neat te dwaan hat mei healwizens.

By dyselde soarte hearre ek de lju, dy't tinke dat hja ûnstjerlike rom fertsjinje kinne troch it skriuwen fan boeken. Hja hawwe in protte oan my te tankjen, benammen dy skriuwers, dy't boeken fol skriuwe mei klearebare ûnsin. Want de lju, dy't alles wat se lêzen hawwe brûke om foar in lytse keppel gelearden te skriuwen, en allinne bang binne foar it oardiel fan Persius of Laelius lykje my net troch it lok útkard. Men moat earder meiljen mei harren hawwe, om't hja harsels altyd mar wer pinigje: hja sette der wer wat by, feroarje, skrasse, lizze wat wei, nimme it wer op, skriuwe stikken op 'e nij, litte it in pear freonen sjen, litte it njoggen jier lizze, en binne nea en te ninter foldien. En harren lytse beleanning, in wurd fan wurdearring fan in pear minsken, dat kostet harren safolle, safolle lette nachten, safolle ferlerne sliep, de swietste jefte fan alle dingen, dy sliep, en dan noch

safolle swit en eangstme. En sa wurdt harren sûnens te lider slein, harren eagen wurde steksjoch, hja wurde hielendal blyn, hja wurde earm, troch eltsenien ferlitten, hja hawwe nearne mear wille fan, binne âld foar de tiid, stjerre te gau, en helje harren noch mear rampen oan. En dat alles dogge se, om't hja tinke, dat hja foar alles wat se lit hawwe beleanne wurde troch de byfal fan de iene as oare gelearde.

De folksskriuwer, dy't by my heart, is folle lokkiger. Hy mist syn sliep net, as er sitten giet en daliks opskriuwt wat him foar de pinne komt. Sels syn dreamen skriuwt er op, en it kostet him net mear as de priis fan it papier. En hy wit mar al te goed dat hoe ûnbenulliger as er skriuwt, hoe mear as er lêzen wurdt, en hoe mear as de minsken him achtsje sille, want de measte minsken binne ûnwittend en dwaas. Wat makket it him út, oft der trije gelearden binne, as dy al fûn wurde kinne, dy't him lêzen hawwe, en syn geskriuw ôfkarre? Wat makket it lekjen fan in pear gelearden út tsjin it priizgjen fan safolle bewûnderjende lêzers? En der binne in pear, dy't noch better witte, hoe't it dien wurde moat. Dat binne de lju, dy't it wurk fan in oar útjouwe as wie it fan harsels, mei in pear lytse feroarinkjes, om eltsenien leauwe te litten dat se der hurd oan wurke hawwe om dat allegearre te skriuwen. Hja litte harren alle lof mei in rêstich hert takomme, ek al witte hja dat it allegearre oerskreaun wurk is, omdat hja tinke dat as der letter al immen komt, dy't bewiist, dat hja it net sels betocht hawwe, dat hja der dan dochs mar in moai skoft wille fan hân hawwe, en der faaks noch in moai dofke jild foar krigen hawwe ek. It is de muoite wurdich harren oan te sjen as hja yn it iepenbier priizge wurde, en troch de minsken oanwiisd wurde: Dat is him, dy ferneamde skriuwer. En wat binne hja grutsk, as hja yn de boekwinkels foar it finster lizze mei harren boek, trije nammen ûnder de titel, yn frjemde talen fansels, en o sa moai útjûn. Wat is der foar har, hearken

noch oan ta, moaier as nammen? En dochts: mar in lyts part fan de minsken yn de hiele wrâld sil de nammen noch witte, as jo betinke hoe grut as de hiele wrâld is, en noch minder minsken sille harren derom priizgje, want ek it domme publyk is net ienriedich fan smaak. En boppedat: dy nammen binne samar optocht, of ûntliend oan de klassike skriuwers. En sa neamt de iene him Telemachus, in oar Stelenus of Laertes, wer in oarenien Polycrates of Thrasymachus, en hja hawwe der sels de measte wille fan. En it komt der net op oan hjoeddedei oft jo der kameleon of pompoen as namme opsette, of, lyk as de wiisgearen dogge, alpha of bêta. Mar de bêste grap is noch as hja harsels mei faasje priizgje en omheechstekke, mei brieven, gedichten en lofsangen. A neamt B dan in Alceus, B A in Callimachus, en as B tinkt dat A better is as Cicero, dan seit A dat B gelearder is as Plato. En sa no en dan noegje hja in tsjinstanner út foar in petear, inkeld en allinne om sizze te kinnen dat hja mei dy en dy man in petear fierd hawwe. En de mannichte, dy't taharket, en dy't fierder fan neat wit, bliuwt ferdiel, splitst yn twa groepen, wylst de beide liederes mei de oerwinning yn de holle feestfiere. Minsken, dy't dat allegearre wol begripe, kinne der allinne mar om laitsje. Want it is it toppunt fan healwizens, lyk as eltsenien tajaan sil. Mar wilens soargje ik derfoar, dat dy lju by steat binne om in maklik libbentsje te hawwen, dat hja net roalje woene mei de Scipio's. En om't hja safolle wille hawwe, om't hja allegearre dêrom laitsje kinne, en wille hawwe fan de dwylsin fan de lju, dy't har efternei rinne, steane hja allegearre by my yn 'e skuld, krekt omdat hja sa geleard binne, en hja kinne dy skuld net ûntkenne sûnder de ûntankberste fan alle minsken te wêzen.

51. FOLDIENE WETGELEARDEN.

Under de gelearden nimme de wetgelearden it foarste plak yn. Hja binne it selsfoldienst ûnder de hiele kliber, as hja de stien fan Sisyfus wer tsjin de berch oprôle, en de seishûndert wetten yn ien azem opsizze, oft se no fan tapassing binne as net. En dan sette hja de iene miening njonken de oare, en de iene útlis njonken de oare, om der mar foar te soargjen, dat harren berop it yngewikkeldste berop op de wrâld liket. Want hoe yngewikkelder, hoe moaier, tinke se. Lit ús se mar yndiele by de sofisten en de dialectici, in groep minsken, dy't noch mear lawai meitsje kin as de bekkens fan Dodona. Eltsenien fan harren kin maklik tweintich rabbelskûten oan, mar hja soene hiel wat lokkiger wêze, as hja allinne mar praatsiik en net deilis wiene, want hja sitte oan harren miening fêst, sa fêst, dat hja harren deafjochtsje om wat geitehier, en hja it sicht op de wurklikheid folslein kwyt binne as hja oan it striden binne mei arguminten oer en wer. Lykwols: de Eigenleafde makket ek harren lokkich. Mei trije syllogismen doare hja de striid mei eltsenien oan, oer elts ûnderwerp. Jo kinne Stentor sels foar harren oer sette, mei harren dôfhûdigens sille hja it altyd wer winne.

52. DE YN EIGEN EAGEN WIZEN.

Nei harren komme de filosofen mei harren wide mantels en grutte burden, dy't sa al earbied ôftwinge. Hja wolle der op út, dat hja allinne de wiisheid besitte, en dat alle oare minsken oars neat binne as foarbyfleanend skaad. Hja hawwe yn alle gefallen in o sa aardige foarm fan healwizens, dy't harren derta bringt om ûntelbere wrâlden te bouwen, de sinne, de moanne, de stjerren en de planeten de tomstok oan te lizzen, en de oarsaak te

sykjen fan wjerljocht en tonger, wyn, fertsjusteringen en mear fan dy dingen, dy't de minsken dochs net begripe kinne. Hja kinne der nea en te ninter mei ophâlde, as wiene hja sels de boumaster fan it hielal, of kamen hja rjocht út de gearkomste fan alle goaden. En wilens laket de natuer mar wat oer harren en de konjunksjes. Want om't by harren hielendal neat wis is dogge hja mar krekt oft hja waar en wyn en alles folslein begripe. Hja witte ek neat oer harsels, en bytiden binne hja net by steat om de kûlen en de stiennen op harren paad te sjen, want de measten fan harren binne heal blyn, of hja rinne al dreamend oer de dyk. Mar hja geane der wol grutsk op, dat hja by steat binne om de ideeën, de algemien jildende begripen, de eigen foarmen fan de stof, de earste grûnstof, it bykomstige en it wêzen ûnderskiede te kinnen, saken, dy't sa ûnwêzenlik binne, dat ik tink, dat sels Lynceus se net útinoar hâlde koe.

Mar wat sjogge se del op it gewoane folk, at se harren trije- en fjouwerhoeken, sirkels en wiskundige figuren op papier sette, alle figueren troch inoar hinne, as wie it de plattegrûn fan in doalhôf, en dan alle letters fan it alfabet dêrtusken troch, sa dat it de man, dy't der net yn opbrocht is, foar de eagen skimeret. En dan binne der ek noch, dy't út de stjerren de takomst ôflêze kinne, en dêr mear wûndere dingen út ôfliede as wiersizzers en gûchelders. En der wurde, lokkich foar harren, altyd noch lju fûn, dy't harren leauwe ek.

53. THEOLOGYSKE PJUTTERICHHEDEN.

En dan binne der noch de teologen, dêr't ik mar better yn stiltme oan foarbygean kin, sûnder te rieren yn de stjonkdobbe fan Camarina, en sûnder my yn harren slingertûken te betiizjen. Want it is in heechhertich folkje, o sa gau rekke, en ik bin der

o sa bang foar dat hja alle krêften brûke sille foar in oanfal mei seishûndert konklúzjes, en my dan twinge sille alles werom te nimmen. En as ik soks net wol, dan sille se my as ketter der út smite, want dy bliksem litte se altyd loskomme oer immen dy't net krekt seit wat hja tinke. Mar al wolle hja it net tajaan, dat hja mear as wa ek oan my te tankjen hawwe, dochs steane hja by my yn 'e skuld op ferskate wichtige punten. Benammen foar harren Eigenleafde, dy't harren no al tastiet yn de tredde himel te libjen, en fan dy hichte út mei in soarte fan meilijen del te sjen op it oare part fan it minskdom, as in grutte keppel fee, dat wat omdoarmet op it oantlit fan de ierde. En wilens meitsje se harren krêftich en sterk mei in leger fan gelearde definysjes, konklúzjes en eintsjebeslúten, en in hiele rige fan mooglikheden om der dochs noch ûnderút te kommen, dat sels Vulcanus harren net fange kin yn syn net. Hja geane altyd mar troch mei harren ûnderskiedingen, hja kinne alle swierrichheden as it der op oankomt trochhakje, de dûbele bile fan Tenedos soe it net better kinne. En altyd wer binne hja goed yn nij betochte wurden en nuvere útdrukkingen. Hja lizze de net te begripen mysterys út, sa't it harren mar útkomt: mei hokker plan as de wrâld skepen is, troch hokker kanalen as de erfsûnde ta ús trochkrongen is, op hokker wize, neffens hokker mjitte en wannear krekt as Kristus foarme is yn de skerte fan de Maagd, hoe't yn de misse de bykomstige eigenskippen bestean bliuwe kinne, wylst it wêzen feroaret.

Mar dat binne mar hiel gewoane kwestjes, dêr't eltsenien oer meiprate kin. Der binne oare en folle wichtiger kwestjes, dêr't allinne de grutte en ferlichte teologen, lyk as hja harsels neame, oer meiprate kinne, en dêr't se ek mei faasje oer prate wolle, hielendal útsliept. Dat binne wichtige kwestjes as: Wat wie it krekte momint fan it minske wurden fan God? Stamt Kristus op mear as ien manier fan God ôf? Kin men as miening foarlizze:

God de Heit hatet de Soan? Hie God ek de foarm fan in frou oannimme kinnen? Fan in duvel? Fan in ezel? Fan in klabats of fan in stien? En as dat sa west hie, koe in klabats dan preke, wûnders dwaan of oan it krús spikere wurde? En wat soe Petrus konsakrearre hawwe, as hy de misse opdroegen hie, doe't Kristus oan it krús hong? En kin Kristus dan, wylst Syn ferstoarne lichem oan it krús hong, noch wol in minske neamd wurde? Sille wy noch ite en drinke kinne nei de ferrizenis? (Hja nimme no al wat tsjin de honger en de toarst, dy't hja dan ferwachtsje.) En sa binne der noch ûntelbere útfynsels, de ien noch spitser as de oare, oer tiidrekens, brûktmen, begripen, formules, ditten en datten, dêr't in gewoan minske hielendal gjin ferskil sjocht, of hy soe as Lynceus troch it roettsjuster hinne sjen kinne moatte nei dingen, dy't der net binne. Dêr kinne noch oan taheakke wurde dy learstikken, dy't sa paradoksaal binne, dat de ferneamde paradoksen fan de Stoisijnen dêrby fergelike allinne mar al te gewoane klisjee útspraken binne. Bygelyks dat it ôfslachtsjen fan tûzen man net sa'n grutte sûnde is as de skuon fan in earm man meitsje op snein. Of ek: dat it better is de wrâld yn syn hiele hear en fear omkomme te litten, lyk as hja dat sizze, as ien lyts leagentsje te fertellen.

En wat al dy pjutterige pjuterrichheden noch pjuttiger makket is dat der ûnder de skolastiken noch alderhanne ôfdielingen en rjochtingen binne, dat jo kinne earder út in labyrint komme as út de tsjustere tinzen fan Realisten, Nominalisten, Tomisten, Albertisten, Ockhamisten en Scotisten. En dan ha ik se noch net iens allegearre neamd, mar allinne de wichtichsten. En by dat alles binne hja allegearre sa geleard, en hja kinne it allegearre sa ûnbegryplik sizze, dat de Apostels neffens my in twadde útstoarting fan de Hillige Geast nedich hawwe soene om alles te begripen fan ús tsjintwurdige slachte fan teologen. Paulus koe it leauwe wierliken wol útlizze, mar as er seit: leauwen is de

fêste grûn fan wat men hopet, it bewiis fan de dingen, dy't men net sjocht, dan soe dat as definysje foar gjin inkelde magister oannimlik wêze. En ek al hat Paulus yn syn earste brief oan de Korintiërs, it tretjinde haadstik, treflik beskreaun wat de leafde is, dochs makket er dêr, neffens de teologen, net genôch ûnderskiedingen en ûnderferdielingen by.

De Apostels hawwe from en mei ynmoed de Eucharisty fierd. Mar dochs: as immen harren frege hie nei de krechte tiid fan de transsubstansjaasje, en hoe't itselde lichem fan Kristus tagelyk op twa ferkillende plakken wêze kin, of oer it ferskil tusken it lichem fan Kristus yn 'e himel, op it krús en yn it sakramint, of by hokker wurd fan it gebed as de transsubstansjaasje krekt bart, om't it gebed dochs út in hiele rige wurden bestiet, op al dy fragen soene hja net sa'n krekt 'andert' jaan kinne as de Scotisten.

De Apostels hawwe de mem fan Jesus wol kend. Mar wa fan harren koe filosofysk 'bewize', dat hja frij bleaun is fan de sûnde fan Adam, lyk as de Scotisten soks dien hawwe? Petrus hat de kaaien fan it himelryk yn hannen krigen, en hy hat se krigen fan Immen, dy't se net jûn hawwe soe oan in ûnwaardige ûntfanger, en dochs twifelje ik deroan oft er begrepen hawwe soe (hy jout nearne ek mar in bewyske fan begryp foar soksoarte fan ûnderskiedingen) hoe't immen, dy't gjin kennisse hat, dochs de kaaien ta de kennisse yn hannen hawwe kin.

De Apostels hawwe ek de doop betsjinne oeral, dêr't se ek mar hinne tein binne. Mar se hawwe nea 'formulearre' wat de foarm-, doel- en wurkbegjinsels binne fan de doop, en se hawwe ek net praat oer in útwiskber of in ûnútwiskber merkteken fan dat sakramint. Hja hawwe God oanbidden, dat is wier, mar yn de geast, neffens it evangelje: God is geast, en dy't Him ferearje moatte it dwaan yn de geast en yn wierheid. Mar it is wol dúdlik dat it harren nea 'iepenbiere' is, dat in tekening yn houtskoal op in muorre deselde ear hawwe moat as oan Kristus sels jûn wurdt,

as Er op dy tekening mar twa fingers útstrekket, lange hierren hat, en in krâns fan strielen om syn holle, dêr't trije fan bûten de krâns útstekke. Wa kin soks begripe as er gjin seis en tritich jier omstudearre hat op de fysica en de metafysica fan Aristoteles en Scotus? Sa hawwe de Apostels ek mear as ien kear oer genede sprutsen, mar nearne meitsje hjja ûnderskie tusken de ynherinte en de ferwurven genede, en hjja prate der ek net oer oft de genede wêzentlik of bykommend is, skepen of altyd al besteande. Hja wize de sûnde ôf, mar, dêr bin ik sa wis fan as fan myn libben, hja kinne net wittenskiplik sizze wat sûnde is, om't hja net opgroeid binne yn de lear fan de Scotisten. Nimmen kin my wiis meitsje, dat Paulus, dy't hjir dochs foar alle Apostels stiet, himsels safolle kearen in fijân neamt fan fûle petearen, fan geslachtslisten en, lyk as er it sels seit, fan wurdstrideraasjes, as er opbrocht wêze soe yn sokke pluzerijkes as dy fan de Scotisten. Benammen om't alle tsjinstellingen en strideraasjes fan dy tiid ta boarterijkes wurde, ta bernespultsjes, as jo se fergelykje mei de Chryspisiaanske pjutterichheidsjes fan de gelearden fan ús tiid.

En winliken binne hja noch o sa beskieden. As hja eat fine by de Apostels, dêr't hja fan tinke, dat it ek de master misse koe, dan sille hja dat net sizze, mar der krekt salang mei ompankoekbakke oant hja in foar harren oannimlike útlis fûn hawwe. En dat is, neffens my, in earbetoan oan de âldheid en it apostolysk skriuwerskip. It soe fansels ek fier derby troch wêze, as hja fan de Apostels dingen hearre woene, dy't harren Learaar harren nea ferteld hat. Mar as dyselde dingen fûn wurde by Chrysostomus, Basilius of Hieronymus dan sette hja der samar 'non tenetur', 'net hâldber' by. En dochs hawwe de Apostels heidenen, filosofen en Joaden, dy't neffens harren natuer it eigenwiist binne fan alle minsken, wjerlein, mar mear mei it foarbyld fan harren libben en mei harren wûnderwerken as mei redeneeringen. En

soe ien fan harren tsjinstanners by steat west hawwe om ek mar ien 'sa soe it wêze kinne' fan Scotus te begripen? Mar hjoed de dei is der gjin inkelde heiden, dy't net daliks omlizzen giet as er al dy fine ûnderskiedingen op him ôfkommen sjocht, of hy moast sa mûnich wêze, dat hy oeral de gek mei hat, of sa dôfhûdich, dat er neat begrypt. Of sa beslipe yn harren redeneurkeunst dat er mei deselde fyn beslipe wapens werom fjochtsje kin. It liket der dan op, dat jo de iene betsjouende foar de oare betsjouende oer sette, of dat in man mei in betsjouend swurd fjochtet tsjin in oar mei in betsjouend swurd, hja komme nea ta in ein, likemin as Penelope mei har weefsel.

As de Kristenen dwaan soene wat neffens my fierwei it bêste is dan soene hja dat hiele leger fan lûdroppende Scotisten en eigenwize Ockhamisten en dôfhûdige Albertisten mei de hiele kliber Sofisten der op út stjoere moatte om te striden mei de Turken en de Saracenen, yn it plak fan de roppige kohorten soldaten, dy't no al safolle jierren de oarloch ynstjoerd wurde, sûnder dat it eat úthellet. Dan soene hja, neffens my, in fûle striid leverje, en in oerwinnning lyk as nimmen dy ea sjoen hat behelje kinne. Want wa is der sa koelbloedich, dat er net yn fjoer reitsje soe fan alles wat dy tûke tinkers útfûn hawwe? En wa is der sa sleau, dat er net yn it spier komme soe troch harren oanfal? En wa kin sa goed sjen, dat er troch de donkere wolken hinne sjen kin, dy't hja ferspraat hawwe?

Jimme soene no tinke kinne, dat ik it allegearre mei de gek beslein ha. Mar sa is it net. Want ûnder de teologen binne der no al dy't in goeie oplieding hân hawwe en de âlde talen lêze kinne en dy meie net oer sok soarte fan teologyske stikel-sikerijkes, dy't harren mar nuver en sinleas foarkomme. Oaren fine it alderûnhillichst, alderûnsillichst en alderûnsinnichst om sa te praten oer dingen, dy't sa hillich binne, en dy't earder om earbied freegje as om útlis mei in wrâldske tonge, of om de

redenearteunst fan de heidenen út de Aldheid. Ek wurdt neffens harren de majesteit fan de godlike lear oantaast mei wurden en gefoelens, dy't al te saaklik binne en te kâld. Mar dyjingen, dy't de hiele dei mei sok soarte fan gepiel dwaande binne, binne sa lokkich yn harren selsfoldienens en selsferhearliking. Hja binne dei en nacht sa drok mei wat hja sels optocht hawwe dat se it gjin momint oan tiid hawwe om te lêzen yn it evangeelje of de brieven fan Paulus, of om dêr sels mar efkes yn om te sjen. En wylst hja yn de skoallen harren tiid fergrieme mei dy ûnsin ek yn de lessen te bringen tinke se noch dat se, lyk as Atlas de hiele wrâld op de skouders droegen hat, de hiele tsjerke drage op de pylders fan harren syllogismen, ja, dat sûnder harren de tsjerke yninoar stoarte soe. Dan kinne jo jo harren lok yntinke, as hja de hillige skriften, as wie it alle gearre waaks, oanpasse en wer oanpasse, lyk as it harren útkomt. En út de skroeven fan blidens binne hja as harren konklúzjes, dêr't in hantsjefol fakgenoaten it mei lykfine kin, mear wearde taparten krije as de wetten fan Solon of de dekreten fan de Paus. Hja wolle ek de karmasters fan de hiele wrâld wêze, en hja wolle dat alles, dat net krekt strykt mei harren redeningen, daliks wer ynlutsen wurdt, yn syn hiele hear en fear en alles wat der mar ûnder ferstien wurde kin. En hja hawwe altyd en oeral daliks it einardiel ree: 'Dy ûnderstelling is skandalich', 'Dat is net earbiedich genôch', 'Dat heart mar nuver', 'Soks rûkt nei ketterij'. En alles byinoar kinne it doopsel en it evangeelje, Petrus en Paulus, Hieronymus en Augustinus, en sels Thomas de Aquiner net, 'de grutste fan de Aristotelianen' immen ta in Kristen meitsje sûnder dat dy oankommende gelearden it goedfûn hawwe, safier giet harren berop op de eigen oardielskrêft.

En wa soe it oandoare, om te sizzen dat immen gjin kristen is as er seit, dat der gjin ûnderskie is tusken twa sinnen: 'Matula putes, pot wat stjonkst' en 'Matula putet, de pot stjonkt', of:

‘ollae fervere, de panne tsjurrelet’ en’ ollam ferveret, it tsjurrelet yn de panne’. Wa soe it oandoare soks te sizzen, as de gelearden it net earst sein hawwe soene? En wa soe de tsjerke befrijd hawwe kinne fan dy grutte dwalingen, as nimmen se ea lêzen hie yn de stikken, dy’t mei grutte segels fan de skoallen ta de minsken brocht binne? En binne se net poer lokkich, dy skoallen mei harren teologen, at se soks dwaan kinne? En noch lokkiger binne hja at se de hel krekt beskriuwe kinne, sa krekt as wiene hja dêr hikke en tein. Of as hja, neigeraden oft it harren útkomt nije himelsfearen der by meitsje, en dêr noch in moaie en romme himel oan taheakje, foar as de silligen gjin romte hawwe soene om wat te kuierjen, of om meimekoar te iten, of wat mei de bal te spyljen. Harren hollen sitte sa fol mei dy fifelefazen, dat neffens my de holle fan Jupiter net sa fol wie, doe’t er Pallas Athene te wrâld bringe moast, en de bile fan Vulcanus nedich hie by it kremahenen. En dêrom moat it jo ek net fernuverje, as jo harren by de iepenbiere petearen sjogge mei harren hollen opsletten yn harren geleardemûtse, want oars soe de holle harren wol ris útinoar klappe kinne.

Ik moat der fakernôch ek om laitsje as hja, benammen as hja tinke dat hja as teolooch sprekke moatte, in taal der útsmite, dy’t nearne nei roait, en dat se at se stammerje troch nimmen ferstien wurde kinne, útsein dan troch harren, dy’t sels ek sa prate. Mar dat in gewoan minske har net begripe kin, dat achtsje hja in bewiis fan harren grutte geleardens. Hja hâlde út, dat it de gruttens fan de Hillige Skriften te koart dwaan soe, as dy ek sprekke en skriuwe moasten neffens de regels fan de spraakkeunst. It liket wol in foarrjocht, allinne foar teologen dan, om tsjin de regels fan de taal yn sprekke en skriuwe te meien, mar hja diele dat foarrjocht mei in grutte kloft arbeiders.

En as lêste: hja tinke dat hja heale goaden binne as hja oansprutsen wurde as ‘Magistri nostri, ús learmasters’, yn hokker wurden

hja like folle earbied ferwachtsje as de Joaden by it tetragram. En dêrom sizze hja, dat it net tastien is MAGISTER NOSTER oars as mei haadletters te skriuwen. En as immen de wurden omdraait, en Noster Magister seit, dan docht er de majesteit fan de teologen oan alle kanten tekoart.

54. MUONTSSEN : NUVERE LJU.

Dyjingen, dy't it lok fan dy minsken noch it tichste benei komme binne de lju dy't ornaris religieuzen of muontsen neamd wurde, al binne dy nammen allebeide perfoarst net goed. Want in grut diel fan harren libbet fier fan de religy ôf, en jo kinne se hast op alle plakken tsjinkomme. Ik soe tinke, dat der nimmen ûngelokkiger wêze soe as sy, as ik se net oeral en altyd helpe soe. Want hoewol't alle minsken harren net lije meie, en as immen ien fan harren tafallich moetet hy dat altyd as in faai teken sjocht, binne hja dochts o sa mei harsels ynnommen. Hja tinke, dat it de heechste foarm fan frommens is sa min foarme te wêzen, dat se net ienris lêze kinne. Dan tinke se dat se, at se balte as ezels at se dwaande binne mei it sjongen fan psalmen yn 'e tsjerke, psalmen, dy't se net begripe mar allinne mar telle kinne, dat se dan de himelbewenners mei in ûneindige wille nei harren harkje litte kinne. En by harren is der ek in grutte kloft, smoarch en mei skoiarsklean, dy't in goed libben hawwe, wylst hja fan doar ta doar om wat brea freegje en yn alle herbergen, weinen en boaten de minsken ta in lêst wurde, en oare bidlers hinderje. En sa stelle dy skevels, mei al harren smoargens en neat-witten, neffens harren sizzen, de Apostels yn ús midden foar.

Mar men fermakket jin ta de teannen út as men sjocht wat hja dogge mei wat harren foarskreaun is, as wie it allegearre wiskunde, dêr't men neat yn oerslaan kin. Hoefolle knotten as

de riem fan de skuon hawwe moat, hokker kleur elts habyt, hoe't dy krekt makke wurde moatte, en fan hokker stoffe, hoe lang en breed as de gurdle krekt wêze moat, fan hokker stoffe as de kap wêze moat en itlaad fermogen dêrfan, hoefolle tûme as de hierren op de holle lang wêze meie, hoefolle oeren as hja sliepe meie. Mar al dy gelikenens mei sa'n ferskaat oan persoanen en karakters kin allinne mar liede ta grutte ûngelikenens, lyk as eltsenien wol sjen kin. En dochs, al dy ditten en datten soargje derfoar, dat hja harren net allinne fier ferheven fiele boppe alle oare minsken, mar hja hawwe dêrom ek in djippe ferachting foar elkoarren. Al dy minsken, dy't neffens harren berop en ropping foarbylden wêze moasten fan apostolyske leafde sille opskuor en reboelje meitsje, sa fûl at se kinne, as der immen in habyt oan hat mei in wat ôfwikende gurdle of kleur. Bytiden sille jo der ien sjen, dy't sa krekt alles docht wat foarskreaun is, dat er in habyt draacht fan hurd Sisiliaansk geitehies, mar dêrûnder sêfte klean fan Milesyske wolle. Oaren hawwe boppeklean fan linnen, mar dochs sêfte wolle derûnder. Wer oaren skouwe it oanreitsjen fan jild as wie it swier fergif, mar hja skrille der net foar tebek om wyn yn te nimmen en froulju oan te reitsjen. En allegearre binne hja der hiel bysûnder op út om útinoar te rinnen yn harren wize fan libjen. Hja hawwe der gjin niget oan om te wêzen as Kristus, mar allinne om net te wêzen as in oar. En dêrom hinget in grut part fan harren lok gear mei harren namme, want mei in ûnderskie bringende namme wolle hja perfoarst neamd wurde. En dêrom binne der Coleten en Minderbruorren, Minstebruorren en Bullisten, en fierder Benediktinen en Bernardinen, Brigitinen, Augustinen, Willemiten, Jacobinen, as wie it harren allegearre fiersten te min om Kristenen neamd te wurden. De measten fan harren sitte sa fêst oan harren seremoanjes en harren lytse brûktmen en gewoantes, dat se ien himel mar amper genôch fine om harren de beleaning te jaan foar wat se fertsjinne

hawwe, en hja tinke der nea oan dat Kristus foar dat alles gjin inkelde achting hat, en inkeld Syn eigen Regel telle lit, dy fan de leafde. Dan sil de iene Him wize op syn opswollen búk, dêr't allinne mar allerhanne soarten fisk yn sitte, in oar sil hûndert sekken psalmen leechskodzje, wer in oar sil him beroppe op tûzenen dagen fan fêstjen, en der grutsk op gean, dat syn mage op bersten stiet fan dat iene kear iten deis. Wer in oar sil sa'n rige tsjerklike seremoanjes foarbringe dat der wol sân skippen mei folsmiten wurde kinne, in oar sil him der op foarstean litte dat er sechtich jier lang gjin inkeld muntstik oanrekke hat sûnder earst twa pear hânskuon oan te lûken. Wer in oarenien hat in kape, dy't sa fet is en smoarch, dat gjin inkelde matroas dy drage woe. In oarenien sil sizze, dat er mear as fyf en fyftich jier as in spûns op itselde plak sitten hat, in oaren sil sizze, dat er hast gjin stim mear hat, om't er syn hiele libben songen hat. Wer in oar hat de sliepsykte krigen, om't er altiten allinne west hat, en de lêste sil sizze, dat er syn stim net mear brûke kin om't er altyd swijd hat.

En dan sil de Kristus harren ûnderbrekke, want der komt gjin ein oan dy opsprekkerijen, en sizze: 'Wêr komt dy nije soarte Judeeërs wei? Ik ha mar ien wet jûn, en dat wol ik wol wêze: Ik ha eartiids dúdlik, sûnder yn parabels te sprekken it Hûs fan Myn Heit tasein, net oan dragers fan kapen of oan lju dy't fêstje en gebedens opsizze, mar oan wurkers fan de wurken fan leafde. En lju, dy't sa grutsk binne op harren eigen dieden dy kin Ik net. Lju, dy't tinke, dat se hilliger libje as Ik libbe ha kinne, as hja der nocht oan hawwe, harren te wenjen sette yn de himel fan de Abraxianen, of in nije himel bouwe litte foar harsels, en foar alle gearre, dy't harren eigen oerleverinkjes boppe Myn geboadens sette.'

En as hja dat hearre, en sjogge hoe't skippers en farlju boppe harren útkard wurde, wat sille hja dan nuer opsjen. Mar oant

salang libje hja lokkich yn wat se allegearre ferwachtsje, en dêr bin ik mandélich oan.

Hoewol't dy minsken dus neat te krijen hawwe mei it gewoane libben moat men dochs hoeden mei harren omgean, benammen as it om biddemuontsen giet, want dy witte de geheimste tinzen fan eltsenien út it bychthearren, lyk as sy it neame. Hja witte wol, dat se wat se dêr heard hawwe, net fierder fertelle meie, mar as hja in slokje op hawwe en inoar wat sterke stikken foarhâlde wolle, dan litte se wol trochskine wat se heard hawwe, sûnder lykwols nammen te neamen. Mar as immen dy brimsen opjage hat dan stekke se yn harren preken wol werom, en dan witte se harren fijannen troch rûkapels en prippers foar skut te setten, sûnder nammen te neamen, mar wol sa, dat eltsenien fielt wa't der bedoeld wurdt. En hja hâlde net mei blaffen op foar't men harren wat yn 'e mûle troppe hat.

It is ek healwiis, mar sa aardich om nei te sjen, aardiger as nei in potsemaker of in keapman op 'e merke, as hja op 'e preekstoel steane om dêr ien fan harren sa ferneamde boetepredikaasjes te hâlden. Hja dogge dêrby op in folslein kluchtige mar dochs wol tsjinstige wize alles, wat de grutte retoaren harren foarholden hawwe. Hearken noch oan ta, wat in gebearten, wat litte hja harren stim omheech en omleech gean, wat in gesichten sette hja, wat in wichtige wurden brûke hja, en wat kinne se skreauwe! En dy keunst wurdt fan it iene Bruorke nei it oare Bruorke trochjûn, as wie it in grut geheim, en al mei ik der einliks neat fan witte, dochs kin ik wol riede hoe't dy geheime oanwizingen der winliken útsjogge:

Earst roppe se de himel oan, eat dat se fan de dichters leard hawwe. Dan, as hja eat fertelle wolle oer de leafde, begjinne se mei de Nyl yn Egypte. At se oer it geheim fan it Krús wat sizze wolle begjinne se by Bel, de draak fan Babylon. Wolle se oer it fêstjen prate, dan sizze se earst wat oer de diererieme,

en wolle se wat sizze oer it leauwe, dan sizze se earst wat oer de kwadratuur fan de sirkel. Ik ha sels in kear sa'n healwize, ik bedoel fansels sa'n wize, preker heard, dy't foar in grut en wichtich selskip it geheim fan de Trije-ienheid útlizze moast. Om sjen te litten hoe goed as hy derop studearre hie, en om de earen fan de teologen alle wille te jaan, gyng er in folslein nije kant út. Hy begûn mei te praten oer letters, wurden, wurdliiden, doe oer de oerienstimming tusken nammewurden en tiidwurden, oer bywurden en taheaksels. De taharkers hearden der nuver fan op, en inkelden tochten al oan Horatius' ferneamde wurden: 'Wêr stjonkt dat allegearre nei?' Mar doe kaam hy derop, dat yn de begjinsels fan de spraakkeunst al in oanwizing te finen wie foar de Trije-ienheid, en dat gjin wiskundige it dúdliker útdrukke kinnen hie. En op dy útlis hie dy grutte teolooch acht moannen omstind, en dêrom is er no sa blyn as in mol, om't er al it licht brûkt hat om syn geast te ferljochtsjen. Mar de man hat der gjin spyt fan dat er neat mear sjen kin, hy fynt dat er net tefolle betelle hat foar syn oere fan gloarje en rom.

Ik ha noch ris in oarenien preekjen heard, in man fan tachtich jier en noch sa'n goeie teolooch, dat ik miende dat Scotus yn him jitris berne wie. Doe't er ús it geheim fan de namme Jesus útlizze woe, liet er ús mei grutte skrandereus sjen hoe't yn de letters fan dy namme alles al ferburgen is wat der oer sein wurde kin. Want it wurd Jesus kin mar op trije manieren ferbûgd wurde, en dat is in symboal fan de hillige Trije-ienheid. De earste fâl einiget op in s: Jesus, de oare, Jesum, op in m, en de tredde, Jesu op in u. Dêr leit in djip, net út te sprekken geheim yn: dy trije letters litte sjen, dat Jesus Summum, Medium et Ultimum is, it begjin, it midden en de ein. En der wie noch in geheim yn de namme besletten, in bytsje wiskeunstiger. Hy hie it wurd Jesus yn twa gelikense dielen ferdield, mei in streek troch

it midden. Dy streek rûn dan troch de s, en de s wurdt yn it Hebrieusk as syn útsprutsen, en 'syn' betsjut yn it Skotsk sûnde, en sa wurdt dúdlik, dat Jesus de sûnde fan de wrâld weinommen hat.

Fanwege dy útlis hawwe de taharkers, en benammen de teologen, dy't der by wiene, him sa fernuvere oansjoen, dat it der op like, dat hja wurden wiene lyk as Niobe. En ik foar mysels: my kaam hast itselde oer as dy ûnbehouwen Priapus, dy't tsjin syn sin yn de nachtlke riten fan Canidias en Sagana behelle wie. En dat hat wol eigenskip, want wannear hat Demosthenes yn it Gryksk of Cicero yn it Latyn sa'n útlis jûn as hjirre? Dy sprekkers wiene fan betinken, dat in ynliding, dy't neat mei it ûnderwerp te krijen hie in minnen ien wie. Sels de boerearbeiders, dy't oer de bargaen geane, sille, leard troch de natuer, sa net mei in praatsje begjinne. Mar dy gelearde sprekkers geane derfan út, dat harren ynliding, lyk as hja it neame, sjen litte wol dat hja de bêste sprekkers op ierde binne, as de ynliding mar neat te krijen hat mei de fierdere ynhâld fan wat hja sizze wolle, en eltsenien, dy't harren heart, him mar ôffreget: wêr wol er dochs hinne?

Op it tredde plak fan de preek komt dan, as in koart ferhaaltsje, in stikje út it evangeelje, dat hja koart en hielendal net dúdlik útlizze, hoewol't dat winliken de kearn fan de hiele preek wêze moast. Mar op it fjirde plak begjinne hja hast wer op 'en nij, en lizze oan de taharkers in kwestje foar, dy't earder noch net besprutsen is, yn de himel net en op ierde net, en sa litte se sjen, wat se wittenskiplik allegearre yn 'e marse hawwe. Dan komt der in rige nammen los, dy't de taharkers earbied jout foar safolle geleardheid. Dan wurdt der goaid mei titels as Eale Doctores, Subtile en Meast Subtile Doctores, Serafijnse Doctores, Hillige Doctores, Unbesprutsen Doctores, en dan wurde der oer de minsken, dy't noch fan neat wite, syllogismen, major en minor,

konklúzjes, ferbannen en ûnderstellingen hinne útstoart, kâldwei, en hja krije alles oer harren hinne wat de skolastyk mar opbringe kin. En dan komt der noch in fyfte part efteroan, dêr't hja har hielendal as keunstners yn presentearre. Hja nimme dan in healwiis of nuver teltsje út de skiednis, of út de grutte dieden fan de Romeinen, en lizze dat allegoarysk, tropologysk en anagogysk út. En sa komme se klear mei harren Chimaera, op in wize, dy't Horatius nea betinke kinnen hie, doe't er skreau: 'It hynder earslings ...' en sa fierder.

Hja hawwe ek wol ris fan immen heard, dat it begjin fan in taspraak stadich en sêft útsprutsen wurde moat. En dêrom begjinne hja sa sêft, dat se harsels net ferstean kinne, as soe it sin hawwe om eat te sizzen, dat nimmen ferstean kin. Hja hawwe ek heard dat it, om de minsken mei te nimmen, wol ris nedich is wat hurder te praten, en dêrom prate hja bytiden earst wat gewoanwei, rêstich en net al te hurd, en dan sette hja ynienen harren lûd út mei wylde wurden en gebearten, alhoewol't dat nearne foar nedich is en gjin inkeld doel hat. Men soe tinke dat se ynienen dwylsinnich wurden binne, as soe it der net op oankomme wat jo mei jo stim dogge. En dan, om't se heard hawwe dat in goed sprekker mei mear fjoer prate moat as er langer dwaande bliuwt, dêrom prate hja sêft by it begjin fan de ûnderdielen fan harren sprekkerij, mar stadichoan sette hja har lûd út, op in plak, dêr't soks alhielendal net hoecht skreauwe hja deroer, en dan hâlde se ynienen op, sa dat de minsken tinke dat hja hielendal efter de pûst binne.

En as lêste: hja hawwe leard dat de goede sprekkers ek grapkes meitsje moatte, en dêrom binne hja der op út om ek yn harren preek by no en dan in lyts grapke te meitsjen. Mar o swiete Aphrodite: dat binne allegearre gefaltsjes fan de ezel mei de liere. Hja besykje ek wol ris wat te biten, mar sa dat it net sear docht. En hja flaaikje nea sasear as wannear't hja de mins-

ken 'planút de wierheid sizze'. Koartsein, hja koene alles wol leard hawwe fan de merkkeaplju, dy't skreauwend en roppend de minsken te fiter besykje te nimmen, mei dit ûnderskie dat dy keaplju har fak better yn 'e macht hawwe as dy prekers har eigen. Mar yn de measte oare dingen lykje hja o sa folle op inoar, dat hja moatte it opsprekken fan inoar leard hawwe. En ek fierder ha ik der foar soarge, dat de minsken mei nocht nei harren harkje, en tinke dat hja nei in echte Demosthenes of Cicero harkje. Benammen keaplju en froulju harkje mei ynmoed, en hja besykje harren nei de mûle te praten. De keaplju harkje nei de Bruorren om't hja wol in lyts bytsje fan wat hja troch harren ûnearlik dwaan fertsjinne hawwe wer oan har ôfstean wolle. En by de froulju fine de Bruorren wurdearring om in hiele bulte saken, mar benammen om't hja by harren har útprate kinne oer alles, wat se op de eigen man tsjin hawwe. Eltsenien sil no wol yn 'e rekken hawwe hoefolle as dy minsken oan my te tankjen hawwe, at se mei wat skynfrommens, mei wat sleauwe praatsjes en mei al it lûd dat se meitsje, by steat binne om de minsken der ûnder te hâlden en tagelyk yn eigen eagen in klúzner as Paulus of Antonius te wêzen.

55. PRINSEN : NET OP BOUWE.

Ik bin bliid dat ik net mear hoech te praten oer dy huchelders, dy't like ûntankber binne foar de goede jeften dy't se oan my ûntliene, at se tankber gebrûk meitsje fan de fromme gefoelens fan harren meiminsken. Ik ha der al lang nei útsjoen om eat te sizzen oer de keningen en de minsken oan it hôf. Dy fereare my yn it iepenbier mei de eare dy't men ferwachtsje mei fan lju fan eale berte. Want wat soe harren libben tryst, ja ûndraachlik wêze at se ek mar in bytsje lyk rinne soene. Nimmen soe it de muoite

wurdich fine de macht efternei te rinnen as er ek mar in bytsje neitocht. En al wurdt der no ferrie of in fadermoard foar begien, as immen wat djipper neitinke soe oer de lêst, dy't er op him nimt troch op in troan sitte te wollen, dan soe er der nea oan begjinne. As er ien kear oan it haad fan it lânsbestjoer stiet dan moat er de mienskip tsjinje en net langer himsels. Dan moat er tinke oan it wolwêzen fan syn folk, en net oan himsels. Hy kin gjin streek ôfwike fan de wetten, dy't er sels ôfkundige hat, en dêr't ek hy troch bûn is. Hy moat persoanlik ynstean foar de betrouberens en de earlikheid fan eltse bestjoerder en eltse rjochter. Alle eagen binne rjochte op him allinne, en hy kin inkeld in stjer wêze, dêr't eltsenien by opsjocht, om 't er in man sûnder wryt of slyt is. Of hy is in komeet, dy't foar allegearre ûnk en rampen bringt. Kweade eigenskippen by oare minsken binne net sa bekend, en hawwe net safolle ynfloed, mar by in kening is it sa, dat as er ek mar in bytsje tekoart komt yn earlikens dat dan it bedjer troch it hiele folk giet as in ramp en in syktme. En boppedat bringt krekt it amt fan in kening safolle ferliedingen mei om fan it paad fan de deugd ôf te wiken, lyk as de nju, de nocht en de wille, dy't op him ôf komme, it gefoel boppe eltsenien te stean, de flaaikerij en de weelde om him hinne, dat er altyd mar wer en altyd mar mear oppasse moat, om't er oars al gau tekoart sjit yn syn plichten. En as lêste, om mar neat te sizzen fan oanslaggen en fijânskippen en oare gefaren, dy't him bedrige: hy stiet ûnder it oardiel fan de grutte Kening. En Dy sil him rekkenskip freegje oer al syn misse dieden, oant de lytste ta, mei in strangens dy't lyk op rint mei de macht, dy't er hân hat. Dat binne saken om oer nei te tinken, en der binne der noch folle mear. Allegearre byinoar soene hja in kening fan alle nocht oan iten en drinken en fan alle sliep berôve, as hy der fierder op troch tinke soe, mar dat docht er net, troch myn fanwegekommen. Dêrtroch lit er alle soargen

en noeden oan de goaden oer, liedt er in maklik libbentsje, en om't er nearne oer ynsitte wol harket er allinne mar nei de minsken, dy't dat sizze, wat er hearre wol. En dan tinkt er, dat er al syn plichten goed neikomt as er him dwaande hâldt mei jeien en mei it oansetten fan rydhynders fan in goed soart, en as er wilens bestjoersamten ferkeapet om der sels better fan te wurden. En sa kinne de keningen alle dagen wer nije middels fine om de woltier by harren ûnderdienen efterút rinne te litten, en dy fan harsels grutter te meitsjen, mar dat allegearre mei oanpaste redens en mei paslike wurden, sa dat wa't alles neigean wol it idee krijt dat alles yn 'e es is. En hja soargje der wol foar dat der noch in wurd fan flaaikerij foar it folk oan taheakke wurdt, en dat dêrom de minsken harren noch heechachtsje ek. Tink jimme no ris in man yn, lyk as der hjoed de dei safolle binne. In man, dy't neat fan wetten witte wol, dy't neat hawwe moat fan foarútgong by it folk, in man allinne rjochte op syn eigen foardiel. In man ek, dy't him oerjûn hat oan syn hertstochten, dy't oan learen gjin nocht hie, dy't ek neat hawwe moat fan wierheid of frijheid. In man sûnder ek mar in bytsje niget oan it wolwêzen fan syn folk, in man, dy't alles ôfmjit oan syn eigen foardiel en syn langstmen. Jou sa'n man dan in gouden keatling, teken fan syn ferbûnens mei alle deugden, set him in kroan op mei kostlike stiennen, teken dat er alleman te boppen gean moat yn alles wat in wiere held dwaan moat en docht, jou him in skepter as teken fan rjochtfeardigens en fan in folslein ûnbedoarn herte, in poarperen mantel as teken fan in alles te boppen geande leafde foar syn folk. As in kening it oandoare soe en bring al dy tekens yn ferbân mei syn hâlden en dragen yn it libben fan al de dei, dan soe er him deaskamje moatte dêroer en deabenaud wêze moatte dat de ien as oare bysfeint him de gek oanstekke soe mei dy klaainge en wat der mei bedoeld wie.

56. HOFKESJONGE.

En wat moat ik sizze oer de minsken oan it hôf? Want alhoevol't hja de meast domme, tsjustere, krûperige en weardeleaze fan alle skepsels binne steane hja der dochs op oan oeral it earst neamd te wurden. Der is mar ien ding, dêr't hja o sa beskieden yn binne: wylst hja der lokkich mei binne omrinne te kinnen yn goud, juwielen en poarper en alle oare symboalen fan wiisheid en deugd hawwe hja der gjin wurk fan de deugden, dy't troch harren útmeunstering foarsteld wurde oan oaren oer te litten. Hja binne der ek al folslein lokkich mei as hja tsjin de kening 'hear' sizze meie, en witte hoe't hja him mei trije wurden oansprekke kinne, en hoe't hja de deftige titels brûke moatte as Trochlofte Heechheid, Rju Eale Hearlikheid, Majesteit. En sa hoege hja harren nearne foar te skamjen, en kinne hja har foar eltsenien oannimlik meitsje troch harren flaaikerij, want dat is de wiere taak en it libbenswurk fan in echte man fan de hegere adel. Mar as jo no ris wat better taskôgje hoe't se libje, dan sille jo sjen dat se perfoarst net better binne as de Phaecianen of de lju om Penelope hinne. Jo kinne it gedicht fierder wol, en de Echo dêrfan sprekt jo better oan as myn ego it dwaan kin. Dy eallju sliepe oant de middei ta, as in min betelle pryster, sa gau as it kin, by harren bêd de Misse lêst as hja noch mar krekt wekker binne. Dan brea ite, en as dat ôfrûn is is it al wer tiid foar waarm iten. Dan wurdt der dobbele, der wurde spultsjes dien, gokt, potsemakkers komme, ljidskes sa no en dan, wer wat iten. Dan it jûnsmiel, en dêrby wurdt mear as ien glês dronken, dêr kinne jo wis fan wêze. En sa geane oeren, dagen, moannen, jierren, ieuwen foarby. En it ferfeelt harren nea, hoewol't it my fakernôch tefolle wurdt as ik sjoch, hoe't se tarre en smarre. Wilens tinke de froulju oan it hôf dat se goadinnen binne, as jo nei de lingte fan de sleep sjogge, dy't se efter har oan komme

litte. En de eallju wurkje har dan mei de earmtûken foarút om mar sa ticht as it kin by de kening te stean. De eigenleafde fan de eale hear hinget gear mei de swierte fan de keatling, dy't er om syn nekke hat, as soe er dêrmei net allinne syn rykdom mar ek syn krêft sjen litte kinne.

57. KARDINALE FLATERS.

Wat der by prinsen en keningen bart besykje pausen, kardinalen en biskoppen allang benei te kommen, ja, hja geane al fierder. Want as jo neigeane wat de wite klaaiinge betsjutte moat (in libben sûnder wryt of slyt) en wat der mei de miter mei twa hoarnen oantsjut wurdt (op harren hollen troch in bân byinoar hâlden as symboal fan de folsleine kentnisse fan it âlde en it nije Ferbûn, troch Kristus ta in ienheid makke) en wêrom hja de hannen yn wite hânskuon stekke (teken fan reinheid, net bedoarn troch it oanreitsjen fan minsklike saken, om de hillige sakraminten better betsjinje te kinnen) wat de stêf betsjut (de soarch, de oanhâldende soarch foar de keppel) en wat it boarstkrús sizze wol (de oerwinning op alle minsklike hertstochten), as jo dat allegearre neigeane, sis ik, soe dan dit libben net in libben fol soarch en drôvens wêze moatte?

Mar sa't it no stiet passe hja allinne goed op harsels. De soarch foar harren skiep litte hja oer oan Kristus, of oan harren eigen plakferfangers, dy't hja as harren bruorren oantsjutte. Hja tinke der net oan dat harren namme biskop, opsjenner, wurk mei-bringt, soarch en muoiten. Mar hja sjogge der allinne mar op ta, dat harren jild op 'e tiid by harren binnen komt, en dan binne hja perfoarst net soargeleas as opsjenner en tafersjochhâlder.

58. BISKOPPEN BINNE NET BETTER.

Ek de kardinalen soene der wol ris oan tinke kinne, dat fan harren ferwachte wurdt dat hja as opfolgers fan de Apostels it foarbyld fan de Apostels folgje, en dat hja net de bestjoerders mar de betsjinners binne fan de geastlike jeften, en dat hja meikoarten rekkenskip jaan moatte sille oer alles, wat hja der mei dien hawwe. Hja soene ek wol ris neitinke kinne oer de klean, dy't hja drage: wat betsjut dat wite klaad? Wat oars as in folslein suver libben? En wat dat poarperen klaad dêrûnder? Wat oars as de flamjende leafde foar God? En wat dy romme mantel oer alles hinne, sa rom dat er net allinne de mûlezel fan de Heechearwaardige Hear hielendal oerdekke kin, mar dat der ek noch in kaniel ûnder rinne kin, dy mantel, wat tsjut er oars oan as de alles omfetsjende leafde foar eltsenien, mei ûnderjocht, treast, bemoediging, fermoaning, oarloggen ôfbrekking, it tsjin ferkearde bestjoerders opnimme, en net allinne de eigen woltier mar ek it eigen bloed oer hawwend foar it folk fan Kristus? En wat hawwe hja oan al dy rykdommen, at se dochs de neifolgers fan de earne Kristus binne? As hja, lyk as ik sei, dêr goed oer neitocht hawwe, dan soene hja sûnder mis it amt dellizze, sûnder dat dat harren muoie soe, en se soene in libben liede like earm en hurd as de Apostels eartiids.

59. DE PAUS IN KRISTEN?

En dan de Hegeprysters, dy't de plakferfangers fan Kristus binne: as hja ris besykje soene om Syn libben fan earmoede en soarch nei te folgjen, Syn ûnderrjocht, Syn krús? As hja ris neitinke soene oer harren namme: Papa, Paus, in namme, dy't Heit betsjut, en dêr't dan noch Hillige oan taheakke wurdt, wat

soe dan swierder weagje op ierde? Of wa soe der noch al syn jild foar oer hawwe om dat amt te keapjen, in amt dat, ienris kocht, mei it swurd, mei fergif, ja mei alle tinkbere middels beskermd wurde moat? Mar hoefolle foardielen soene hja ferlieze, as hja ek mar ien eagenblik neitinke soene, en in bytsje wiisheid krije soene? Wiisheid, ha ik dat sein? Ien kerreltsje sâlt, dêr't Kristus oer sprutsen hat, soe mear as foldwaande wêze om harren frij te meitsjen fan harren woltier en eare, harren oppermacht en hearlikheid, harren mannichfâldige eareamten, dispensaasjes en ôflaten, al harren hynders en mûlezels, alle tsjinneren en alle wille, dy't hja no hawwe. Yn it plak dêrfan soe der nachten wakke wurde moatte, fêste, mei triennen, gebedens, predikaasjes, ernstige stúdzje, en ferskate oare, net al te noflikke dingen. En ek moatte wy der goed oer neitinke, wêr't dy wiere Kristustsjinst allegearre ta liede sil: safolle oerskriuwers, skriuwers, klerken, wetgelearden, advokaten, foarsprekkers, mûlezeldriuwers, fuorlju, wikselers, hurrebazen (ik hie der hast noch wat nitelichs oan taheakke, mar ik doch soks mar net, want ik wol nimmen op it sear komme) koartsein: de hiele mannichte, dy't no de Hillige Stoel yn Rome belêstiget (ik bedoel fansels befêstiget) soe stjerre fan de honger.

Dat soe dochs in ôfgryslík en misdiedich gefolch wêze, en wat noch folle slimmer wêze soe: de hege Prinsen fan de Tsjerke, de wiere ljochten fan de wrâld, soene wer te biddeljen gean moatte. Mar lyk as it no stiet kinne hja alles wat der dien wurde moat oan Petrus en Paulus oerlitte, dy't dochs oars neat te dwaan hawwe. Mar as it om grutte dingen en wille giet, dan hawwe de grutte hearen tiid genôch. En dêrom, de reden dat ik harren safier brocht ha, is der gjin groep minsken op de hiele wrâld dy't minder noeden en soargen hat, want hja miene dat hja genôch foar Kristus dien hawwe, as hja harren plicht as algemien tafersjochhâlder mei allerhanne seremoanjes en toanielspylderij,

seinen en ferflokkingen, en mei harren oansprektitels as Jo Sillichheid, Heech Earweardige Heit en Hillichheid, útfiere. It heart neffens harren net mear ta dizze tiid om wûnders te dwaan; it folk ûnderwize betsjut fiersten te hurd bodzjen; de Skriften útlizze is wurk foar de gelearden; bidde is tiidfergrieme; triennen binne in teken fan swakte en allinne foar froulju; yn need te libjen is ûnweardich foar in minske; it lijen oan jildtekoart is in grutte ellinde, en soks past alhielendal net foar immen, dy't de grutten fan de wrâld amper tastean wol him de fuotten te tútsjen, en as lêste: de dea is net sa noflik, en stjerre oan in krús is de ûnweardichste wize fan stjerren.

It iennige, dat harren fan Paulus oerbleaun is, binne de wapens, dêr't er fan sprekt en mei harren moaie praatsjes ferrifelje se de lju dy't nearne euvelmoed yn hawwe, en dy wapens brûke se mei faasje. Sa binne hja gol mei ynterdikten, suspensjes, ekskommunikaasjes en swiere ekskommunikaasjes, ferflokkingen en skilderingen fan de hel en it oardiel, en mei alle banbliksems, dêr't hja yn ien kear de sielen fan de stjerlike minsken yn de djipste djipten fan de hel mei stoarte kinne. Dy Hillige Heiten yn Kristus, dy't yn feite it plak fan Kristus ynnommen hawwe, pakke op dy wize nimmen sa fûl oan as dyjingen, dy't op oantrún fan de duvel it erfskip fan Petrus besykje lytser te meitsjen of der wat ôf te heljen. Lân, stêd, belêstingopbringst en oppermacht, it wurdt allegearre it erfskip fan Petrus neamd, al stiet der dan yn it evangelje: Wy hawwe ôfstân dien fan alles, om Jo nei te folgjen. Oanfjurre troch de iver foar Kristus sille hja der foar stride om alles te bewarjen, mei it fjoer en it swurd, en it bloed fan de Kristenen wurdt omraken fergetten, om't hja leauwe dat hja de oanwiisden binne dy't de Tsjerke, de Breid fan Kristus, op apostolyske wize ferdigenje moatte troch dyjingen, dy't sy de fijannen fan de Tsjerke neame, út te roegjen. As soene de fûlste fijannen fan Kristus net krekt dy hegeprysters wêze, dy't goed

fine dat Kristus net mear achte wurdt troch harren stilswijen, Him fêstbine troch harren ûnrjochtfeardige wetten, Him ûntrou binne troch de ferkearde útlis fan Syn leare, en Him slaan troch harren misdiedich libben.

En noch mear: om't de kristlike tsjerke fundearre is op bloed, fuortsterke is troch bloed, útgroeid is yn bloed, geane hja troch mei harren saken te befoarderjen mei it swurd, as soe Kristus omkommen wêze, en net langer by steat wêze syn eigen folk te beskermjen op Syn eigen wize. De oarloch is sa meunsterlik dat er better passe soe by de wylde dieren as by de minsken, en sa dwylsinnich, dat de dichters sizze dat er oer de ierde loslitten wurdt troch de furys. Sa deadlik is er, dat er as in grutte pleach oer de wrâld giet, sa ûnrjochtfeardich dat er it bêste fierd wurde kin troch de grutste misdiedigers, sa goddeleas, dat er hielendal frijemd is oan it Kristendom, en dochs hawwe hja, de Pausen en de Kardinalen, dat allegearre net achte, en harren op de oarloch talein. Sa kin men sjen, dat dy ôflibbe skierkerts werom geane nei de krêft fan harren jonge jierren, de kosten net achtslaan wolle, alle noeden en soargen rjochtsje op de striid, harren der neat fan oanlûke dat hja de wetten, de godstsjinst, de frede, ja de hiele minsklike kultuer oantaaste en ferneatigje. En dan binne der noch gelearde skriuwers dy't der net tsjinoan skytskoarje en partsje dy dwylsin de nammen fan fjoer, frommens en dapperens ta. En hja fersinne ferlechjes by de rûs, dat it dochs wol tastien is dat in man syn broer deastekt mei in stik izer, en dat soks net ynhâldt dat er bûten de leafde fan Kristus komt te stean. En ek dat de oarloch net tsjin de lear fan Kristus is, de lear fan leafde foar de meiminske.

60. DE DÚTSKE BISKOPPEN.

Ik bin der noch net hielendal wis fan oft inkelde Dútske biskoppen hjir it foarbyld jûn hawwe, of dat hja it foarbyld folge hawwe fan de niisneamden. Hja hawwe yn alle gefallen alle geastlike saken, alle seinigingen en alle seremoanjes ôfsward en hja hâlde en drage harren as de grutte hearen fan de wrâld, en dat giet sels safier, dat hja leauwe dat it in bewiis fan leffens is, en in biskop ûnweardich, om de eigen striderssiel oan God werom te jaan op in oar plak as op it slachfjild.

Ek de hiele rige fan de legere geastlikheid tinkt dat hja harren masters op dat stik neifolgje moatte. Hja fjochtsje foar harren rjochten op ûnderhâld mei swurden, spearen, stiennen en alle soarten wapens, lyk as it goede soldaten past, en de skerpsten ûnder harren sjogge der de âlde skriuwers op nei, oft hja ek eat fine kinne dat harren mei rjocht en reden fan it earne folk mear as in tsiende part fan alles freegje litte kin. It komt nea by harren yn it sin, dat hja wat werom dwaan moatte foar it jild dat se krije. En ek harren tonsuer bringt se net yn it sin dat de pryster frij wêze moat fan alle wrâldske begearten, en syn tinzen op de himel rjochtsje moat. Rjochtoarsom: dy moaie hearen geane der fan út, dat hja harren plichten better waarnimme kinne at se harren gebedens gau ôfrattelje. Mar it soe my al fernuverje, as der in god wie, dy't nei harren harkje soe, as ik sjoch, dat se dat sels net iens dogge, al skreauwe se hurd genôch. Ien ding is der dat de prysters mienskiplik hawwe mei de leken: as de rispinge ynhelle wurdt dan sjogge se goed út de eagen, en dan wurde rûnom de âlde wetten en foarskriften derby helle. Mar as der wat dien wurde moat dan jouwe se de opdracht altyd mar wer troch oan oaren, as wie it in bal dy't fan de ien nei de oar goaid wurde kin. Krekt as de hege hearen yn wrâldske saken soks dogge, jouwe se de plichten oer oan waarnimmers, en dy jouwe it troch fan de iene nei de oare,

en sa litte de prysters alle fromme deden oan de leken oer. En de leken jouwe it wer werom oan de mannen, dy't hja de mannen fan de Tsjerke neame, as wiene se allegearre net likegoed mannen fan de Tsjerke, en as hie harren doop neat te betsjutten hân. En de prysters dy't harsels 'sekuliere prysters' neame, as wiene se tawijd oan de wrâld en net oan Kristus, lizze de lêsten wer op de skouders fan de regulieren, en dy jouwe it troch oan de muontsen, en de strange muontsen krije it wer troch fan de minder strange, en de hiele bringst wurdt dan oerlitten oan de biddemuontsen, en fan dêrút giet it nei de Kartuzers, en allinne ûnder harren is de frommens fêstlein en begroeven, sa goed opburgen dat jo der amper in skym fan sjen kinne.

Op deselde wize drage de pausen, dy't de hiele dei dwaande binne mei de rispinge fan it jild, harren mear apostolyske wurken oer oan de biskoppen, de biskoppen drage it wer oer oan de pastoars, de pastoars oan de kapelaans, de kapelaans oan de minnebruorren, en dy wize dan wer oaren oan, en sa wurde te lange lêste de skiep skeard. Mar ik wol no net langer trochgean mei te praten oer it libben fan pausen en prysters. Ik wol it net skine litte as wol ik satyres útsprekke as ik inkeld in lofsang skriuwe wol. En nimmen moat tinke dat ik, troch de minne prinsen te priizgjen, de goeie in hak sette wol. Ik ha allinne al dy kwestjes mar koart oanrekke, om dúdlik te meitsjen, dat gjin inkeld minske libje kin, sûnder dat er troch my ynlaet is yn it echte en wiere libben, en fan al myn geunsten wis is.

61. IT LOK IS MEI DE DOMMEN.

Hoe soe it ek oars kinne, as jo sjogge dat de godin Rhamus, dy't de minsken it lok bringt, sa goed mei my is, dat hja har altyd as in fûleindich tsjinstanner fan de wiisheid sjen litten hat, en

de healwizen it leafst ryk makket at se rêstich sliepe. Jim witte ek alles oer Thimoteus, wat syn namme betsjut, en wat er sein hat 'De fûke fangt de fisk, wylst de eigner sliept.' Ek wurdt der sein: 'De ûle is útflein', mar tsjin de wizen wurdt sein; 'Berne by ôfgeande moanne' en: 'Hy hat it hynder fan Sejanus en it goud fan Toulouse'. Mar ik hâld der mei op, sprekwurden oan te heljen, want oars soe men sizze kinne, dat ik de boeken fan myn freon Erasmus plondere ha.

Dêrom ta de saak sels: Fortuna hâldt fan de minsken, dy't wat oandoare, fan de domdrysten, fan de lju, dy't sizze: weagje de gok mar. Mar de wiisheid makket de minsken bang en hoeden, en dêrom fine jo by de wizen earmoed, hongere en kjeld, dêrom binne hja fertutearzige, ûnbekend, en nimmen hâldt fan harren. De healwizen fan de oare kant swimme yn it jild, binne steld yn alle wichtige funksjes yn de steat, libje yn woltier, koartsein: hja hawwe it goed. Want as in man it lok fûn hat yn it ferkear mei prinsen en syn tiid trochbringt tusken dy godlike skepsels, mei goud en juwelen behongen, dan sil er merkbite dat wiisheid foar him gjin inkelde sin hat, en him allinne mar skea docht. En as er noch ryk wurde wol, hoefolle jild kin er dan yn hannen krije as er him oan de wiisheid hâldt en neat te krijen hawwe wol mei fâlske ieden, read wurdt as er liicht, en him liede lit troch syn gewisse as it op dieverij en woeker oankomt? En as immen in amt begoare soe yn de tsjerke, en benammen de fette ynkomsten dy't der mei mank geane: in ezel of in buffel sil der earder oankomme as in wiis man. En as jo op de leafde út binne: de famkes, dy't dêr dochs in wichtich oandiel yn hawwe, sille earder in healwize foar kar nimme, en hurd weirinne foar in wize, as wie er in skorpioen.

En as lêste: wa't ek mar mei in bytsje wille en nocht troch de tiid komme wol, dy moat syn doarren altyd goed sletten hâlde foar de wize, mear as foar alle oaren, en earder de dieren deryn

komme litte. Koartsein: wêr't jo jo ek op rjochtsje wolle: pausen, prinsen, rjochters, bestjoerders, freon of fijân, heech of leech, jo sille altyd wer sjen, dat jo neat berikke kinne sûnder jild, en as in wiis man neat mei jild te krijen hawwe wol, dan is it better en gean him út de wei. Mar, alhoewol't der gjin ein hoecht te kommen oan de lof fan de healwizens moat ik dochs ienris mei myn foardracht ophâlde. Ik ha alles ek al hast sein. Mar earst wol ik jim noch efkes yn it koart sjen litte, dat der grutte skriuwers genôch binne dy't fan my tsjûge hawwe yn harren wurk en harren libben beide. Ik hâld der net fan, dat jimme tinke soene, dat ik allinne mysels priizgje. En ik wol ek net troch de rjochtsgelearden derfan beskuldige wurde, dat ik net goed sitarre ha. Dêrom sil ik dwaan wat sy dien hawwe, en in hiele rige teksten oanhelje, ek al hawwe se der neat mei te krijen.

62. DE LOF FAN DE ÂLDE LJU.

Om te begjinnen, eltsenien wit eat fan it sprekwurd: as der gjin feiten binne is de skyn genôch. Ek de bern krije fakernôch te hearren: krekt dwaan oft jimme healwiis binne, kin de heechste wiisheid wêze. Sa kinne jo goed sjen, hokker grutte seine as de healwizens bringt, as sels har skaad en gelikenens al sa heech priizge wurdt troch learde minsken. Mar noch folle dúdliker seit Horatius it, dy fette baarch út de stâl fan Epicurus: 'Mjuks de wiisheid altyd mei wat healwizens', al is er net sa wiis, dat er dat folhâldt, want hy seit derby: 'Al is it mar foar in skoft'. En fierder hat er sein: 'It is swiet om op syn tiid healwiis te wêzen'. En op in oar plak seit er, dat er leaver healwiis en sûnder gefoel lykje wol, as wiis en ergere. Ek by Homerus wurdt Telemachus altyd priizge troch de dichter, mar sa no en dan wurdt er healwiis neamd, en itselde wurdt sein, mei de bêste bedoelingen, oer

bern en jongelju. En wêr giet dat âlde heldedicht, de Ilias, oars oer as oer wat healwize keningen en harren folken dien hawwe? Ek de lofprizing fan Cicero is sûnder beheining: 'De wrâld is fol healwizelingen'. Want eltsenien wit, dat hoe mear as in seine ferspraat is, hoe better as er wurket.

63. IT BIBELWURD.

Mar it soe wêze kinne, dat al dy skriuwers mar in bytsje gesach hawwe by kristenen. Dat dêrom, as jim it goedfine, sille wy fierder de stipe foar myn lofsang sykje yn de Skrift, om't dêr in bettere stipe en grûnslach te finen is as by de heidenske skriuwers. En lit my dan begjinne mei earst oan de teologen tastimming te freegjen, om der wis fan te wêzen dat hja it goed fine. En dan, om't ik oer sokke drege saken prate moat, en it te fier giet om jitris de Muzen te freegjen fan de Helicon ôf te kommen (in lange reis foar harren, en hja soene net iens op harren eigen mêd komme), dêrom soe it mar it bêste wêze en freegje de geast fan Scotus om syn leaf plakje oan de Sorbonne efkes te ferlitten om my by te stean. Ja, dy Scotus stekt mear as in stikelbaarch yn in toarnenbosk, en hy hoecht my ek mar in lyts skoftke te helpen, dan kin er om my wer nei de duvel rinne. Ik soe inkeld winskje dat ik myn gesicht feroarje koe en der in teologekop fan meitsje koe. Mar as ik tefolle fan in teolooch hawwe soe dan soe it mooglik wêze, dat immen my foar in dief oansjen soe, en my der fan beskuldigje kinne dat ik temûk de skriuwtafels fan de grutte masters leechhelle hie. Dochs soe it net sa opmerklik wêze as ik wat oerholden hie fan myn oparbeidzjen mei de teologen, want ik ha my lang en yngeand mei dy lju ôfjûn. En sels dy figehouten god Priapus hat goed harke, doe't syn master oan it wurd wie, en hy hat in pear Grykske wurden

ûntholden. En de hoanne by Lucianus hie der gjin wurk fan om de taal fan de minsken te begripen, gewoanwei om't er sa lang tusken de minsken wenne hie.

Lit ús, no't de foartekens sa goed binne, by ús ûnderwerp werom komme. De Preker hat it al skreaun yn syn earste haadstik: 'It tal fan de healwizen kin net teld wurde', en as er seit: 'It tal kin net teld wurde', dan liket it my ta, dat er dêr alle minsken mei bedoeld hat, útsein in lyts keppeltsje, dêr't ik net fan wit oft immen der ea ien fan sjoen hat. En Jeremia is noch folle dúdliker yn syn tsiende haadstik, as er seit: 'Alle minsken binne it ferstân bjuster'. Oan God allinne lit er it ferstân, en de healwizens oan it minskdom. En in bytsje earder seit er: 'In minske mei net romje op syn wiisheid'. No, wêrom soe de minske net romje op syn wiisheid, myn bêste Jeremia? It andert is ienfâldich: om't er gjin sprút wiisheid hat.

No werom nei de Preker: 'Neat mei neat' seit de Preker, 'it is allegearre neat'. En as er dat seit, wat oars soe er bedoele as wat ik al sein ha, dat it libben fan de minske oars neat as it toaniel fan de healwizens is? En fansels kin er it op dat stik folslein lykfine mei Cicero, dy't ik al oanhelle ha: de wrâld tilt op fan healwizen. En wer, as de Preker seit: 'De healwize feroaret as de moanne, mar de wize stiet fêst as de sinne', wat wol er dan oars sizze, as dat it hiele ras fan de minsken healwiis is, en dat de namme 'wiis' alinne oan God takomt? Mei de moanne wurdt ommers de minske oantsjuten, mei de sinne de boarne fan it ljocht, en dat is God sels. En dat wurdt befêstige troch Kristus sels, as er seit yn it evangeelje: 'Der is mar ien dy't goed is, God allinne'. En as no, lyk as de Stoisijnen hawwe wolle, al wa't net wiis is net doocht, en al wa't goed is tagelyk ek wiis is, dan moat de healwizens wol it hiele minskdom yn de macht hawwe.

En jitris seit Salomo yn it fyftjinde haadstik: 'De healwizichheid is de blydskip fan de healwizen'. Sa wurdt dúdlik tajûn dat neat

yn it libben wille jaan kin sûnder de healwizens. En itselde wurdt sein yn de tekst: 'Dêr't gâns wiisheid is is gâns fertriet'. En: 'Hoe mear wittenskip hoe mear leed'. En seit de grutte Preker it net treflik as er seit yn haadstik sân: 'It hert fan de wizen is yn it hûs fan de rou, mar it hert fan de healwizen yn it hûs fan de wille?' Dat seit er om't er derfan oertsjûge wie, dat syn lok net folslein wie as er my net kend hie. As jo soks wat nuver taliket: it binne syn eigen wurden. Lyk as er ek skriuwt yn it earste haadstik: 'Myn hert hat gâns wiisheid en wittenskip opdien, en ik ha my der op útlein dwaasheid en ûnferstân kennen te learen'. En dêrby moat opmurken wurde, dat er mei opsetsin de dwaasheid nei de wiisheid setten hat en soks moat as in eare foar my sjoen wurde. Want de Preker brûkt mei opset sin dy folchoarder, om't dy, lyk as jo witte, sa ek brûkt wurdt yn de Tsjerke, dêr't de persoan dy't de earste is yn waardichheid it lêste plak ynnimt.

En dat de healwizens boppe de wiisheid útgiet, dêrfan tsjûget deselde Preker, wa't er ek wêze mei, yn syn fjouwer en fjirtichste haadstik as er seit dat healwizens better is as wiisheid. Mar foar ik dy wurden krekt oanhelje moatte wy earst op de wize fan Plato, ik troch te freegjen en jimme troch in andert te jaan, ta de oplossing fan de kwestje besykje te kommen.

No: wat is better om goed op te bergjen: dingen, dy't seldsum en weardefol binne of dingen dy't goedkeap en gewoan binne? Hawwe jim neat werom te sizzen? Ek as jim krekt dogge oft jim wierliken fan neat witte, dan is der altyd noch in Gryksk sprekwurd dat seit: 'De minsken litte de wetterpot foar de doar stean'. En as immen foar in sprekwurd gjin earbied hat, lit my dan sizze dat dat oanhelle wurdt troch Aristoteles, de god fan ús learmasters. En is der immen fan jimme sa dwaas, dat er syn goud en sulver foar syn hûs op strjitte delleit? Ik bin der wol wis fan, dat jimme soks net dwaan sille. Jim bergje it op yn in

keammerke midden yn it hûs, jimme dogge mear: jimme slute de kasten, dêr't it ynleit, goed ôf. En de moude litte jim op strjitte lizze. Sa is wat kostber is ferburgen, en wat gjin wearde hat leit foar eltsenien iepen. Is it dêrom net dúdlik, dat de wiisheid, dêr't de Preker fan seit, dat er net ferburgen wurde moat, net sa kostber is as de healwizens, dêr't er fan seit dat se ferburgen wurde moat? Hear nei syn eigen wurden, dy't dúdlikernôch binne: 'Leaver in minske, dy't syn dwaasheid foar himsels hâldt, as ien dy't syn wiisheid foar himsels hâldt'. En jou der ek ris omtinken oan hoe't de Skrift de earlikens taskriuwt oan de healwize, wylst de wize man leaut dat der nimmen is as hy. Want sa wol ik útlizze wat de Preker seit yn haadstik tsien: 'Mar de healwizing, dy't omrint op de strjitte om't er healwiis is tinkt dat eltsenien healwiis is'. Fine jimme it ek net in bewiis fan útsûnderlike earlikens om te tinken, dat eltsenien oan jo gelyk is, en yn in wrâld, dy't hielendal rjochte is op sels omheech stekkerij al jo fertsjinsten mei oaren te dielen? Ek de grutte kening Salomo wie net beskamme, doe't er himsels sa neamde, lyk as er it dien hat yn haadstik tritich: 'Ik bin de meast dwaze fan alle minsken'. En ek Paulus, de learaar fan de heidenen, skrille der net foar tebek om yn syn brief oan dy fan Korinthe de namme 'healwizing' oan te nimmen: 'Myn praat is healwiis: ik noch mear', krekt as wie it net goed om troch in oar yn healwizens oertroffen te wurden.

Mar no hear ik it lûde roppen fan inkele yn it Gryksk bebiten eigenwizelingen, dy't my it leksum opsizze wolle, of better: dy't de hjoeddeiske teologen bline hynders foar de doar sette wolle troch harren oantekeningen. It twadde plak yn dy hiele keppel, as it al net de earste wêze soe, komt ta oan myn freon Erasmus, dy't ik bytiden neam om him in komplimint te meitsjen. 'Wat in frjemde wize fan oanheljen' roppe se, 'krekt sa't jo it fan de Healwizens ferwachtsje kinne'. De Apostel bedoelt hjir hiel wat

oars as jim tinke. Hy bedoelde mei dy wurden hielendal net dat de minsken tinke soene dat hy noch healwizer wie as wa oars ek, mar earst seit er: 'Binne hja tsjinnern fan Kristus, ik ek', as hie er oan it opskeppen west doe't er him yn dy dingen op deselde hichte sette as de oaren, doe gyng er troch, en ferbettere himsels troch der by te setten 'Ik noch mear', want hy woe sizze, dat hy net allinne gelyk wie oan de oaren yn de ferkundiging fan it evangeelje, mar dat hy dêryn fier boppe harren útstiek. Hy wie fan doel om dat ek dúdlik te meitsjen, mar sûnder dat it tafolle bylkje soe en dêrom woe er tefoaren alle ferwiten weinimme en skreau: 'Ik sprek as in healwize', want it is it foarrjocht fan de healwize om de wierheid te sizzen sûnder dat de minsken harren misledige fiele kinne.

Wat Paulus no wurklik bedoeld hat lit ik graach oan dy saneamde gelearden oer om krekt út te sykjen. Ik rin graach efter de grutte, fette, domme en troch de minsken meast achte kliber fan teologen oan, dêr't de yntelligintsia leaver wat mei yn it tsjuster omswalkje, as, al wie it mar in tel, it iens te wêzen mei dy teologen, dy't de trije grûntalen goed bestudearre hawwe. En hja hawwe dy Grykjes net heech, benammen sûnt in ferneamd teolooch, waans namme ik net neame sil om foar te kommen dat dy skierroeken roppe sille 'O, dy ezel mei de liere', dy hiele passage yn in masterlike teologyske oanpak útlein hat. Hy begjint mei de wurden: 'Ik praat as in healwize', en makket dan in nij haadstik. Hy makket dus in nije ûnderferdieling, mei dy útlis (ik sil him krekt oanhelje, de wurden, dy't er brûkt hat, en ek wat se betsjutte), hy seit: 'Ik praat as in healwize', dat is: as it jimme taliket dat ik mysels as in healwizing oanstel troch my gelyk te meitsjen oan dy fâlske apostels, dan sil ik noch mear in healwizing skine troch mysels boppe harren te setten. Mar spitigernôch skynt er efkes letter alles wer foargetten te hawwen, en jout er in folslein oare útlis.

64. DE BIBEL WURDT OANPAST.

Mar wêrom eangstich ferside krûpe efter ien foarbyld? It is dochs it foarrjocht fan de teologen om de hiele himel, dat wol sizze de Skrift, út te lûken as in hûd, dy't spand wurdt om der lear fan te meitsjen. Al by Paulus botse wurden út de Skrift op inoar, mar op it eigen plak kloppe se wol, as wy de fiif talen sprekken hillige Hieronymus leauwe meie. Sa hat Paulus bygelyks ris in opskrift sjoen op in alter yn Athene, en hy hat dat útlein as in argumint foar it kristlik leauwe. Mar hy hat earst alle wurden weilitten dy't tsjin syn útlis yn gean soene, en allinne de lêste twa oanhelle 'ignoto Deo, oan de ûnbekende god'. En sels oan dy wurden hat er noch wat feroare, want it opskrift wie einliks: oan de goaden fan Asia, Europa en Afrika, oan de ûnbekende en de bûtenlânske goaden. Neffens dat model arbeidzje neffens my de tsjintwurdige teologen noch altyd, at se fjouwer of fiif wurdjes út fersprate teksten helje, en as it moat sels de betsjutting fan de wurden feroarje, om se dêrmei bewize te litten wat sy bewize wolle. En dat wylst wat der foar dy wurdjes stiet of wat der efter oankomt foar harren folslein sûnder belang is, of sels yn striid mei wat se bewoare wolle. Dat dogge hja mei in bliere ûnbeskamsumens, dêr't de echte gelearden fakernôch oergeunstich op binne. En dat kin no sa fier gean dat de grutte teolooch (hast hie ik syn namme wer in kear sein, mar ik koe my noch krekt op 'e tiid ynhâlde) út in pear wurden fan Lukas in teologyske miening ôflaat hat, dy't mei de geast fan Kristus krekt sa lyk op rint as fjoer mei wetter. Want doe't Syn dea tichterby kaam, doe't it dus de tiid wie dat trouwe tsjinnars harren Master bystean moatten hiene, om Him te helpen mei alle middels en sa goed as hja koene, doe wie it de bedoeling fan de Kristus om út de herten fan de learlingen wei te nimmen alle fertrouwen yn ferdigeningmiddels, dy't de

measte minsken brûke. En dêrom frege er oan syn learlingen: 'Doe't Ik jimme útstjoerd ha sûnder jildpong, reissek en sandalen, hawwe jim soms doe fan it ien as oar te min hân?' Hja seine: 'Nee, alhielendal net.' En doe sei Er tsjin harren: 'Mar no is it oars.' Hja wiene útstjoerd sûnder skuon om harren fuotten te beskermjen tsjin de toarnen en de stiennen, en sûnder pong om harren frij te hâlden fan de honger. Mar doe't se sein hiene dat se nea wat te min hân hiene, doe sei Er: 'No is it oars. Wa't in pong mei jild hat moat dy meinimme, en de reissek ek, en wa't dat net hat moat syn mantel ferkeapje en in swurd oantuge'. Om't de lear fan Kristus yn syn hiele hear en fear der op rjochte is ús sêftmoedigens, geduld, ferdraachsumens en lytsachting foar de wrâld by te bringen, moat de bedoeling fan dat stikje oan eltsenien dúdlik wêze: Kristus woe de learlingen, dy't Er der wer op út stjoerde, noch mear wapens ûntnimme, sa dat se net allinne jildpong en reissek efterlitte soene, mar ek harren mantel, om sûnder lêst fan klaaiinge en reissek it evangelië te ferkûndigjen. Hja mochten inkeld in swurd meinimme, net it swurd fan rôvers en moardners, mar it swurd fan de geast, dat trochkringet yn de djipste djipten fan minskene moed en eltse hertstocht der mei ien slach ôfsnijt, sa dat der oars neat yn minskene moed oerbliuwt as frommens.

En sjoch no ris, freegje ik jimme, wat dy niisneamde teolooch der fan makke hat. Hy leit it swurd út as in ferdigeningsmiddel tsjin ferfolgingen, de reissek as in goed middel om altiten iten te hawwen, as soe de Kristus Syn opfettingen folslein feroare hawwe, Syn eardere oanwizingen yn lutsen hawwe, de oanwizingen, dy't Er jûn hie, doe't er Syn learlingen der op út stjoerde om Syn Keninkryk te ferkundigjen. En it liket derop, dat dy teolooch fergetten hat, dat Kristus harren sillich sprutsen hat, dy't om Him hune en ferfolge wurde, en dat Er sein hat: 'As ien jo in slach jout op it rjochter wang, kear him dan ek it oare

ta.' Ek hat Er sein, dat de sêftmoedigen sillich wêze sille, en net de fjochtersbazen. Hy hat wiisd op de leeljes en de raven, en ús oantrúnd harren foarbyld te folgjen. En dan lit dy útlizzer fan Gods Wurd de Apostels der op út gean mei lâns, bôge en skild, mei slingers en stiennen om de Krusige te preekjen. Hy lit de Kristus harren ek noch oanriede in reissek en in ponge mei jild mei te nimmen, sa dat se nea mei in lege mage ta de herberch út hoege te kommen.

Ek hat de gelearde útlizzer net opmurken, dat Jesus efkes letter, doe't Er oppakt wurde soe, de Apostels fol ferwynt hiet om it swurd, dat se kocht hiene, wer op syn plak te lizzen, en nimmen hat ea noch heard, dat de Apostels swurden en skilden brûkt hawwe soene om harren te ferdigenjen tsjin de heidenen. En dat soene se perfoarst dien hawwe, as Kristus wier sein hie wat er neffens dy útlizzer bedoeld hat te sizzen.

In oarenien, dy't ik om him te sparjen mar net neame sil, al hat er in goede namme by syn fakgenoaten, hat fan de tinten, dêr't Habakuk oer skriuwt: 'Sjoch, de tinten fan Kûsjan binne yn ûnstjoer, de tinkleden fan Midian klapperje', de hûd fan Bartholemeus makke, dy't syn boalen him ôfstrûpt hawwe. En sels ha ik okkerdeis in teologysk petear meimakke (soks doch ik wol faker) dêr't immen frege, hokker argumint as der oan de Skrift ûntliend wurde koe om de ketters te ferbaarnen, yn stee fan mei harren yn petear te bliuwen. In grimmitich âldkearel, waans batskens der it bewiis fan wie dat er teolooch wie, andere liik dat de Apostel Paulus dat fêstlein hat, doe't er skreau: 'Set in ketter ien of twa kear te plak, en lûk dan de hân fan him ôf'. En hy herhelle dy sin altyd mar wer, wylst it grutste part fan de oanwêzigen him ôffrege, wat der mei de man bard wie. Mar op it lêst sei er dochs, dat bedoeld wie, dat de tsjerke de hannen ôflûke moast fan de ketter en him oan de wrâldske macht oerlevere moast, dy't him dan deadzje moast. Doe't er

dat sein hie begûnen guon te laitsjen, mar der wiene oaren genôch, dy't dat in hiele sîne teology fûnen. Doe't lykwols guon merkbite lieten dat se it der net mei iens wiene gyng ús advocaat fan Tenedos, ús ûnoerwinlike teolooch, troch. 'Der is noch in bewiis', sei er, der is ek skreaun: 'Lit de kweadogger net libje'. No, eltse ketter is in kweadogger, dus ... De hiele gearkomste wie ien en al bewûndering foar de redenearteunst fan de man, en stampte op 'e grûn om dat hearre te litten. En nimmen tocht der ek mar oan, dat dy hiele wet allinne mar slacht op wiersizzers, dreamers en tsoenders, dy't yn it Hebreeusk mekaschep-him neamd wurde. Want oars soe de deastraf ek tapast wurde moatte op troubrekkers en sûplappen.

65. WIE PAULUS HEALWIIS?

Mar it is healwiis fan my om troch te gean mei dy foarbylden. Der binne der safolle fan dat sels de boeken fan Chrispius en Didymus se net allegearre befetsje kinne soene. Ik woe jimme inkeld de myldens te binnen bringe, dy't dy hillige gelearden oeral ûnderfine, en ik hoopje dat jimme ek foar my oer in bytsje myld wêze sille, as ik, as treddehâns teolooch, net altiten de teksten út de Skrift krekt en goed oanhelle hawwe soe. Lit my no weromkomme op Paulus: 'De healwizen ferdrage jimme mei alle wille'. dat seit er, wylst er oer himsels praat. En fierder: 'Lit my mar in bytsje healwiis wêze. Wat ik sis sis ik net yn opdracht fan de Hear, mar as in healwize.' En earne oars: 'Wy binne healwiis om Kristus'. Dat is in grutte ear foar de healwizens, as soks mei safolle gesach fan har sein wurdt. En boppedat is de Apostel in grut advokaat fan de healwizens as er seit: 'As immen ûnder jimme tinkt dat er wiis is dan moat er earst healwiis wurde om wierliken wiis te wêzen.' En neffens

Lukas sprekt Jesus de twa learlingen mei Him oprinnende nei Emmaus oan as healwizen. Soene wy der noch raar fan opsjen moatte as St.Paulus ek oan God in bytsje healwizens taskriuw? ‘De dwaasheid fan God is wizer as de minsken’, skriuwt er, en Origenes twifelt deroan, oft men dy dwaasheid wol mei minsklike mjitstêven mjitte mei, wat lykwols al mei neffens de bibeltekst: ‘Want de boadskip fan it krús is foar harren, dy’t ferlern geane in dwaasheid’.

Mar it is hielendal net nedich noch mear bewiisplakken oan te heljen. Want yn de mystike psalmen seit Kritis iepenlik tsjin Syn Heit: ‘Jo witte fan Myn dwaasheid.’ It is sa wol dúdlik, dat de healwizen God altyd in soad wille jûn hawwe, en dêrom, sa tink ik, hawwe foarsten ek it mier oan lju, dy’t al te ferstannich binne. Sa wie it mei Julius Caesar foar Brutus en Cassius oer, mar foar de sûplap Antonius wie er net bang. Sa wie it mei Nero foar Seneca oer, mei Dionysios foar Plato. Mar mei rouwe en domme minsken mochten hja allegearre graach ferkeare. En sa moat Kristus ek neat hawwe fan de saneamde wizen, dy’t harren foarstean litte op harren eigen wiisheid, lyk as Paulus it ek dúdlikernôch seit: ‘Wat yn ’e wrâld healwiis is, hat God útkard’. En: ‘It hat God goed talike de wrâld te behâlden troch de healwizens, om’t troch de wiisheid de wrâld net rêden wurde koe.’ Dat jout Er ek dúdlik oan as er Er seit troch de profet: ‘Te neate dwaan sil Ik de wiisheid fan de wizen, en it ferstân fan de ferstannigen sil Ik ferdwaan.’ En sa seit de Kristus as Er tank bringt foar it geheim fan it heil, dat it ferburgen is foar de wizen, en iepenbiere oan de lytse bern, dat is oan de healwizen. Want yn de Grykske tekst stiet nepios, dat sawol bern as healwizing betsjut, en dat it tsjinoerstelde is fan sophios, en dat betsjut wiis. En der steane yn it Evangeelje ek teksten tsjin de Fariseeën en de Skrift- en wetgelearden, dy’t yn dat ferbân oanhelle wurde kinne. Hja binne rjochte tsjin de wetgelearden, en beskermje

de mannichte. Want wat betsjutte de wurden: 'Wee jimme wetgelearden en Fariseeën' oars as: Wee jimme wizen? Mar bern, froulju en fiskers joegen Him wille, wylst ek de stomme dieren Him wille jûn hawwe, en benammen dy bisten dy't fier ôfstean fan de wiisheid en it ferstân. Dêrom woe Er it leafst op in ezel ride, alhoewol't Er fansels ek wol op de rêch fan in liuw Syn yntocht hâlde kinnen hie. En de Hillige Geast is delstrutsen as in do, en net as in earn of in jachtfalk. Ek fierder wurdt der yn de Bibel in bulte praten oer herten, skiep en lammen. Der kin noch oan taheakke wurde, dat hja, dy't oanwiisd binne foar it ivige libben, skiep neamd wurde. En dochs is der gjin dier sa ûnnoazel as in skiep, dat hat Aristoteles al sein in syn sprekwurd oer in skiepachtige aard: dat wurdt ôflaat út de stomme slûgens fan dy bisten, en it wurdt brûkt om minsken út te skellen, dy't sleau en dom binne. En dochs hat Kristus sels Him ta harder fan de skiep útroppen, ja, Hy hat der priiis op steld in Laam neamd te wurden, doe't Johannes Him oan de minsken oanwiisde mei de wurden: Sjoch it Laam fan God. En dyselde namme komt ek fakernôch foar yn de Iepenbiering fan Johannes.

Dat wiist allegearre nei itselde: dat alle stjerliken healwiis binne, ek al binne se from. Ek de Kristus, alhoewol't Er de wiisheid fan de Heit is, hat fan himsels in healwizeling makke. Hy, Gods krêft en Gods wiisheid, hat de gewoane foarm fan in minske oannommen, de healwizens. Krekt as Hy, Gods wiisheid en Gods krêft, Dy't fan gjin sûnde witten hat, troch God ta de sûnde yn eigen persoan makke is, dat wy Gods gerjochtheid yn eigen persoan wurde soene troch Him. Hy hat de wrâld lykwols op gjin oare wize ferlosse wollen as troch de dwaasheid fan it krús, en mei de help fan syn ienfâldige, neat wittende Apostels, oan wa't Er sûnder ophâlden de dwaasheid preke hat. Hy hat harren ûnderwiisd fier wei te bliuwen fan alle wiisheid, en Hy hat sels it foarbyld jûn, troch Syn preekjen oer bern, leel-

jes, mosterdsied en mosken, allegearre gewoane wêzens sûnder ferstân, dy't allinne mar libje op harren natuerlik gefoel en frij binne fan alle soargen en ferburgen bedoelingen. En fierder seit Er harren net yn noed te sitten oer it hoe en it wat fan harren wurden at se foar goeverneurs en keningen brocht wurde, en dat it harren net takomt de oeren en tiden te witten. Dat hat Er perfoarst sein omdat Er woe, dat se net op harren eigen ferstân en wiisheid ôfgean soene, mar hielendal op Him fertrouwe. Sa moat ek ferklearre wurde dat God, nei't Er de wrâld skepen hie, de minsken ferbea om te iten fan de beam fan de kentnisse fan goed en kwea, as soe witten fergif wêze foar minkene lok. Paulus is ek poer op de wittenskip tsjin, om't dy de minske bringt ta heechmoed en ferdjêr. En ik tink dat de Hillige Bernardus oan dy wurden fan Paulus tocht hat, doe't er de berch, dêr't Lucifer op troant de berch fan de kennis neamde.

Dan soene wy it argumint ek net oersljochtsje meie, dat de healwizens yn de himel mear wurdearring fynt as de wiisheid, want allinne oan de dwaas wurdt syn sûnde ferjûn, wylst de wize gjin ferjeffenis krije kin. Dêrom as de minsken sûndige hawwe, en at se witte wat se dien ha, freegje se om ferjiffenis en brûke dêrby harren healwizens as ûntskuldiging. As ik it goed ûntholden ha docht Aaron it al sa, as er yn it boek Numeri pleitet foar syn suster: Och Hear, straf ús dochs net foar de sûnde, dy't wy yn ús healwizens dien hawwe. En Saul brûkt deselde wurden as er David freget him syn flaters net oan te rekkenjen: Ik ha healwiis dien, ik ha wol tige slim op 'e doele west. Ek David sels besiket de Hear te haagjen as er seit: 'Och Hear, nim dochs de skuld fan jins tsjinstfeint ôf, want ik ha tige dwaas dien', as koe er inkeld ferjeffenis krije as er beare soe dat er ûnwittend en healwiis is.

Mar it swierste argumint is wol dat Kristus, doe't Er oan it krús foar Syn fijannen bean hat: 'Heit, ferjou it harren', Hy gjin

oare ûntskuldiging oanfierd hat as haren ûnkunde, want Hy hat der oan taheakke: 'Se witte net wat se dogge'. Paulus skriuwt oan Timotheus yn deselde geast: 'My mocht barmhartichheid barre, om't ik, ûnwittend en ûnleauwich as ik wie, net wist wat ik die'. Wat betsjut ûnwittend oars as healwiis, sûnder kweade bedoelingen? En as Paulus der oer praat, dat him barmhartichheid barre mocht, dan wol er dêrmei dúdlik meitsje, dat soks him net dien wurde soe, as er him net op de healwizens beroppe koe. En de psalmist, it plak wie my niis ûntkommen, sprekt foar ús allegearre as er seit: De sûnden fan myn jonge jierren en wat ik út healwizens dien ha, tink dêr net mear oan, Hear. Jimme sille wol heard hawwe dat er twa redenen hie om him te ûntskuldigen: Syn jonge jierren, doe't ik altyd yn syn selskip wie, en syn ûnwittendheden, in wurd, dat er yn it meartal brûkt, om oan te jaan hokker kracht de healwizens foar him hân hat.

66. GODSTSJINST IS DWAASHEID.

By eintsjebeslút, want ik kin dochs net ta yn it ûneindige trochgean: it is folslein dúdlik dat de kristlike godstsjinst op de ien as oare wize gearhinget mei de dwaasheid yn de ien as oare foarm, wylst godstsjinst gjin inkelde bân hat mei wiisheid. As jo hjir in bewiis fan hawwe wolle tink dan earst mar ris hjir oan dat de hiele jonge en de hiel âlde minsken, de froulju en de simpelen de minsken binne mei de grutste niget oan hillige en wijde dingen. Dêrom wolle dy ek altiten flak by it alter sitte, en hja litte harren liede troch harren natuerlik gefoel en net troch wiisheid. En fierder: jo sjogge it goed as jo opmurken hawwe dat de grûnlizzers fan ús godstsjinst grutte freonen wiene fan de ienfâld en fûle fijannen fan de geleardheid. En as lêste: de grutste healwizelingen lykje dyjingen te wêzen dy't hielendal fertard wiene

troch de iver foar kristlike frommens. Hja hawwe al harren besit weijûn, ûnrjocht trochstien, misledigingen ferdroegen, hja hawwe freon en fijân op deselde wize behannele, nju en wille fersake, harren talein op fêstjen en weitsjen, op triennen, bodzjen en selskastijing, hja hawwe it libben ferspein en útsjoen nei de dea, koartsein: it liket derop, dat hja dea binne foar elts normaal gefoel, en dat harren geast earne oars is as yn harren liif. Wat kin dat oars wêze as healwizens? En dêrom moat it ús net fernuverje dat fan de Apostels sein waard: ‘Se hawwe tefolle swiete wyn hân’, en dat Festus fan Paulus tocht dat it him yn ’e holle slein wie.

Mar no’t ik dochs ienkear mei dat lêstige ûnderwerp dwaande bin woe ik der daliks noch mar wat oan taheakje. It lok dat de kristenen sykje mei safolle wurk en lijen is oars neat as in bepaalde foarm fan dwaasheid en healwizens. Wurd net kjel fan dy wurden mar sjoch de wurklikheid ûnder eagen. Op it foarste plak: de kristenen komme ticht by de Platonisten, dy’t úthâlde wolle dat de siel mei sterke bannen fêstbûn is oan it lichem, en dat it lichem de siel it ûnmooglik makket de dingen te sjen en te genietsjen sa’t se wurklik binne. Dêrom hat Plato de wiisbegearte ek omskreaun as in tarieding foar de dea, om’t dy de geast ôfliedt fan de sichtbere en lichamelike dingen, lyk as ek de dea soks docht. En salang as de geast in goed gebrûk makket fan it lichem en syn organen, salang wurdt de minske sûn neamd, mar as de geast besiket de bân te ferbrekken en syn frijheid werom te krijen, as wie er fan doel syn finzenis te ûntkommen, dan wurdt de minske net mear sûn neamd. En as it de geast slagget troch sykte of brektmen yn it liif der hast hielendal út te kommen dan wurdt sa’n minske dwylsinnich neamd. En dochs sjogge wy dat sokke minsken dan de takomst foarsizze kinne, talen en wittenskippen, dêr’t se nea fan heard hawwe, ynienen yn ’e macht hawwe en ek dúdlik ynsjoch hawwe

yn de godlike dingen. En dat bart sûnder mis omdat de geast him stadichoan frijmakket út de bân fan it lichem en syn eigen krêften wer brûke kin. Ik tink dat dat ek de ferklearring is foar it feit dat bytiden sy, dy't yn harren lêste oeren fjochtsje mei de dea eat meimeitsje dat dêr op liket, en wûnderlike dingen sizze, as hiene se fisioenen.

Jitris: as soks komt troch de krêft fan de frommens dan kinne jo it samar gjin dwylsinnigens neame, mar it liket der al op, sasear sels dat de minsken der gjin ûnderskie yn sjen kinne. En dat benammen om't it tal fan de minsken dy't soks meimeitsje tige lyts is, en dy minsken dochs al as in bytsje nuver te boek steane. En sa liket it allegearre wol wat op wat Plato beskriuwt: de minsken, fêstbûn yn in grot, kinne inkeld it skaad fan de wurklikheid sjen, wylst dy iene man, dy't frijkomme koe en harren fertelt dat hy de wiere dingen sjoen hat, en dat hja fierwei mis wiene mei harren leauwe, dat der oars neat bestie as dy ferflokke skaadbylden, dat dy man sels ferflokt wurdt. Dy man, dy't wist hoe't de wurklikheid wie, hie meilijen mei syn genoaten en betreurde harren dwylsinnigens, dy't harren yn sokke yllúzjes leauwe liet, mar de oaren laken wat mei him, as wie er dwylsinich, ferflokten him en goaiden him derút. Sa giet it altyd mei de grutte kliber: hja hawwe inkeld niget oan de dingen fan it lichem, en hja tinke dat dat allinne bestiet.

Mar by de frommen giet it rjocht oarsom: hja hawwe wat langer wat minder achtinge foar wat by it lichem heart, en hja geane hielendal op yn it skôgjen fan de ûnsichtbere dingen. De gewoane man sjocht earst nei sûnens, dan nei syn gemak, en syn siel komt op it lêste plak. De measten tinke sels dat dy net bestiet, om't er ûnsichtber is. De frommen rjochtsje harren yn alles op God, omdat Dy de folsleine suverens is, en dan op wat Him it neist stiet: de siel. Hja hawwe gjin omtinken foar it lichem, ferspije jild, en as hja bytiden der wol mei omgean

moatte dan dogge se dat mei grutte tsjinsin, hja brûke dizze wrâld as soene se dy net te'n ein brûke.

Der binne ek fierder yn al dy dingen grutte ferskillen. Om te begjinnen: Alhoewol't alle sinnen ferbûn binne mei it lichem binne guon mear mei it lichem ferbûn as oaren. Sa it gefoel, it hearren, it sjen, it rûken en it smeitsjen mear, en oaren as it ferstân, it ûnthâld, it ynsjoch en de wil minder. En dêr't de geast him it meast op rjochtet, dêr krijt er ek de measte krêft fan. Om't no de fromme al syn krêft rjochtet op wat fier ôf stiet fan de sinnen, dy't fêst mei it lichem ferbûn binne, dêrom belune dy sinnen en stjerre se ôf. Mar de grutte kliber docht it tsjinoerstelde, ûntwikkelet dy sinnen wol, en sa fier at se kinne, en de mear geastlike sinnen mar in lyts bytsje. Dat is ek de ferklearring fan wat wy fan ferskate hilligen heard hawwe: dat se by fersin lampoalje dronken hawwe, en tochten dat it wyn wie. Ek fan de gefoelens binne der in pear fêst oan it lichem ferbûn, lyk as de begearte, de honger, de sliep, de lilken, de heechmoed, de oergeunst. De frommen stride jimmeroan tsjin dy gefoelens, mar de grutte kliber libbet dêr mei en dêr foar. Dan binne der noch gefoelens, dy't der tusken yn steane, om't hja út de natuer fuortkomme, en by alle gearre oanwêzich binne. Gefoelens lyk as de leafde foar jins lân, jins bern, jins âlden en jins freonen. De grutte kliber lit dy gefoelens wol meisprekke, mar de frommen besykje se ek út harren geast wei te nimmen, alteast harren te rjochtsjen op de hegere parten fan de siel. Hja wolle wol earbied hawwe foar harren heit, en him leaf hawwe, mar net sa sear as God de Heit, want har gewoane heit hat harren oars neat jûn as it bestean, en dat is eins sels noch oan God de Heit te tankjen. Hja wolle de eigen heit leaf hawwe as in goeie man, as immen, dy't in ôfbylding is fan wat hja it heechste goed neame, en dêrboppe achtsje se neat de muoite wurdich om socht of neistribbe te wurden. Mei deselde mjitstêven oardielje se ek oer

alle oare dingen fan it libben. Sa wurdt al it sichtbere, as it al net alhiel ferspijd wurdt, yn alle gefallen fan folle minder wearde achte as wat net sjoen wurde kin. Neffens harren binne ek by de sakraminten en by alle tekens fan de godstsjinst it lichem en de geast ynskeakele. Sa tinke se bygelyks, dat fêstjen neat te betsjutten hat as it inkeld is fan fleis ôfbliuwe en mar ien kear deis ite, wat foar de gewoane man de kearn fan it fêstjen is. Mar it moat tagelyk de hertstochten belúnje, minder grutskens of grimmitigens meibringe as gewoan is, dat de geast de lêsten fan it lichem minder fielt en him hielendal derop talizze kin de seine fan de himel op te nimmen, en dêr bliid mei te wêzen.

En mei de Eucharistie is it krekt allyk. De seremoanjes dêrby moatte net ôfskaft wurde, sizze hja, mar it tsjinnet nearne ta, ja, it kin grutte skea meibringe, as yn de seremoanjes de geastlike eleminten, dy't dêrmei ferbûn binne, hielendal net ta harren rjocht komme. Want de Misse stelt de dea fan Kristus ûnder ús tsjintwurdich en de minsken moatte dat sjen litte troch master te bliuwen fan harren hertstochten. Hja moatte de hertstochten bedimje en deadzje, en harsels yn it grêf lizze om dan opnij op te stean ta in nij libben, dêr't hja yn ferienige wurde kinne mei elkoarren. Dat is sa't de fromme man tinkt en docht. Mar de grutte mannichte oan de oare kant tinkt dat it offer fan de Mis gjin sin hat at se net sa ticht as it mar kin op it alter krûpe, de klank fan alle wurden hearre, en de seremoanjes oant yn de alderlytste dinkjes byhâlde kinne. Ik nim dat allegearre mar as foarbyld. De fromme is yn hiel syn lichem ôfkeard fan de dingen fan syn lichem, en oanlutsen troch wat ivich, ûnsichtber en geastlik is. Der is dus in folslein ûnderskie tusken dy twa op alle mêden, en de ien tinkt fan de oar dat er healwiis is, mar yn myn eagen past dy namme better by de fromme as by de gewoane man.

67. DE SILLIGE HEALWIZENS.

Dat sil noch dúdliker wurde as ik noch, lyk as ik al tasein ha, koart sjen lit hoe't de heechste beleaning foar de minske oars neat is as in foarm fan healwizens. Lit ús der earst mar ris acht op slaan, hoe't ek Plato hjir oan tocht hat, doe't er delskreau dat de healwizens fan lju dy't fan inoar hâlde de heechste foarm fan lok is. Want eltsenien dy't fan in oar hâldt libbet net yn himsels mar yn dyjinge dy't er leaf hat. Hoe fierder as er bûten himsels komme kin en libje yn wa't er leafhat hoe lokkiger as er is. As no de siel fan doel is it lichem út te gean, en ophâldt fan de organen fan it lichem gebrûk te meitsjen, dan wurdt sa'n minske dwylsin-nich achte, en perfoarst mei rjocht en reden. Dat is wiswier ek wat bedoeld wurdt mei de útdrukkingen: 'Hy is bûten himsels', 'Wer ta josels komme', 'Hy is hielendal himsels wer'. En hoe mear leafde, hoe grutter de dwylsin en it lok. Wat sil dan it libben yn de himel wêze, dêr't alle frommen sa nei útsjogge? De geast sil sterker wurde, hy sil it lichem hielendal feroverje en útskeakelje, en dat sil makliker wurde as de geast al by it libben it lichem suvere en útrûpele hat, om it ta te rieden foar dy folsleine feroaring.

Dan sil de geast op wûnderlike wize opnommen wurde troch de Geast, Dy't machtiger is as alle geasten, dy't der diel fan útmeitsje. En sa, as de hiele minske bûten himsels rekke is, en lokkich wêze sil krekt om't er sa fier bûten himsels is, sil er ta syn freugde diel útmeitsje fan it alles te boppe geande Goed, dat alles ta Him lûkt. En alhoewol't dat folsleine lok inkeld ûnderfûn wurde kin as de siel syn lichem fan eartiids wer werom fûn hat en mei ûnstjerlikens beklaad wurden is, dochs kinne de frommen om't harren libben al skôging en skaad is fan dat oare libben, bytiden eat fiele, in foarsmeits en in witten fan it libben dat komt. It is mar in lyts dripike as jo it fergelykje mei de

boarne fan it ivich libben, mar it giet alle wille fan it lichem fier te boppen, ja, alle geniet byinoar. Sa fier giet it geastlike boppe it liiflike út. Dat is ek wat de profeet sein hat: Wat it each net sjoen hat en it ear net heard hat, en yn minskene hert net opkommen is, dat is wat God ree makke hat foar wa't Him leafhawwe. En dat is it oanpart fan de healwizens, dat net weinommen wurdt as it libben opheven wurdt, mar allinne folslein makke.

En dyjingen, dy't dêr in foarsmeits fan krije, en mar in pear minsken ûnderfine dat lok, fiele eat dat folle liket op dwylsin-nigens. Hja prate sûnder dat it begrepen wurdt, uterje lûden dy't nimmen ferstiet, en harren gesicht feroaret. Op it iene momint binne hja bûten harsels fan blidens, dan wer drôf, hja binne yn triennen en hja laitsje om bar, hja binne wierliken harsels net mear. En at se wer by harren sûp en stút binne witte hja net wêr't se west hawwe, yn harren lichem of dêrbûten, weitsjend of sliepend. Hja kinne harren net mear te binnen bringe, wat hja sjoen hawwe, of heard, of sein, of dien, hja libje yn de mist, as yn in dream. Alles wat se witte is, dat se folslein lokkich wiene doe't hja bûten sinnen wiene en hja binne der net bliid om, dat hja werom komme ta in bestean mei goed ferstân, want alles wat hja wolle is healwiis te wêzen foar altyd mei sok soarte fan healwizens. En it is mar in lyts priuwke fan it lok dat komt.

68. VALETE!

Mar ik ha te lang fergetten wa't ik winliken bin, en ik ha oer dingen praat, dêr't ik neat fan wit. As ik wat sein ha dat net hoeden wie, of as it fiersten te lang duorre hat, tink der dan oan dat it de Healwizens is, dy't ta jo sprutsen hat. En in frou. En ferjit tagelyk net it Grykske sprekwurdt dat seit: 'In healwizeling seit ek wol ris wize wurden', alhoewol't jimme dat net samar

op froulju tapasse kinne. Ik sjoch, dat jimme noch op in slot wachtsje, mar it is wat sleau fan my om te tinken dat ik alles noch wit, wat ik sein ha, as ik der safolle wurden útsmiten ha. Der is in âld sprekward dat seit: Ik haatsje in sûper mei in goed ûnthâld, en dêr stiet in nijen ien nêst: Ik haatsje in gehoar, dat neat ferjit. Quare: valete, plaudite, vivite, bibite, Moriae celebrimini. Dêrom: it giet jimme goed, klap yn 'e hannen, libje, drink en bekrâns de Healwizens. Farwol.

NOATEN

De noaten binne oardere op de nûmers fan de haadstikjes, dêr't Erasmus' Moriae Encomium neffens yndield is.

1. Nepentesop, mjukse mei wyn, nimt neffens Homerus alle soargen wei.
– Trofonius, moardner fan syn broer Agomedes, waard begroeven yn in grot dêr't ek in orakel yn húsmanne. As der immen mei dat orakel praat hie koe er net mear laitsje.
2. Midas, kening fan Frygië, fûn de flút fan Pan moaier as de harpe fan Apollo. Dy hat him doe bestraft troch him ezelsearen te jaan.
3. Busiris: Egyptyske kening, dy't alle frjemden deamakke.
5. Thales fan Milete: 600 foar Kristus. Natuerfilosoof, de earste dy't in sinnefersjustering foarsizze koe.
7. Chaos wie neffens Hesiodus it begjin fan alles. Orcus wie ien fan syn soannen. Saturnus wie in Romeinske God, wol lyksteld mei Jupiter. Aristophanes wie in kommeedzjeskriuwer.
8. De eilannen fan de silligen wiene it ferbliuwplak fan de deaden by Homerus. Ek yn de Utopia hawwe se in plak fûn.
–Kronos, de tiid, wie de earste fan alle goaden. Him waard foarsein dat ien fan syn bern him fan de troan ferkringe soe. Dêrom liet er al syn bern deadzje. Mar syn soan Zeus waard daliks nei syn berte troch Rhea, syn mem, ferburgen en opwoutere mei de molke fan de geit Amalthea. Letter hat Zeus syn heit ferdreaun.
11. Titanen wiene reuzen mei in altyd grimmitich oantlit.
– Stoisijnen: wiisgearen, ien wiisheid: gean nea op emoasjes yn.
– Quaternion: fjouwertal, hjir de fjouwer eleminten.
– Lucretius: skriuwer fan “De rerum naturae”, in biologyboek.
12. Sofokles: Gryksk dichter, 497 - 406 foar Kristus.
13. Lethe: rivier yn de ûnderwrâld.

- Amo: ik bemin, earste tiidwurd yn de Latynske spraakkeunst.
 - Nestor: de âlde kening fan Troje út de Ilias.
14. Arcanyske barchjes: Arcanië: in krite mei bêste bargaen.
- Medea hat Aeson, heit fan Jason, wer jong makke.
 - Circe: tsjoenster, dy't de maten fan Odysseus yn bargaen feroare.
 - Venus: goadinne fan de froulike skientme.
 - Aurora: freondinne fan Tithonus, goadinne fan de iere moarn.
 - Sappho: Grykske dichteres, deade harsels út leafde for Phaon.
 - Phaon: de boatsman op de fearboat nei it eilân Lesbos.
15. Bacchus: God fan de drank. Ek Dionysus neamd. Semele, syn mem, woe syn heit, de oppergod, yn al syn gloarje sjen. Hja waard troch it fjoer dat fan de oppergod útgie fertard. De noch net berne Bacchus waard doe oant syn berte ta ûnderbrocht yn it bil fan syn heit.
- Pallas Athene: de goadinne fan de wiisheid.
 - Vulcanus, ek Hefestus neamd: de potsemakker ûnder de goaden.
 - Morychus: namme liket op Moros, de healwizens. Plak fan de tempel fan Bacchus.
 - Gorgon, ek Medusa neamd: meunster. Wa't har oanseach ferstienne. Perseus hat har deaslein, de holle kaam doe op Pallas' skild.
 - Cupido: blyn godsje, dat leafdespylken ôfsjit.
 - Aphrodite: Grykske namme foar Venus.
 - Flora: goadinne fan de plantewrâld.
 - Diana: goadinne fan de moanne, fereale op:
 - Endymion, in sliepende jagersman.
 - Ate: de morele blinens, dy't de goaden ferdjert, needlot.
 - Atelaanske teltsjes: ferneamd om harren amorele ynhâld.
 - Momus: de man dy't de goaden op flaters wiist.
 - Priapus: god fan de fruchtberens.
 - Satyrs: boskgeasten, heal minske, heal geit.
 - Harpocrates: god fan de stiltme.
 - Coryaanske grot: op de Parnassus, nimmen koe dêr wurk dwaan.

17. Minerva: in goadinne, dy't altyd wer besiket immen eat by te bringen, dat er perfoarst net kin.
19. It teltsje fan de krokodil: In krokodil ûnthjit oan in mem, dat er har har bern werom jaan sil at se syn tinzen riedt. Hy yt it bern op.
- It teltsje fan de nôtheap: dêr lizze safolle kerrels, ien kin der bêst ôf. As dat mar trochgiet bliuwt der neat oer.
 - It teltsje fan de hoarns: wat X net ferlern hat hat er noch. X hat gjin hoarns ferlern. dus X hat hoarns.
 - Epidaurus: dêr wie de timpel fan Asklepios, de genêsmastergod.
 - Argus: Meunster mei tûzenen eagen, bewekker fan Io.
22. Thersites: oanfierder fan in reboelje by de Griken.
- Nero: Romeinsk keizer, hat Rome yn 'e brân stutsen.
 - Nireus: de moaiste Gryk op Achilles nei.
 - Phaon: boatsman op de fearboat nei Lesbos.
 - Minerva: goadinne fan it learen.
23. Megara: 'De lju fan Megara wurde net teld', sprekwurd.
- Demosthenes: Steatsman yn Grikenlân, 384 - 322 foar Kristus.
 - Archilogus: Gryksk dichter, flechte fan it slachfjild.
24. Socrates: learmaster fan Plato, man fan Xantippe.
- Delphi: plak fan it orakel, dat Socrates wiis neamde.
 - Theofrastus: Gryksk wiisgear, 300 foar Kristus, learling fan Aristoteles.
 - Isocrates: steatsman, dy't oaren syn taspraken útsprekke liet.
 - Cicero: Romeinsk wiisgear en steatsman, 106 - 43 foar Kristus.
 - Fabius, ek Quintilianus neamd: retor yn Rome, 40 - 99 nei Kristus.
 - Cato I: 234 - 149 foar Kristus, retor en steatsman, oerpake fan:
 - Cato II: 95 - 46 foar Kristus, ek retor en steatman, ek behâldend.
 - Brutus en Cassius: Senatoaren, moardners fan Caesar.
 - Gracchen: Tiberius en Galus, 120 foar Kristus. Sosjale herfoarmers.

- Cicero: Marcus Tullius Cicero, 106 - 43 foar Kristus steatsman.
- 25. Timeon: Gryk út Athene, ferneamd as minskehater.
- 26. Amphion en Orpheus: sjongers, dy't wylde dieren nuet songen
- Sertoarius: 80 foar Kristus: Generaal, dy't mei in ferhaaltsje oer in wyt hart de reboelje dwêste ûnder de Spanjerts.
- De Lakoniër: Bedoeld is Lycurgus, wetjouwer yn Sparta. Dy hie twa hûnen út ien nêst folslein ûngelyk ôfrjochte, om it nut fan opfieding sjen te litten.
- Minos: Kening fan Kreta, krige goerie fan Zeus.
- Numa: twadde kening fan Rome. Krige goerie fan in nimf.
- 27. Decius: Heit, soan en pakesizzer hawwe alle trije yn de slach oan de goaden harren libben tasein, as Rome winne soe.
- Quintus Curtius: Romein, dy't mei hynder en al de bedelte ynsprong as in offer om syn heitelân te rêden.
- Sirenes: heal frou, heal fûgel, songen sa prachtich, dat de seelju op 'e rotsen rûnen mei harren skip.
- Democrites: de om minsken laitsjende filosoof.
- 29. Alcibiades: Figuer út Plato's gastmiel, dêr't er Socrates fer-geliket mei in kist, opsnolke mei Silenen (nuveraardige potse-makkers) mar mei in prachtich goadebyld as ynhâld.
- 30. Helicon: Berch yn Grikenlân, wenplak fan de Muzen.
- Tantalus: Kening fan Phrygië, dy't yn de ûnderwrâld as straf yn tunen ferbliuwe moast, dêr't it wetter werom rûn as er der fan drinkte woe, en de fruchten harren weromlutsen, as er der fan ite woe.
- Lynceus: man, dy't dwêrs troch de ierde hinne sjen koe.
- 31. Milete: Grykske stêd yn it tsjintwurdige Turkije. Neffens de leginde woene alle fankes harren dêr ynienen ophingje.
- Diogenes: 440 foar Kristus. Synysk wiisgear, libbe yn in tonne.
- Xenokrates: learling en opfolger fan Plato.
- Cato, Cassius, Brutus: sjoch 24.
- 32. Chaldeeën: Babyloaniërs, goed ûnderlein yn de stjerrekunde,

- letter in spotnamme foar stjerrewichelders en praatsjemakkers.
- Theutus: hat neffens Plato de minsken de wittenskip brocht.
 - 35. Paris: Soan fan Priamus, kening fan Troje. Hy hat Helena rôve, en dat wie de oanlieding foar de Trojaanske oarloch.
 - Ajax: grutte held út de Trojaanske oarloch.
 - Achilles: Gryk, ûnkwetsber, útsein syn hakke: Achillespees.
 - 36. Euripides: 481 - 406 foar Kristus. Gryksk trageedzjeskriuwer
 - 37. Elysyske fjilden: wenplak fan de silligen nei harren dea.
 - Sybille: profetes yn de heidske âldheid.
 - 38. Aeneas: held út Troje, stamheit fan de keizers, neffens Rome.
 - Atticus: Romein, freon fan Cicero.
 - Croesus: 600 foar Kristus. Kening fan Lydië, alderheislikste ryk.
 - 39. Penelope: frou fan Odysseus. Hat 35 jier trou op him wachte.
 - Malea: kaap oan de súdkust fan Grikelân.
 - 40. Polyphemus: Cycloop, ieneagige reus, mytologysk figuer.
 - Kristofoar: Hillige, kerstene Polyphemus, hat neffens de leginde Kristus oer in rivier droegen.
 - Barbara: Hillige, troch har heit om it leauwe deade.
 - Erasmus: Hillige út Syrië, patroan fan Erasmus sels.
 - Joris: Hillige, 303, soe in meunster deade hawwe.
 - Hercules: Grykske healgod, hat de Hydra, in meunster, deade.
 - Hippolytes: Hillige, 235 foar Kristus, yn Rome martele mei hynders, lyk as syn nammegenoot út de Grykske mythology.
 - Bernardus fan Clairvaux: Hillige, stoarn yn 1153. Neffens de leginde hie de duvel tsjin him sein, dat as immen sân ferzen út de psalmen alle dagen wer opsizze soe, dat er dan wis yn 'e himel kaam. Hokker ferzen wie him fergetten. Bernardus hat dêrom alle dagen alle psalmen opsein.
 - 42. Arcturus: Beareoppasser. Nei him is in stjer neamd.
 - Aeneas: held út Troje, stamheit fan de keizers neffens Rome.
 - Brutus: de hjir bedoelde Brutus hat yn 510 foar Kristus de lêste Romeinske kening ferdreaun, en de republyk Rome stifte.

- Nireus: de moaiste Gryk op Achilles nei.
- Euclides: Gryksk wiskundige, 300 foar Kristus.
- Hermogenes: ferneamd sjongmaster, komt foar by Horatius.
- 44. Horatius: 65 - 8 foar Kristus, Romeinsk skriuwer en dichter.
- 45. Akademia: de filosofyskoalle fan Plato.
- Appeles en Zeuxis: twa ferneamde Grykske skilders, 400 foar Kristus.
- De breid, lokkich mei de fâlske pearls, is de earste frou fan Thomas More. Hy hat itselde beskreaun yn de Utopia.
- Mycillus: Yn it ferhaal fan Lucianus ferwyt Mycillus de hoanne dat er him út de dream wekker makke hat.
- 46. Mars: de oarlochsgod.
- Vejovis: de wraakgod.
- Poena: de straffe.
- Ate: de ferblining, dy't ûngelok bringt. Sjoch ek 16.
- Furies: skrikgoadinnen fan wraak en needlot.
- Mercurius: de god fan de hannel.
- Neptunus: de god fan de see.
- 47. Diana: de goadinne fan de jacht.
- 48: St.Jacobus' grêf: yn Compostella, yn Noard Spanje.
- Menippus: figuer by Lucianus, dy't nei de moanne reizget.
- 49. Cumae: dêr waarden de minsken kjel makke troch in ezel, dy't him as in liuw foardie.
- Philaris: tyran, 600 foar Kristus.
- Dionysius: tyran op Sicilië, 400 foar Kristus.
- Palaemon: skriuwer fan de earste spraakkeunst, 110 foar Kristus.
- Donatus: skriuwer fan de earste skriftekennisse, 300 nei Kristus.
- Anchises: Heit fan Aeneas. Mocht de namme fan syn heit net neame.
- Bubsequam, bovinator, manculator: nonsenswurden dy't Erasmus sels makke hat.
- Aldus Manutius: printer yn Venetië. 1448 - 1504.

50. Herenius: skriuwer oer retoryk, 100 nei Kristus.
- Persius: rûnom freze kritikus út de âldheid.
 - Laelius: toanielkritikus, leit by Cicero op in minne mamme.
51. Sisyphus: moast yn de ûnderwrâld in stien tsjin de berch oprôlje, dy't altyd mar wer werom foel.
- Dodona: Dêr wie in orakel mei koperen bekkens.
 - Stentor: Gryk út de Trojaanske oarloch mei in geweldige stim.
52. Lynceus: koe troch de ierde hinne sjen.
53. Camarina: de stjonkdobbe fan Camarina waard dreechmakke tsjin it sin fan Apollo. Doe koe de stêd ynnommen wurde.
- Tenes fan Tenedos: Kapte de kabel fan syn heite' boat troch, om him kwyt te reitsjen.
 - Realisten, Nominalisten, Thomisten, Albertisten, Ockhammisten, Scotisten, teologen út de lette midsieuwen, dy't allegearre fan oare filosofyske grûnstellingen útgynge.
 - Chryssipus: 280 - 207 foar Kristus, de subtylste fan de Stoisijnen.
 - Hieronymus: Hillige, hat de bibel oersetten yn it Latyn.
 - Atlas: Healgod, draacht de hiele wrâld op de skouders.
 - Solon: wetjouwer yn Athene.
 - Tetragram: De trije letters fan de Godsnamme yn de Tenach.
 - Magister noster: ús learmaster.
54. Siciliaansk: hurde klean fan geitehier út Sicilië.
- Milesysk: treflike wolle út Milesië, midden Grikelân.
 - Abraxianen: De namme Abraxes, omsetten yn cifers, jout it getal 365. Safolle himels soene der wêze, neffens de Abraxianen. Hja komme ek yn de Utopia foar.
 - Bel: Persyske god, sjoch Daniël 14, Fryske Bibel 1978.
 - Niobe: Om har grutskens yn in stien feroare.
 - Priapus: ferjaget yn it ferhaal fan Horatius de twa heksen, Canidia en Sagana, troch in hurde skeet.
 - Chimaera: dreambylden.
 - Aphrodite: oare namme foar Venus, goadinne fan de leafde.

- Paulus en Antonius: Twa klúzners út de earste ieuwen.
- 56. Phaecianen: folk dat inkeld op genietsjen út wie.
- Penelope: sjoch 39.
- 61. Rhamus, ek Nemesis neamd, goadinne fan de wraak, letter mei Fortuna lyksteld.
- Timotheus: Gryksk generaal, 300 foar Kristus.
- Sejanus: Hy hie in hynder stellen dat him ûngelok brocht.
- Toulouse: Dêr brocht stellen goud ûngelok oan.
- 64. Bartholemeus: In Apostel, dy't martele wêze soe troch him syn hûd ôf te strûpen. Erasmus wiist op de ûnsin, troch dêr Habakuk 3, 17 by oan te heljen.
- 65. Chrysippus en Didymus: twa skriuwers út de âldheid, dy't in grutte mannichte boeken (700 en 3500) skreaun hawwe.
- Origines: Tsjerklik skriuwer en marteler, 185 - 254.
- Brutus en Cassius: anti Caesar, Antonius: pro Caesar.
- Seneca: learmaster fan Nero, moast himsels op Nero syn hjitten deadzje.
- Dionysios: jonge foarst, dy't yn it begjin mei de stipe fan Plato in ideale steat stiftsje woe. Letter waard er in tyran.
- Bernardus fan Clairvaux hellet Jesaja 14, 12 oan, dêr't Lucifer it haad fan de fallen ingels neamd wurdt.
- 66. Deselde Bernardus (sjoch 40 en 65) soe ek ris de oalje út in lampe opdronken hawwe, wylst er tocht dat it wyn wie. Sa'n Sasear gie er op yn bidden en neitinken.

